GENEALOGYSK JIERBOEKJE 1986

Nr. 662

ûnder redaksje fan
Ype Brouwers, Reid van der Ley,
Douwe J. van der Meer, Tjeerd G. Nijboer
en Hein Walsweer

yllustrator en heraldysk meiwurker: Piet Bultsma

De ôfdieling fan de
FRYSKE RIE FOAR HERALDYK
stiet op harsels en falt
bûten ferantwurdlikens fan
de redaksje

Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy
Ljouwert, 1986

Wumkes.nl

© Fryske Akademy - Ljouwert/Leeuwarden

CIP-GEGEVENS KONINKLIJKE BIBLIOTHEEK, DEN HAAG

Genealogysk

Genealogysk jierboekje / ûnder redaksje fan Y. Brouwers... (et al.); yllustrator en heraldysk meiwurker: Piet Bultsma. – Ljouwert (Leeuwarden): Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy. – I11. –
(Fryske Akademy; nr. 662)
ISBN 90-6171-662-4
SISO 902.5 UDC 929.5 (492.71)
Trefw.: genealogie; Friesland.

Printe by Offsetprinterij ,,Fedde Dykstra B.V.'', Ljouwert.

Fan dit boek mei neat fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopiearjen, it meitsjen fan mikrofilm of op hokker oare wize dan ek, sûnder dat de útjouwer yn 't foar syn tastimming jûn hat.

Wumkes.nl

GENEALOGYSK WURKFERBAN FAN DE FRYSKE AKADEMY

FERSLACH OER IT JIER 1985/1986

Dit seizoen 1985/1986 hat tige drok west. Yn 'e hjerst fan 1985 hiene wy foar de twadde kear in Genealogyske Dei en yn 1986 waarden de feestlikheden fan ús 40-jierrich bestean op 16 oktober 1986 al taret. Mar dêr aanst mear oer.
Us seizoen begûn al op 1 juny 1985, want doe hat in ôffurdiging fan it Genealogysk Wurkferbân (Japke en Ype Brouwers en Reid van der Ley) nei Den Haach west fanwegen it 40-jierrich bestean fan it ,,Centraal Bureau voor Genealogie''. Foar de genealogyske merk dêr *hiene sy in diske meinommen mei foaral genealogyske útjeften fan de Fryske Akademy.* Dy dei is ridlik wat materiaal ferkocht en mear bekendheid jûn oan it Genealogysk Wurkferbân en de Fryske Akademy.
Foar syn grêfstienne-ûndersyk hat ús foarsitter, D.J. van der Meer, nei Longerhou west om de seis grêfstiennen, dy't dêr bleat kommen wiene, te beskriuwen. Doe't foar de pleatsing fan in koaroargel yn de Martini-tsjerke te Snits in part fan de flier yn de koer fan de tsjerke opnaam west hat, binne de stiennen dy't doe foar 't ljocht kamen, troch de direkteur fan it Skipfeartmuseum dêre, de hear S. ten Hoeve, beskreaun. Dat levere mear as 20 stiennen op (of parten dêrfan). Foar dat haastkerwei ús hertlike tank.
Us jierlikse reiske gyng dit jier op 24 augustus 1985 nei Aldegea (W) en Ysbrechtum. De beide tsjerken waarden besjoen en fierders koe Epema-state yn Ysbrechtum besjoen wurde. In âld-skriuwer fan it Genealogysk Wurkferbân en meiwurker fan it Frysk Museum, de hear M.R. Nauta, joech yn 'e mande mei behearder Lijzinga in beskriuwing fan Epema-state. Goed 50 leden hawwe dat reiske meimakke.
Op 14 septimber 1985 hiene wy earst in bestjoersferkiezing, want fanwegen syn sûnens moast de hear dr. J.A. Kuperus ophâlde mei syn bestjoerswurksumheden. Yn syn plak kaam mefr. A. Hartmans-Schipper fan Bûtenpost yn it bestjoer. Dêrnei hâlde D.J. van der Meer in lêzing oer Hoxwier by Mantgum. De opkomst wie net tige heech, want mar 35 leden hawwe dizze middei bywenne.
Op 12 oktober 1985 hiene wy in fragemiddei organisearre; 27 leden stjoerden fragen op nei mefr. Poelstra. Sy fersoarget de fragelist en ferarbeidet de fierdere korrespondinsje dêrfan. Der wiene 44 leden oanwêzich.
En dan waard der foar de twadde kear in Genealogyske Dei hâlden, op 9 novimber 1985 yn de útstallingsromten fan it Ryksargyf fan Fryslân te Ljouwert. Goed 350 minsken hawwe dy middei besocht, dy't ditkear troch de N.G.V.-ôfdieling Fryslân organisearre wie yn gearwurking mei de Freonerûnte en it Genealogysk Wurkferbân. Sokke dagen binne tige yn trek en sille dêrom grif ek om de twa jier hâlden wurde!
Oan alle leden fan it Wurkferbân waarden de grêfskriften fan De Gordyk tastjoerd. Spitigernôch waard de âlde tsjerke yn septimber 1985 ôfbrutsen en de sarken bliuwe dêr no sa keal lizzen. De hearen D.J. van der Meer en D. Atema hawwe op 15 oktober 1985 dy grêfsarken beskreaun. Ek de skriuwer hie in taheakke op dy gegevens, want yn 1982 waard in Gordykster grêfsark yn Snits fûn. Dy waard letter fia it Frysk Museum oerbrocht nei de Aldheidkeamer yn De Gordyk.
Op sneon 14 desimber 1985 kaam ús Genealogysk Jierboekje 1985 út. No binne wy sûnt 1977 wer by en dat hat in hiel kerwei west. Yn 1985 binne sels twa jierboekjes útkommen! In hertlik tankwurd oan de redaksje is hjir dan ek wol op syn plak. Der wiene op dy gearkomste 91 leden oanwêzich, in echte ,,topper''; de seal Grutte Wielen fan de Fryske Akademy siet

Wumkes.nl

dan ek grôtfol! Op 11 jannewaris 1986 waard in ekstra middei belein, want doe hâlde mefr. B.S. Hempenius-Van Dijk in lêzing oer: ,,Over de voogdij van minderjarige kinderen in Friesland". Der wiene 55 leden oanwêzich. Op 1 febrewaris 1986 waard de twadde fragemiddei hâlden. Der sieten 28 leden mei fragen en dy middei wiene 44 leden oanwêzich. Sneon 22 maart 1986 wie wijd oan trije lêzingen. De âld-skriuwer, A. de Vries, spruts oer: ,,Biningen mei de Frjentsjerter Akademy", bestjoerslid Reid van der Ley oer: ,,Eastermarder famyljes" en ta beslút hat ús foarsitter, D.J. van der Meer, in lêzing hâlden oer: ,,In bysûndere grêfstien yn Easterein"; dy middeis wiene 51 leden oanwêzich. By de stikken foar dy gearkomste waarden de grêfskriften fan Snits en Longerhou meistjoerd.
It seizoen 1985/1986 waard besletten mei in heraldyske middei op 26 april 1986. Alle 18 doarpen fan it nije Boarnsterhim hawwe sûnt koart in wapen. De hear A.B. Dull tot Backenhagen fertelde wat oer dy doarpswapens en ús foarsitter wie oansteld as wapendrager. Hy liet oan it bywêzige folk de wapens sjen, dy't foar dizze gelegenheid yn it grut tekene wiene. Dy wapens binne opnommen yn dit Genealogysk Jierboekje. Oan 'e ein fan de middei waard noch in koarte fragegearkomste hâlden; 23 leden stelden fragen en der wiene 50 leden oanwêzich op dizze fleurige heraldyske middei.
It Genealogysk Wurkferbân bestiet op 16 oktober 1986 40 jier. Nei oanlieding dêrfan wurde yn 1986 acht jûnen belein yn de provinsje Fryslân mei as tema: ,,De skiednis giet troch eigen doarp en streek". Op 15 jannewaris, 6 febrewaris en 24 maart 1986 kaam in kommisje, besteande út de beide direkteuren fan de Fryske Akademy (M. Bosma en dr. L.G. Jansma), drs. J.A. Mol, meiwurker Fryske Akademy, en D.J. van der Meer en Kl.J. Bekkema, resp. foarsitter en skriuwer fan it Genealogysk Wurkferbân, gear. Dy hat dizze feestlikheden taret en wy binne op 15 april 1986 begûn yn Grou. Alle jûnen wurde ynlaat mei in praatsje oer de wurksumheden fan de Fryske Akademy. Dat barde yn Grou troch de hear M. Bosma, saaklik direkteur fan de Fryske Akademy. Dêrnei hâlde Y. Sytema in lêzing oer de famylje Sytema en D. Atema spruts oer de fearskipperij yn Grou. Op 29 april 1986 wiene wy yn Rinsumageast. Dr. L.G. Jansma, wittenskiplik direkteur fan de Fryske Akademy, hâlde in koarte ynlieding oer de wurksumheden fan de Fryske Akademy. Dêrnei spruts drs. J.A. Mol oer it kleaster Klaarkamp. En ta beslút fan de jûn hâlde de hear M. Koopmans (in âld bestjoerslid fan ús wurkferbân) in lêzing oer de famylje (Van) Viersen. Ut de gearkomste kaam in fersyk oan de skriuwer (Kl.J. Bekkema) om in ferslach te meitsjen foar de Kollumer Krante. Dat waard in grut ferslach en it is op 5 maaie 1986 yn dy krante ôfprinte.
Ta beslút fan dit ferslachjier kamen wy op 27 maaie 1986 noch gear yn Holwert. Ek ditkear hâlde dr. L.G. Jansma in ynlieding oer de wurksumheden fan de Fryske Akademy. Dêrnei spruts de hear D.J. van der Meer oer Hania-state yn Holwert en de hear G. Jensma oer de famylje Jensma. Der sille noch fiif fan sokke jûnen folgje (sjoch ,,Ut de Smidte" fan maart 1986). Alle jûnen waarden drok besocht. Sa't wy wend binne fan de Genealogyske Dagen wie der eltse jûn in boeketafel fan de Fryske Akademy oanwêzich. Mefr. G. Veninga fersoarge dy, tige tank dêrfoar.
It bestjoer kaam wer geregeld byinoar en de skriuwer is op dit stuit dwaande om in lyts boekje oer it 40-jierrich bestean gear te stallen. Ferline jier rûn ús ledebestân werom, mar it is no wer tige tanommen, wy telle no sa'n 485 leden! Sa moat it ek trochgean mei it grutste wurkferbân fan de Fryske Akademy. Wy wolle eltsenien fan herten tank sizze foar harren meiwurking. Hoe't it fierder gien is mei ús 40-jierrich bestean sille wy grif lêze kinne yn it ferslach oer 1986/1987.

Kl.J. Bekkema

Wumkes.nl

BEPPE VROUKJE HAR FOARALDEN

OANRIN

Dit is in earste ferfolch op de genealogy Van der Land yn it jierboekje fan 1980 (side 5 e.f.). Vroukje Sjoerds van der Wal is dêr te finen op side 43 as frou fan nr. 12, Sierk Hendriks van der Land.
Beppe Vroukje hat nea beppe west. Hja stoar, 45 jier âld, yn in tyfusgoarre, doe't har âldste famke hast santjin wie en har jongste famke krekt seis. Pake Sierk is ek net âld wurden, mar 54 jier. Myn frou hat dizze pake en beppe net kennen, mar ek net dy fan heitekant. Hja en ik binne dan tige ryk, as wy libje meie tusken njoggen bernsbern, fan wa't ek de oare pakes en beppes meast noch libje. Ek foar harren in rykdom.

Drachten — Auke de Vries

OERSJOCH

Lykas yn 1980 begjin ik mei in oersjoch fan de famyljes yn de foarm fan in ferkoarte kertiersteat. Rjochts is de letter oanjûn fan de stamrige dêr 't hja yn foarkomme. Dy stamrigen rinne fan de âlderen nei de jongeren.

		Stamrige
1.	Vroukje Sjoerds van der Wal	A
2/3.	Sjoerd Klazes van der Wal x Geeltje Tjeerds van Dijk	A
4/5.	Klaas Sjoerds van der Wal x Anskje Willems Hooghiemstra	A
6/7.	Tjeerd Feijes van Dijk x Vroukje Binnes Vriesema	B
8/9.	Sjoerd Klazes van der Wal x Minke Aukes Bosma	A
10/11.	Willem Oenes x Antje Hendriks	C
12/13.	Feije Tjeerds van Dijk x Froukjen Gosses	B
14/15.	Binne Popkes Vriesema x Geeltje Hendriks (Brouwer)	D
16/17.	Klaas Sjoerds x Antje Gerrits	A
18/19.	Auke Jacobs x Grietje Feijes	E
20/21.	Oene Douwes x Ansck Kerstes	C
22/23.	Hendrik Jelles x Janke Jans	F
24/25.	Tjeerd Feijes x Baukje Gerbens	B
26/27.	Gosse Jelkes x Wytske Ales	G
28/29.	Popke Martens x Froukje Binnes	D
30/31.	Hendrik Sytzes (Brouwer) x Joukjen Rinzes (Brouwer)	H
32/33.	Sjoerd Klazes x Fopkien Aukes	A
34/35.	Gerryt Jouwerts x Antie Tjallings	I
36/37.	Jacob Aukes x Klaaske Jans	E
38/39.	= 48/49.	B
40/41.	Douwe Oenes x Atje Ales	C
44.	Jelle Hendriks	F
48/49.	Feije Minnes x Jancke Tjeerds	B
52/53.	Jelke Gosses x Antje Jentjes	G

Wumkes.nl

		Stamrige
56.	Marten Popkes	D
60/61.	Sytze Mients x Aaltie Meines	H
68/69.	Jouwert Harmens x Sibrig Bienses	I
80/81.	Oene Gerbens x Tytie Willems	C
96/97.	Minne Feijes x Kins Romckes	B
104/105.	Gosse Meints x Wyts Jelckes	G
112/113.	Popke Bartels x Wytske Martens	D
120/121.	Mient Egberts x Hylck(ien) Hendriks	H
136/137.	Harmen Gerrits x Aeltie Jouwerts	I
160/161.	Gerben Oenes x Wyts Riemers	C
192/193.	Feije Jelles x Fopk Fopkes	B
208/209.	Meint Jans x Iebbel Gosses	G
224/225.	Bartel Popkes x Trintie Jans	D
240/241.	Egbert Mients x Bau(ckje) Johannes	H
320/321.	Oene Doedes x Bets Douwedr	C
384/385.	Jelle Nittes x Lysbeth Adzers	B
416.	Jan Drieuwes	G
448/449.	Popke Bartels x Tial Auckedr	D
480/481.	Mient Egberts x Aeltje Gabedr	H
640.	Doede Oenes	C
768/769.	Nitte Louwerens x Tyets Sybedr	B
832.	Draevis Meints	G
896/897.	Bartel Jans x Gees Popckes	D
960/961.	Egbert Egberts x Willemke Mients	H

STAMRIGE A

64. *Claes*

Yn 1667[1] wennet te Feanwâlden in Claes Sjoerds, soan fan Sioerd Foockes en Sibbel Sygers, yn libben op de Wâl ûnder Feanwâlden. Hy wurdt dan neamd mei syn bruorren en susters. Op 1 febrewaris 1666[2] is hy noch net foljierrich, want syn âldste broer Pope is dan fâd oer him.

Dizze Claes Sjoerds kin net deselde wêze as de Claes Sioerts, dy't yn 1664[3] neamd wurdt as kurator oer de bern fan Harmen Idses en Antie Tiaerts, want dy is as kurator fansels foljierrich.

Op 12 oktober 1723[4] wurdt troch in Claes Sioerds cum uxore te Burgum de ferkeap fan in hûs te Feanwâlden proklamearre.

In Claas Sipkes, fan Burgum, giet dêre op 12 july 1704 yn ûndertrou mei Aukjen Sjoerds. In ferbân mei Sjoerd Klazes, dy't folget, koe oant no ta net lein wurde.

32/33. *Sjoerd Klazes tr. Fopkien Aukes*

Op 15 febrewaris 1727 gongen hja te Burgum yn ûndertrou, beide fan Burgum. Hja wie in dochter fan Auke Jochems en Jetske Jelles te Burgum.

Op 7 desimber 1727 wurdt harren dochter Sytske te Burgum doopt. Op 16 febrewaris 1747[5] wurdt Sjoerd Klazes, húsman te Droegeham, neamd as heit en foarstanner fan syn soan

Wumkes.nl

Klaas Sjoerds, by syn ferstoarne frou Fopkien Aukes, ab intestato (dat is sûnder testamint) iennige erfgenamt fan syn ferstoarne beppe Jetske Jelles, yn libben húsfrou fan Auke Jochems te Burgum, yn in kwesje mei (pake) Auke Jochems, húsman te Burgum. It giet boppedat om de neilittenskip fan de ferstoarne omke/soan Jochum Aukes. Roel Jochums en Luitje Jelles, beide âldomkes, binne tuskensprekkers. Allinne de soan Klaas, fan wa't gjin doop fûn is, wurdt neamd, sadat wy oannimme moatte, dat de dochter Sytske dan al wei is.
Op it stimkohier Droegeham 8 – in sate fan 40 pûnsmiet mei hûs en skuorre – komt Sjoerd Klazes yn 1738, 1748 en 1758 foar as brûker. Op it reëelkohier Droegeham 9 – in sate lân mei in hier fan 160 gûne – komt Sjoerd Klazes yn 1746 as brûker foar; ek noch yn 1754, mar yn 1766 net mear.
Op it quotisaasjekohier fan 1749 komt hy foar as in ,,meyerboer'' te Droegeham mei in húshâlding fan trije persoanen boppe de 12 jier, en twa ûnder dy leeftiid. De trije persoanen boppe de 12 jier sille wêze de man, syn twadde frou Antje Jans, en de foarsoan Klaas. Antje Jans wie op 9 jannewaris 1707 te Mearum doopt as dochter fan Jan Gaukes en Jantje Jans (stamâlden fan de famylje Muntstra). Ut it twadde houlik binne fiif bern bekend, allegearre te Droegeham doopt, ntl. Jan, op 6 jannewaris 1737, âld goed 4 wike; Leentje, op 30 maart 1738; in Jan, berne 30 july 1742; wer in Jan, berne 14 desimber 1743; en in Sipke, berne 8 juny 1747. Twa Jannen sille ferstoarn wêze, de tredde haw ik werom fûn. Wa't fan dy beide, Leentje of Sipke, ferstoarn is, bin ik net gewaar wurden.
Yn it stjerboek fan de grifformearde tsjerke fan Droegeham fûn ik, dat op 8 jannewaris 1755 dêr ferstoar Geert Eissessn Wijma, frij feint, neef fan Sjoerd Klazes, húsman te Droegeham, en by dy oan hûs ferstoarn, sawat 24 jier âld. Dizze Geert wie in soan fan Eise Hendriks Wijma en Imke Jans[6]. Syn mem wie in suster fan Antje Jans.
Antje Jans komt as widdo foar op de ledelist fan Burgum fan 1761; ek noch op dy fan 1772; hja ferstoar te Aldtsjerk op 23 septimber 1775. Dêr sil wol ien fan de bern wenne ha.
Op 6 maaie 1788[7] is der ynventarisaasje nei it ferstjerren fan de widdo fan de soan Klaas Sjoerds te Feanwâlden; dêrby is sprake fan in obligaasje ta lêst fan de widdo Sjoerd Klazes te Burgum. Op it floreenkohier fan Hurdegaryp fan 1778 komt ûnder nr. 1 foar as brûkster fan in pleats fan 125 pûnsmiet de widdo Sjoerd Klazes. Yn 1788 wurdt hja op 'e nij neamd, mar yn 1798 is har soan Jan Sjoerds brûker. Hjir sjogge wy wer, dat de tenammestelling net alhiel kloppet mei de werklikheid. Dat sil wol ferbân hâlde mei it feit, dat Jan Sjoerds fan Gaastmabuorren pas op 13 juny 1779 te Burgum troude mei Tyttie Melles, fan Burgum.
Harren dochter Antje, berne 12 maart 1780 op Gaastmabuorren ûnder Hurdegaryp, mar doopt te Burgum, troude op 15 maart 1813 yn de mairie Burgum foar de twadde kear. By de houliksbylagen is in stik, dat oanjout dat har heit Jan Sjoerds op 4 septimber 1806, 61 jier âld, te Hurdegaryp ferstoarn is.
Op 10 oktober 1839 stoar te Feanwâlden Tytje Melles, âld 82 jier, berne en wenjend te Feanwâlden, widdo fan Jan Sjoerds van den Berg – dy skaainamme fûn ik mar ien kear –, dochter fan Melle Gerbens (Bouwema) en Minke Eelkes. In doop fan har ha 'k net fûn te Feanwâlden en Burgum; mar hja komt ek net foar op de ledelist fan 1835 fan de minniste gemeente fan Feanwâlden. Hja wie fan heitekant in bernsbern fan Gerben Bouwes en Tietje Melles, dy't yn de kertiersteat ûnder de nûmers 50/51 foarkomme.
Noch efkes de bern wer koartwei neamd: *Sytske*, jong ferstoarn, *Klaas*, dy't folget as nr. 16, twa *Jannen*, dy't jong ferstoarn binne, *Leentje* en *Sipke*, dy't ik net werfûn ha, en *Jan*, oer hwa't hjirboppe skreaun is.

Wumkes.nl

16/17. *Klaas Sjoerds tr. Antje Gerrits*
Hja trouden 21 april 1753 te Burgum, hy om 1729 hinne berne te Burgum as soan fan Sjoerd Klazes en Fopkien Aukes, hja yn 1724/1725 berne te Feanwâlden as dochter fan Gerryt Jouwerts en Antie Tjallings. Hy sil boer west ha.
Yn 1758 is hy eigner fan floreennûmer Burgum 4; dat nûmer stie yn 1748 noch op de namme fan syn pake fan memmekant Auke Jochums. Yn de jierren 1758, 1768, 1778 en 1788 is hy brûker fan floreennûmer Feanwâlden 33, grut 40 pûnsmiet, eigen oan de erven fan skoanheit Gerrit Jouwerts. Yn 1798 binne eigners en brûkers de bern fan Klaas Sjoerds. Dy bern binne yn 1788 ek eigners en brûkers fan 3½ pûnsmiet fan nr. 32, earder elk om de helte eigendom fan Harmen en Gerryt Jouwerts. Yn 1798 binne hja dit noch.
Op it personiel kohier fan Dantumadiel komt Klaas Sjoerds ûnder Feanwâlden yn 1768 foar mei in kaptaal fan himsels fan 820 gûne, ferhege mei 500 gûne fan syn frou as erfgenamt fan Gerrit Jouwerts, meiïnoar 1320 gûne. Yn 1774 wurdt dat: Claes Sjoerds cum uxore 1500 gûne. Yn 1776 wurdt it widdo Klaas Sjoerds. Yn 1788 wurdt dat Klaas Sjoerds widdo en erven. En dat bliuwt sa oant 1793, al is de widdo yn 1788 al wei. Want op 6 maaie 1788[8] is der ynventarisaasje yn it stjerhûs fan Antje Gerrits, widdo Claas Sjoerds, te Feanwâlden, op fersyk fan de bern Gerrit en Sjoerd Claases, mearderjierrige frijfeinten – Sjoerd troude twa moanne letter – en de kurators oer har suster Antje. Dy kurators wiene Johannes Cornelis, húsman ûnder Burgum, en Egbert Eelkes, húsman ûnder Feanwâlden. As fêstichheden wurde neamd: in hûs mei sa'n 24 pûnsmiet lân ûnder Feanwâlden, en in hûs mei hovinge ûnder Burgum mei sa'n 25 pûnsmiet lân.
Dat lêste hûs is it boppe al neamde floreennûmer Burgum 4, op 23 jannewaris 1750 troch pake Auke Jochums kocht. Op it reëelkohier fan 1752 is dat nr. 360.
Der is sprake fan in ,,profijtelijke staat tegoed" oan de erven Johannes Martens, en in tegoed oan Sjoerd Tjeerds c.s. fan 130 karoligûne. Johannes Martens hie 20 maaie 1787 te Feanwâlden de dochter Fopkje troud. Mooglik hat hy earder troud west.
Op 13 maaie 1765[9] lienden de echtelju 400 karoligûne fan Wouter Sjoerds en Grietje Sjoerds te Burgum, nei myn betinken gjin famylje.
Der wiene fjouwer bern. *Sjoerd*, folget as nûmer 8; *Gerrit*, yn 1788 neamd as frijfeint, berne lykas syn broer Sjoerd om 1755/1756 hinne, troude 26 maaie 1776 mei syn nicht Antje Jouwerts, dochter fan Jouwert Gerrits en Wytske Wybes. *Antje* kin de Antje Klazes wêze, dy't 18 juny 1786 te Feanwâlden trout mei in Teke Minnes; *Fopkjen* wie, lykas boppe skreaun, yn 1788 al wei.

8/9. *Sjoerd Klazes van der Wal tr. Minke Aukes Bosma*
Hja trouden 6 july 1788 te Feanwâlden, beide dêr wenjend. Hy sil yn de jierren 1755/1756 berne wêze te Burgum as soan fan Klaas Sjoerds en Antje Gerrits. Hja is yn 1762 te Burgum berne as dochter fan Auke Jacobs en Grietje Feijes. Dopen binne net fûn, omdat hja minnist wiene; dy gegevens komme út de stjerakten.
Hy wie húsman te Burgum. Fan him is bekend, dat hy yn 1795 lid fan de tsjerkerie fan de minniste gemeente fan Feanwâlden wie, en yn de jierren 1811, 1816 en 1820 boekhâlder.
Hy ferstoar 6 juny 1837 te Burgum; hja op 14 novimber 1820 dêr. Hy naam de skaainamme Van der Wal oan; dy namme sil slaan op de Feanwâldsterwâl, dêr't de famylje wenne. Har skaainamme Bosma liket op de skaainamme Boskma(n) fan har broer Feije.
By it oannimmen fan de skaainamme wurde der trije bern neamd: Klaas, Antje en Auke. *Klaas* folget ûnder nr. 4.

Wumkes.nl

Antje waard neffens in akte fan bekendheid begjin maart 1791 te Feanwâlden berne; hja troude 16 maaie 1818 yn de gemeente Tytsjerksteradiel mei Teunis Klazes Veenstra, berne te Feanwâlden, doe 24 jier âld, skipper te Hurdegaryp, soan fan Klaas Teunis, feanbaas, en fan Trijntje Doedes Postma, echtelju te Hurdegaryp; tsjûgen binne Jelle Teunis Veenstra, har omke, en Klaas Sjoerds van der Wal, har broer.
Auke waard neffens in akte fan bekendheid berne yn de jierren 1798/1799 ûnder Burgum; hy troude 26 july 1825 yn de gemeente Tytsjerksteradiel mei Tjettje Uilkes van der Wal, berne neffens in akte fan bekendheid ûnder Burgum, âld 27 jier, sûnt maaie te Burgum, earder te Feanwâlden, dochter fan Uilke Alles, kastlein, en fan Martzen Pieters, echtelju te Feanwâlden. Auke waard 10 maaie 1833 doopt yn de minniste gemeente fan Feanwâlden, en ferstoar 12 maaie 1848.

4/5. *Klaas Sjoerds van der Wal tr. Anskje Willems Hooghiemstra*
Hja trouden 9 maaie 1812 yn de mairie Burgum. Hy wie berne yn juny 1789 te Feanwâlden. It lidmateboek fan de minniste gemeente fan Feanwâlden skriuwt, dat hy 46 jier âld wie, doe't er op 10 maaie 1833 doopt en lidmaat fan dy gemeente waard. Dan soe hy fan 1786/1787 wêze.
De frou waard yn maart 1791 te Tytsjerk berne as dochter fan Willem Oenes en Antje Hendriks. Sy wie ek minnist.
Hy wie bouboer te Burgum. Op de floreenkohieren fan 1818 oant en mei 1858 ha ik him lykwols net fûn.
Op 1 jannewaris 1834 waard hy diaken fan de minniste gemeente fan Feanwâlden.
De frou ferstoar op 19 febrewaris 1832 te Burgum; de man oerlibbe har 33 jier en rekke op 12 april 1865 te Burgum wei.
Hja hiene mar ien bern, de no ûnder 2 folgjende soan Sjoerd.

2/3. *Sjoerd Klazes van der Wal tr. Geeltje Tjeerds van Dijk*
Hja trouden 24 desimber 1838 yn Tytsjerksteradiel. Hy wie berne 3 desimber 1813 te Burgum, hja wie dêr berne 5 augustus 1819 as dochter fan Tjeerd Feijes van Dijk en Vroukjen Binnes Vriesema. De man wie yn de jierren 1839 oant 1847 by de oanjeften fan de bern arbeider te Burgum; yn akten fan 1851, 1864 en 1882 winkelman, en fan 1866, 1869 en 1886 bouboer (as ik „landbouwer" sa oersette mei).
De frou ferstoar 14 septimber 1849 te Burgum. Op 10 febrewaris 1851 troude de man yn Tytsjerksteradiel op 'e nij mei Wiepkje Jelles van der Meulen, berne 30 novimber 1820 te Feanwâlden as dochter fan Jelle Wybrens van der Meulen en fan Janke Harmens Feenstra, yn 1851 winkelierske te Burgum. Hja wie widdo fan Pieter Hattums Kuipers. Bern út dit twadde houlik ha ik net fûn. De man ferstoar 24 desimber 1886 te Burgum.
Sjoerd Klazes van der Wal wie 6 juny 1837 doopt yn de minniste gemeente fan Feanwâlden. Oft de frou, dy't fan grifformearde komôf wie, ek minnist wie, ha ik net fûn. Hja komt net foar yn de lidmateboeken fan grifformeard Burgum en minniste Feanwâlden.
Ut it earste houlik wiene der fiif bern: Anskje, Vroukje, Klaas, Willemke en Tjeerd.
Anskje wie berne 18 maart 1839 te Burgum; hja troude 19 maaie 1864 yn Dantumadiel mei Sytze Wytzes van den Berg, doe 29 jier âld, berne te Feanwâlden, deihierarbeider dêre, soan fan Wytze Wybes en Trijntje Alberts Bosgraaf, bouboeren te Feanwâlden.
Vroukje foarmet it útgongspunt fan dit ferhaal. Hja waard berne 28 desimber 1840 te Burgum. Hja troude 23 juny 1866 yn de gemeente Kollumerlân mei Sierk Hendriks van der

Wumkes.nl

Land, berne 25 febrewaris 1840 te Kollumersweach. Hja binne pake en beppe fan myn frou.
Klaas wie berne 19 novimber 1842 op Burgumerheide (no Noardburgum). Hy troude 4 maart 1882 yn Tytsjerksteradiel mei Grietje Harkes Sipkens, doe 35 jier âld, berne en wenjend te Eastermar, dochter fan Harke Willems en Trijntje Magchiels Kuipers, beide doe ferstoarn.
Willemke wie berne 12 maart 1845 te Burgum; hja troude 15 maaie 1869 yn Tytsjerksteradiel mei Theunis Gerrits de Vries, berne 31 desimber 1842 te Burgum, fan in boerebedriuw, wenjende te Burgum, soan fan Gerrit Jitzes en Trijntje Teunis Veenstra, bouboeren te Burgum. Theunis en Willemke binne de pake en beppe fan de skriuwer Theunis Uilke (Sjoerds) de Vries. Yn de ,,Namen in de boom'' skriuwt de pakesizzer hoe't beppe pake, dan wol pake beppe – hja wiene it der lang net oer iens – nei in besyk oan bern yn Amerika, kwytrekke yn New York (side 189). Syn boek *Ketters* hat hy opdroegen oan dizze pake en beppe en syn oare pake en beppe Uilke Reitzes Dijkstra en Martzen Alles van der Wal, as neitins oan harren dopersk wêzen.
Tjeerd, berne 2 febrewaris 1847 te Burgum, wie net alhiel goed by de holle en ferstoar yn in ynrjochting te Zutphen.

NOATEN

1 RA DAN I12, 65. **2** RA DAN I11 280. **3** idem 140. **4** RA DAN K9. **5** RA TIE M16. **6** Ryksargyf Grins RA LXXI a 9, 14 des. 1744. **7** RA DAN N2. **8** RA DAN N20. **9** RA DAN N15 159.

STAMRIGE B

1536. *Louwerens*
Oer de soannen *Nitte* en *Romcke* en de mooglike bern *Gerrijt* en *Nees* ha ik skreaun yn it Genealogysk Jierboekje fan 1980, side 9.

768/769. *Nitte Louwerens tr. Tyets Sybedr*
Krekt as by syn heit mei earst ferwiisd wurde nei it Jierboekje fan 1980.
Nitte Louwerens wie troud mei Tyets Sybedr, widdo fan Haye Feijes. Op 27 jannewaris 1581[1] wurdt Haye Feijes neamd as brûker fan pastorijlannen; hy hiert 15 pûnsmiet mieden jiar 15 goudgûne, rinte 2 fl., en moat fierders 26½ goudgûne ,,na luit syn breff'' betelje. Op 10 febrewaris 1590[2] is der sprake fan it opsizzen fan 7 pûnsmiet lân troch de styfsoan Feije Hayes. Op 7 april 1590[3] wurdt Feije Hayes lânhearre neamd. Op 20 febrewaris 1598[4] ferspiert Nitte Lauwerens as foarmond oer Romcke Laurens wesen de ferkeap fan lân te Driezum. Op 27 maart 1599[5] ferwannelt Nitte Lauwerens lân yn Idamasate by Driezumersyl. Op 24 septimber 1599[6] is hy as foarmond oer de weesbern fan Romcke Lourens, syn ferstoarne broer, fan doel lân te ferkeapjen, ek yn Idama. Op 13 oktober 1599[7] wurdt er noch ris neamd as fâd oer it weesbern fan Romcke Laurens. Op 16 novimber 1652[8] wurde, as Jelle Nittes wei is, neamd 3½ roeden, yn 'e mande mei Haije Nittes, elk foar de helte.
De soan *Jelle* folget ûnder nr. 384.
De soan *Haije* keapet op 6 novimber 1615[9] mei syn broer leien. Hy wurdt op 12 desimber 1615[10] neamd mei syn frou Taets Yeltsdr. Op 5 novimber 1619[11] is Taets Jellesdr, widdo fan Haije Nittes, jild skuldich oan Nitte Louwerens en Tryn Jansdr te Aldtsjerk.
De styfsoan (mr.) Feije Hayes wie 26 augustus 1623[12] chirurgijn te Kollum.

Wumkes.nl

384/385. *Jelle Nittes tr. Lysbeth Adzers*
Lysbeth Adzers wie syn earste frou. Hja wie wei op 1 oktober 1635, want op 16 novimber 1652[13] stiet beskreaun, dat Trin Jelles, húsfrou fan Eebe Hibbes, op 1 oktober 1635 har ,,moederlijke goederen" krige.
De twadde frou Reinsck of Rins Tiaerds, dêr't ik fierder neat fan wit, waard foar it earst neamd op 3 novimber 1650[14]. Hja wennen op de ,,Swaege Westeinde".
Op 29 jannewaris 1599[15] keapje Jelle Nittes en Lysbeth Adzers, echtelju, in hûs op de Westerein. Op 18 oktober 1602[16] keapet it echtpear fean en leien yn Driezumerhamrik fan Alle Adzers, nei alle gedachten har broer. Oant 1621[17] keapje en ferkeapje Jelle en Lysbeth gauris lân.
Op 5 maaie 1629[18] prosedearret Jelle Nittes mei in Metske Tieerts; partijen moatte bewizen oerlizze.
Op 10 maaie 1636[19], sa docht bliken, is de dochter Antie, frou fan Lambert Sytses op de Westerein, ferstoarn. Hja hat in jonkje Sytse, dy't 14 dagen nei Krysttiid fan it jier dêrfoar 3 jier âld wie, dêr't de pake Jelle Nittes kurator oer wurdt. Wy fine hjir it hânmerk fan Jelle Nittes:
Op 8 novimber 1641[20] ferkeapje Jelle Nittes en (syn skoansoan) Lambert Sytses foar syn soan Sytse by Antie Jelles 6 roeden Swaachster wite feanen, oan Hercke en Swetse Adserts, bruorren op 'e Kûkherne. Mooglik wiene Hercke en Swetse ek broers fan Lysbeth Adzers.
Op 3 novimber 1650[21] ferkeapje de echtelju Jelle Nittes en Reynsck Tiaerds op de Swage.
Op 16 novimber 1652[22] is der yn it stjerhûs fan de man ynventaris opmakke; der is sprake fan in hûs, hiem, bou, leien en finlân. Ek fan de gerjochte helte fan 3½ pûnsmiet, mandélich mei Haije Nittes. Op 17 jannewaris 1653[23] wurde der trije ferkeapen registrearre; ien fan de al ferstoarne Jelle Nittes; ien fan Jelle Nittes as momber oer Antie, weesbern fan silger Tietse Hendrix; en ien fan Jelle Nittes mei syn soan Adser Jelles.
Ek op 19 novimber 1653[24] trije akten: ien ynhâldend dat Adser Jelles keapet fan de oare erfgenamten; ien dat Adser en syn broer Feije en syn sweager Gabe Tiaerds keapje fan de oare erfgenamten; en ien dat Feije Jelles soks docht.
Op 11 oktober 1654[25] sil Adser Jelles as kurator oer syn healsuster, famke út it twadde houlik fan syn heit, in hûs op de Westerein ferkeapje, dat troch de widdo ûntromme is, mei seis ikker boulân. Op 22 maaie 1655[26] ferkeapet Feije Jelles op de Westerein as erfgenamt fan Jelle Nittes 1/5 part fan 2 mad mieden op Swagermieden; ek Adser Jelles ferkeapet 2/5 part, dêrûnder 1/5 part fan syn suster Mary (May); dat lân hiene hja fan harren âlden erfd.
Op 24 septimber 1661[27] wurdt pake Jelle Nittes noch neamd yn it stjerhûs fan de dochter Doed Jelles, troud oan Gabe Tiaerds.
De bern út it earste houlik wiene *Trin*, Adser, Feije, *Doed*, Marij en *Antie*; it bern út it twadde houlik wie Frouk.
Adser wie troud oan in Hylck of Uylck Hessels. Hja wennen op Kollumersweach en de Westerein. *Feije* komt hjirnei ûnder nr. 192. *Marij* wie troud mei in Willem Hendrix; oer *Frouk* is my fierder neat bekend.

192/193. *Feije Jelles tr. Fopk Fopkes*
Hja wiene op 3 oktober 1639[28] al troud, wannear't beskreaun wurdt dat hja 25 karoligûne skuldich binne. Op 28 juny 1656[29] keapje de echtelju 2 partij leien op de Swage; op 9 desimber 1657[30] komt hja as widdo foar, as hja konsint jout oan har soan Harmen Feijes Hamerslag te Kollumersweach Westerein om ien en oar te keapjen.

Wumkes.nl

Op 6 novimber 1658[31] is hja op 'e nij troud mei in Lammert Tabes; hja wennet dan op de Swage. Kurator oer de fiif bern is dan Adser Jelles, broer fan de ferstoarne heit. Op 9 novimber 1662[32] ferkeapje Lammert Tabes en Fopk Fopkes, echtelju, mei de soan Harmen Feijes, frijfeint. Op 28 april 1665[33] is de twadde man ek wei, en dan ferkeapje de widdo en syn erfgenamten. Op 4 febrewaris 1666[34] keapet Fopk Fopkes op de Westerein in hûs c.a. fan de erven fan Adser Jelles.
De fiif bern wiene Harmen, Minne, Lisbet, Eets en Jelle.
Harmen is hjirboppe al neamd, ien kear mei de skaainamme Hamerslag. Hy komt yn 1670 en 1680[35] foar as kurator. *Minne* folget ûnder nr. 96.
Lisbet wie troud mei Tiaardt Gabes, dy't op 11 july 1702[36] foarkomt as foarstanner fan de earmen fan de minniste gemeente fan Kollumersweach. Fan *Eets* ken ik allinne de namme.
Jelle wie troud mei in Antje Hendriks; hja wurde yn de jierren 1683 en 1686[37] neamd te Kollumersweach, as hja keapje fan syn broer Minne Feijes.

96/97. *Minne Feijes tr. Kins Romckes*
Op 6 novimber 1658 wurdt hy neamd ûnder de bern fan syn ferstoarne heit, dêr't by oantekene stiet, dat mei him op 28 april 1662 ôfrekkene is. Hy sil doe 25 jier west ha, en dus berne wêze yn de jierren 1636/1637. Fan Kins Romckes wit ik de ôfkomst net. Op 2 juny 1666[38] wurdt hja noch neamd, mar op 16 april 1667[39] ferkeapet de man op de Sweach de gerjochte helte fan in hieminge op de Sweach, dêr't de oare helte fan heart oan Tiepke Pyters.
Oer dy gerjochte helte kinne wy twa ferûnderstellings meitsje. Tiepke Pyters is de broer fan Minne syn twadde frou Feyck Pyters, beide bern fan Pyter Tabes en Wyts Tiepkes. Minne kin Feyck yn rjochten fertsjintwurdige hawwe, as hja dan alteast troud wiene. Mar Minne syn styfheit wie op 28 april 1665 al wei. Dizze Lammert Tabes soe in broer fan Pyter Tabes wêze kinne – ik wit it net – en Minne soe dat gerjochte part fia syn mem fan syn styfheit hân hawwe kinne. In moai gefal om ris út te plúzjen!
Op 20 augustus 1668[40] stiet it fêst, dat hja troud wiene, want hja keapje as echtelju op de Westerein in hûs en lân en leien fan har broer Tiepke Pyters.
Op 27 novimber 1693 wurdt foar it gerjocht fan Dantumadiel foar it earst Minnes tredde houlik mei Hincke Timens proklamearre. Tusken 1664 en 1686[41] keapet en ferkeapet Minne gauris ûnreplik guod. Yn 1682 en 1683 wennet er te Kûkherne. Minne Feijes ha ik net fûn op it stim- en it floreenkohier fan 1698. Wol syn soan Feije Minnes.
Op 3 april 1715[42] is dy soan Feije Minnes kurator oer de bern fan Symon Hansen, ferstoarne man fan Reinske Romckes; der wurdt neamd in obligaasje op Harke Theunis en Tjitske Romckes, echtelju. Mooglik is hjir sprake fan famylje fan de earste frou fan Minne Feijes en de mem fan Feije Minnes, Kins Romckes.
Ik ha mar ien bern notearre, de al neamde soan Feije Minnes, dy't folget ûnder nr. 48.

48/49. *Feije Minnes tr. Jancke Tjeerds*
Op 9 novimber 1696 – sjoch hjirnei – wurdt as syn frou neamd in Antie Foockes. Hy sil om 1707 hinne op 'e nij troud wêze mei Jancke Tjeerds, nei alle gedachten in dochter fan in Tjeerd en in Mincke.
Op 9 novimber 1696[43] proklamearje Feije Minnes en Antie Foockes, echtelju, de keap fan ⅓ x 6 mad ûnder Feanwâlden; ferkeaper is Abe Wybes yn de Kûkherne. Dyselde deis keapet Feije Minnes yn de Falom ek sa'n ⅓ part fan Foocke Foockes c.u.

Wumkes.nl

Op 5 febrewaris 1706[44] is Feije Minnes, húsman yn de Falom, fanwegen lânhier 154 karoligûne skuldich; dizze skuld wurdt pas ôflost op 6 novimber 1747, as de beide echtelju al lang wei binne.
Op 14 jannewaris 1721[45] proklamearret Feije Minnes op de Wâl ûnder Feanwâlden de keap fan boppegrûn fan heechfean. Op 22 maart 1731[46] binne de echtelju beide wei, en wurdt der oan de kant fan Feanwâlden ûnder it behear fan Burgum ynventarisearre. De fiif bern wurde neamd.
Op 18 maaie 1739[47] ferkeapje dy 7 roeden leien ûnder Walterswâld.
Op 18 maaie 1760[48] binne Minne, Tjeerd, Grietje en Kunscke Feijes foar in gerjochte sânde part erven fan har ferstoarne nicht Janke Yes, yn libben in minderjierrige frijster. Dy nicht sil in dochter wêze fan harren suster Mincke.
Wy sette de bern fan Feije Minnes en Jancke Tjeerds noch efkes op in rychje.
Mincke wie op 8 febrewaris 1734 te Burgum troud mei Ye Folkerts. *Kunscke* waard lidmaat en doopt te Burgum op 25/28 augustus 1772, âld 61 jier, widdo fan Cornelis Jans. Hja wiene 19 maaie 1743 troud te Hurdegaryp, dêr't de man wei kaam. *Minne* sil berne wêze yn de jierren 1710/1711; hy wie troud mei in Anskjen Franses, doopt 30 oktober 1722 te Feanwâlden as dochter fan Frans Alberts en Ydske Taekes. *Tjeerd* folget ûnder nr. 24. *Grytie* troude mei Auke Jacobs (Bosma), dy't yn stamrige E ûnder nr. 18 folgje sil.

***24/25.** *Tjeerd Feijes tr. Baukje Gerbens*
Hja trouden 18 maaie 1749 te Feanwâlden, beide fan Feanwâlden. Hy sil berne wêze yn de jierren 1717/1718 te Feanwâldsterwâl ûnder it behear fan Burgum as soan fan Feije Minnes en Jancke Tjeerds. Hja waard 26 febrewaris 1728 te Feanwâlden doopt as dochter fan Gerben Bouwes en Tietje Melles. De man waard op 27 maaie 1774, âld 56 jier, doopt yn de grifformearde tsjerke fan Burgum, tagelyk mei fjouwer bern: Tytje, Cornelis, Jan en Douwe. De âldste soan Feije wie der net by. Man en frou waarden op 24 maaie 1774 lidmaat. De frou ferstoar 26 febrewaris 1816, âld 88 jier, te Burgum.
De man komt op 8 desimber 1739[49] al as keaper foar. Yn 1746[50] keapet hy, mei syn broer Minne, klynlân ûnder Ryptsjerk; hja wenje dan te Feanwâlden. Yn 1768 komt hy op it personiel kohier fan Hurdegaryp foar mei in kaptaal fan 47 gûne en 10 stoeren; yn 1782 mei 250 gûne; yn 1788 komt hy foar ûnder Burgum mei 475 gûne. Op it floreenkohier fan Tytsjerk fan 1778 komme Tjeerd Feijes c.s. foar as brûkers fan nr. 39, grut 15 pûnsmiet; yn 1788 net mear.
Neffens it personiel kohier fan Feanwâlden fan 1774 erfde de frou doe fan har heit in fjirde fan 900 gûne. Yn 1778, 1788 en 1798 komt Tjeerd Feijes op it floreenkohier foar as brûker fan 3 pûnsmiet lân ûnder Burgum (nr. 80) en fan 4 pûnsmiet dêre (nr. 81). Yn 1798 komt de widdo Tjeerd Feijes foar as brûkster fan nr. 48, in hoarnleger mei 6 pûnsmiet, en fan ½ x 12 mad mieden (nr. 30) en as eignerske en brûkster fan sate nr. 17 fan 33 pûnsmiet. Der wiene fiif bern: Feije, Tytje, Cornelis, Jan en Douwe.
Feije folget ûnder nr. 12. *Tytje* waard berne yn 1760 ûnder Hurdegaryp; hja troude op 4 jannewaris 1789 te Burgum mei Eelze Minnolts, doopt maaie 1751 te Aldegea Sm. c.a., berne op De Pein, soan fan Minnolt Eelzes en Grietje Sjirks. De man naam yn desimber 1811 te Garyp de skaainamme Folkertsma oan.
Cornelis waard berne yn 1763 ûnder Hurdegaryp; hy troude 4 jannewaris 1789 – tagelyk mei suster Tytje – te Burgum mei Minke Marks, berne 1763/1764 te Burgum (gjin doop

Wumkes.nl

fûn), dochter fan Mark Jelles en Gertje Oenes. Hy naam yn desimber 1811 te Jistrum de skaainamme Van Dijk oan.
Jan waard berne yn 1766 te Hurdegaryp. Hy wurdt yn 1774 by de doop neamd, mar fierder ha ik him net wer fûn. *Douwe* waard berne yn 1769 ûnder Hurdegaryp. Hy troude 25 novimber 1792 te Burgum mei Tettje Meints, fan Burgum, berne 1 novimber 1773 op de Koaten as dochter fan Meint Hendriks en, de by de doop op 15 maaie 1774 al ferstoarne, Tetje Jans. By har ferstjerren op 9 febrewaris 1815 wurdt as har mem neamd in Antje Klazes. Douwe naam yn desimber 1811 te Burgum de skaainamme Van Dijk oan.

12/13. *Feije Tjeerds van Dijk tr. Froukjen Gosses*
Hja trouden 6 juny 1784 te Burgum, hy wenjend ûnder Hurdegaryp, hja te Burgum. Hy sil yn 1751 te Burgum berne wêze. Hja waard op 8 jannewaris 1758 te Boarnburgum doopt as dochter fan Gosse Jelkes en Wytske Ales. Hy wie bouboer te Burgum en ferstoar dêr op 1 desimber 1815, de frou wie op 1 augustus 1811 dêr wei rekke, troud en mei fjouwer bern. Dy fjouwer bern wiene Baukjen, Tjeerd, Gosse en Wytske. De mem liet de bern dope, de man wie gjin lidmaat.
Baukjen waard berne 21 july 1785 te Burgum; hja troude 13 maaie 1815 dêre mei Albert Pieters Sikkema, doe 24 jier âld, berne te Burgum, boerefeint dêre, soan fan Pieter Gerbens Sikkema en Engeltje Alberts, beide ferstoarn. *Tjeerd* folget ûnder nr. 6.
Gosse waard 27 septimber 1788 te Burgum berne; hy troude 18 maaie 1811 yn Tytsjerksteradiel mei Aafke Eites Offringa, tsjinstfaam te Burgum, 22 jier âld, dochter fan Eite Pieters Offringa en Minke Teekes, beide ferstoarn te Aldegea Sm., beppesister fan Teeke Heinses en Trijntje Lieuwes, de lêste te Garyp. *Wytske* waard 4 juny 1790 te Burgum berne; hja troude 11 maaie 1811 yn Tytsjerksteradiel mei Hoeke Johannes (Dykstra), âld 27 jier, frijfeint te Jistrum, soan fan Johannes Jans en Maayke Hoekes, foar jierren ferstoarn.

6/7. *Tjeerd Feijes van Dijk tr. Vroukje Binnes Vriesema*
Hja trouden 25 maaie 1811 – 14 dagen nei Wytske en in wike nei Gosse, syn suster en broer – yn Tytsjerksteradiel. Hy wie berne 17 febrewaris en grifformeard doopt 8 april 1787 te Burgum as soan fan Froukjen Gosses, frou fan Feije Tjeerds. Hja wie berne 12 april en doopt 24 maaie 1789 te Burgum as dochter fan Binne en Geeltje Hendriks. Yn de lidmateregisters fan grifformeard Burgum en minniste Feanwâlden haw ik it echtpear net fûn. As hy op 21 april 1838 te Burgum ferstjert is hy arbeider; de frou oerlibbet him goed tritich jier, en ferstjert 15 febrewaris 1869 te Burgum.
Yn it floreenregister fan 1818 komt Tjeerd Feijes van Dijk foar as brûker fan nr. 48, in hoarnleger mei 6 pûnsmiet; nr. 17, in sate en lannen fan 33 pûnsmiet en nr. 18, 2 kampen lân grut 6 pûnsmiet. Yn 1828 sit hy der net mear. Yn 1798 siet de widdo Tjeerd Feijes, syn beppe, op de nrs. 48 en 17. Fiif bern binne bekend.
De earste *Binne* waard berne 23 novimber 1812 te Burgum; hy ferstoar dêre 27 desimber 1812. De twadde *Binne* waard berne 21 april 1814 te Burgum. Hy troude 8 maaie 1841 yn Tytsjerksteradiel – berop arbeider, syn mem arbeidster – mei Jantje Sijes Kuipers, arbeidster, doe 26 jier âld, berne te Burgum en wenjend dêre, dochter fan Sije Joukes en fan Joukje Reids Wierdsma, arbeidster te Burgum. *Froukjen* waard berne 7 oktober 1816 te Burgum; hja troude – berop arbeidster – op 8 novimber 1841 yn Tytsjerksteradiel mei Aldert Boonstra, boerefeint, doe 27 jier âld, wenjend te Burgum en berne te Feanwâlden, soan fan Jeltje Alderts Boonstra, „bolloopster" te Feanwâlden.

Wumkes.nl

Geeltje en har man Sjoerd Klazes van der Wal binne behannele yn stamrige A, ûnder de nrs. 2/3. *Feije* waard berne 14 april 1823 te Burgum; fan him ha ik gjin fierdere gegevens fûn.

NOATEN

1 Reg. Geest. Opkomsten Oostergo. **2** RA KOL B3. **3** idem. **4** RA DAN K1 35. **5** idem 58. **6** idem 69. **7** idem 71. **8** RA DAN I7 38. **9** RA DAN K2. **10** RA KOL V4 289. **11** RA KOL V5 30. **12** RA KOL P7. **13** RA DAN I7 38. **14** RA DAN K4. **15** RA DAN K1 55. **16** idem 132d. **17** idem 133, 166, 474, RA DAN K 2. **18** RA KOL H8. **19** RA DAN I5 300. **20** RA DAN K3 266d. **21** RA DAN K4. **22** RA DAN I7 38. **23** RA DAN K4. **24** idem. **25** idem. **26** RA KOL Q5 84/92. **27** RA DAN I10 151. **28** RA DAN N4 194. **29** RA DAN K4 126d. **30** idem 134d. **31** RA DAN I9 100. **32** RA DAN K5 26d. **33** idem 75d. **34** idem 87d. **35** RA DAN I13, I14. **36** RA KOL H10. **37** RA DAN K5. **38** idem. **39** idem. **40** idem 132d. **41** idem 43, 82, 158, 270, 285d, 307. **42** RA DAN I16. **43** RA DAN K6. **44** RA DAN N10. **45** RA DAN K8. **46** RA TIE M15. **47** RA DAN K10. **48** RA DAN K12. **49** RA DAN K10. **50** idem.

STAMRIGE C

640. *Doede Oenes*
Op it register fan de personiele ymposysje fan Grou fan 1578/1579 komt in Doede Oenes foar, dy't 10 stoeren betelje moat. Op 10 septimber 1632[1] wurde neamd Gerryt Doedes en Oene Doedes, de earste kurator oer de bern fan de twadde. Ik nim oan, dat hja soannen fan Doede Oenes binne.

320/321. *Oene Doedes tr. Bets Douwedr*
Op 10 septimber 1632[2] is der sprake fan it stjerhûs fan Bets Douwedr, widdo Oene Doedes te Pean ûnder Grou. Neamd wurde de foljierrige bern Jesck, Aell en Doede en de minderjierrige Gerben, Siouck en Tiall, oer hwa't de folle omkes fan heite- en memmekant Gerryt Doedes en Binnert Douwes kurators binne.
Ik nim oan, dat Bets Douwedr in dochter is fan Douwe Binnerts, dy't yn augustus 1580[3] brûker is fan 3 pûnsmiet lân fan de fikarij fan Grou, de Asghe neamd. Hy is dan (tsjerk)fâd, mar kin net skriuwe, sa't ek it gefal is mei trije oaren. Dizze fjouwer hawwe „gebeden" om mei fan harrentwegen te ûnderskriuwen.
Op 31 maart 1634[4] wurdt de soan Doede kurator oer syn suster Tiall. Op 11 maaie 1647[5] rekkent Tiall, no troud mei Jan Ibbes, ôf mei har broer en kurator Doede Oenes te Grou. Op 29 maaie 1651[6] is sprake fan de erven fan Doede Oenes en syn ferstoarne frou Yd Feddes.
Op 20 desimber 1652[7] wurde as erfgenamten fan de omke Binnert Douwes neamd Doede en Gerben Oenes, Gerben Jacobs as man fan Jesel Oenedr, Cornelis Isbrants en Douwe Abes, dy't harren ek sterk meitsje foar Siouck en Tiall Oenedrs.
De bern wiene dus: *Jesck* of *Jesel*, troud mei Gerben Jacobs; *Aell*, troud mei Freerk Nannes, dy't nei it ferstjerren fan de mem net mear neamd wurde; *Doede*, yn 1651 widner fan Yd Feddes; *Gerben*, berne yn de jierren 1607/1608, dy't folget ûnder nr. 160; *Siouck*, berne yn de jierren 1610/1611; *Tiall*, berne yn de jierren 1616/1617, yn 1647 troud mei Jan Ibbes.

Wumkes.nl

160/161. *Gerben Oenes tr. Wyts Riemers*
By syn âlden is al skreaun, dat hy yn 1632 neamd wurdt as soan en yn 1652 as erfgenamt fan syn omke Binnert Douwes. Neffens meidieling fan de hear Wartena wie Gerben troud mei Wyts Riemers. Fierders witte wy fan him net folle. Wy nimme mar oan, dat hy as bern hân hat Oene en Jan, en mooglik lebel, Beitske en Douwe.
Jan en Oene Gerbens binne, neffens it stimkohier fan 1698, mei-eigners fan de nrs. 61 en 63 fan Grou, Lyts Tjallema en Lyts Ietsma. Yn 1640 is Reiner Wybes dêr mei-eigner fan.
Yn de hypoteekboeken fan Idaarderadiel fan 1636 oant 1661 komt Gerben Oenes trije kear foar; de earste kear mei in skuld fan 50 fl., de twadde kear mei in skuld fan 100 fl. De tredde kear kamen wy net fierder as de klapper.
Oene Gerbens folget hjirnei ûnder nr. 80/81.
Yn 1716 – sjoch by Oene Gerbens – wurde dy syn bern neamd as erfgenamten fan syn broer *Jan Gerbens*. Dy Jan Gerbens wurdt 8 july 1704[8], âld omtrint 60 jier, neamd. Hy wie earst troud mei in Jay Sjoerds, en troude 1 april 1677 te Boarnburgum mei Aaltje Sipkes, widdo fan Tuenis Ariens, fan Goaijingahuzen. Op 25 maaie 1677[9] wurdt der ynventarisearre, en wurdt fan de echtelju skreaun, dat hja ,,Mennonijt gesind" binne. Ek de taksateurs Hylcke Riemers en Gerben Riencks binne minnist. Yn 1698 is hy brûker fan Boarnburgum stim nr. 33. Op 20 septimber 1708[10] wurdt Jan Gerbens te Grou neamd as widner fan Aeltie Sipkes, earder wenjend te Goaijingahuzen.
Op 29 augustus 1673[11] wurdt der ynventarisearre yn it stjerhûs fan *Beitske Gerbens*, hûsfrou fan Minne Minnes te Ikkerwâld; kurator oer de bern is Oene Gerbens, waans wenplak net neamd wurdt; op de kant stiet dat op 23 april 1683 de bern erve fan harren omke *Douwe Gerbens*. Dat kinne bêst oaren wêze.
Wy moatte hjir noch efkes stil stean by Gerben Jans, papist, dy't ,,c.s." yn 1640 eigner is fan stimkohier Boarnburgum 30, dat is ek te Goaijingahuzen. Dizze Gerben Jans wie yn 1635[12] widner fan Jel Jacobs; hy hat bern wêrfan't de soan Jacob al ferstoarn is.
Dan haw ik yn 1643[13] in Claes Obbes te Ljouwert as lêsthawwer fan Gerben en Outger Janssoannen te Goaijingahuzen yn Smellingerlân. De hjir neamde nammen passe net by de yn ús ferhaal neamde minsken. Wat de jierren oangiet sil Gerben Jans wol hast in generaasje âlder wêze as Gerben Oenes.

80/81. *Oene Gerbens tr. Tytie Willems*
Hy sil om 1640 hinne berne wêze te Goaijingahuzen en troude te Grou 9 april 1671 Tytie Willems, berne om 1650 hinne, dochter fan Willem Halbes en Antie Tietes[14]. Op 7 oktober 1696[15] makket Oene Gerbens te Goaijingahuzen in ,,liquidatie" mei syn lânhearre, de hear Haersma. De ,,huistaxatie" is steld op 892 karoligûne en 17 stoeren. Dêr moast 4% fan betelle wurde, dat is jiers 91 karoligûne. Der wurdt rekkene oer de jierren 1681 oant 1694, dat is oer 13 jier. Dat makket 13 x 91 = 1183 karoligûne. Betelle is mar 669-6-8 karoligûne, sadat der in skuld bliuwt fan 513-13-8 karoligûne. De hear Haersma tekenet en Oene Gerbens set in hânmerk: ┼
De krekte betsjutting fan sa'n likwidaasje is ús net dúdlik.
Yn 1703 en 1704 komt Oene Gerbens foar op it reëelkohier ûnder Boarnburgum, yn 1705 net mear. Yn 1698 is hy brûker fan Boarnburgum, stim nr. 31, yn 1708, 1718 en 1728 de widdo en yn 1738 de soan Douwe Oenes. Op 16 oktober 1716[16] waard der ynventarisearre yn it stjerhûs fan Jan Gerbens te Grou, op oanjefte fan Jay Pytters, de widdo fan de ferstoarne, en op fersyk fan syn neiste bloedferwanten, te witten: Jetse Jaspers te Readtsjerk, Wytske

Wumkes.nl

Pytters, frou fan Pytter Pytters yn Kollumerlân, Willem en Douwe Oenes en Eeltie Harmens te Grou ,,*sijnde alle susters- en broederskinderen van de overledene*".
Jetse Jaspers wie doopt 14 oktober 1660 te Oentsjerk as soan fan Jasper Jetses. Op 30 maart 1665[17] is de frou fan Jasper Jetses in Houck lemedr. Dit kloppet net alhiel. Soe de relaasje rinne kinne oer Gaats Minnes, frou fan Jetse Jaspers?
Wytske Pytters har man wie timmerman te Warfstermûne en Boerum. Har âlden wiene Pyter Pyters – tige lêstich tinkt ús al dy Pyters – fan Aldeboarn en lebel Gerbens fan Grou, dy't op 19 jannewaris 1662 te Grou harren houlik de earste kear proklamearje lieten.
Willem Oenes wie in soan fan Oene Gerbens fan Goaijingahuzen. Hy troude 16 maaie 1706 te Grou mei Meinsck Hessels. Hja wiene lid fan de Flaamsk-minniste gemeente te Grou; neffens it lidmateboek stoar hy op 8 novimber 1752 en hja op 24 augustus 1739. *Douwe Oenes*, ek in soan fan Oene Gerbens, folget ûnder nr. 40/41. Eeltie Harmens wie de man fan *Wytske Oenes*; hja trouden te Grou op 22 july 1703.

40/41. *Douwe Oenes tr. Atje Ales*
Hja trouden 13 septimber 1716 te Boarnburgum, hy fan Goaijingahuzen, hja fan Haskerdiken. Hja sil in dochter west ha fan Ale Boockes te Haskerdiken, earder te Sniksweach. Oanwizings hjirfoar binne, dat hy de ienige Ale is yn dy tiid te Haskerdiken, en minnist is. Douwe Oenes ferstoar neffens de ledelist fan de Flaamsk-minniste gemeente fan Grou op 26 july 1777, en syn frou op 9 desimber 1768. Yn 1739 komme syn frou en hy al foar op de bedoelde ledelist. Hy wie brûker fan floreennûmer Boarnburgum 41, It Heechhiem. Op it personiel kohier fan Boarnburgum komt hy fanôf 1774 oant en mei 1792 foar mei in kaptaal fan 500 gûne. Sûnt 1778 hie dat de erven wêze moatten.
Fan it echtpear ha ik allinne in soan *Oene* fûn, dy't no folget ûnder nr. 20/21.

20/21. *Oene Douwes tr. Ansck Kerstes*
Hja trouden 19 septimber 1749 te Boarnburgum, beide fan Goaijingahuzen. Hy sil om 1724 hinne berne wêze; oer har famylje ha wy oant no ta neat fine kinnen.
Yn 1749 is Douwe Oenes ûnder Boarnburgum in ,,gemeen boer". Yn 1750 wurdt it echtpear lidmaat fan de Flaamsk-minniste gemeente fan Grou. Op de lidmatelist fan 1757 stiet oantekene, dat it echtpear oergien is nei Aldeboarn, en wol yn it jier 1783.
Op 3 septimber 1771[18] wurdt proklamearre dat Oene Douwes c.s. keapje wolle in tredde part fan in hearlike sate Boarnburgum nr. 32, troch de keaper as meier brûkt. Op 6 septimber 1774[19] neart Oene Douwes ûnder Boarnburgum as neistlizzer in deftige stimdragende sate en lannen ûnder Boarnburgum te Goaijingahuzen op It Heechhiem, nr. 31. Nei it ferstjerren fan syn heit yn 1777 bliuwt hy op de pleats It Heechhiem.
Yn 1787/1788 ferstjert de frou[20]. Yn 1790 giet hy nei Aldeboarn, dêr't hy as âld-húsman it hûs nr. 35 oankocht hie[21]. Op 4 septimber 1794 ferkeapje de erven Oene Douwes dit hûs[22]. Dy erven wiene Douwe, Kerst, Durk, Willem en Attie.
Douwe wie berne yn 1749/1750 ûnder Boarnburgum; hy troude 15 febrewaris 1778 dêre mei Akke Durks, fan Grou. Hy wenne yn 1794 en 1813 te Hilaard, en naam dêr de skaainamme Hooghiemstra oan. *Kerst* soe al yn 1748 berne wêze; hy troude 6 april 1788 te Drachten, mei attestaasje fan Hilaard, mei Aaltie Jurjens, fan Hilaard. Hy wenne yn 1794 te Hilaard, mar yn desimber 1811 te Tytsjerk, dêr't er de skaainamme Hoogheemster oannaam. De frou ferstoar as Aaltjen Jurjens Hooghiemstra op 6 maaie 1840 te Tytsjerk. Hja wie doe 74 jier, berne te Drachten. As âlden wurde neamd Jurjen Michiels en Grietje Sjoerds. Hja wie lid fan de minniste gemeente fan Feanwâlden.

Wumkes.nl

Durk waard berne yn 1761/1762 te Goaijingahuzen; hy troude 5 febrewaris 1804 te Aldeboarn mei Grietje Heeres Wijma (ek Weima), fan Boarnburgum; hja soe berne wêze yn 1773/1774 te Koartehimmen as dochter fan Heere Gerbens Wijma (Weima) en Akke Lipkes. In doop fan har is net fûn. Durk naam yn 1812 te Boarnburgum de skaainamme Hooghiemster oan.
Willem folget as nr. 10.
Attie troude 18 july 1779 te Boarnburgum mei Sytse Rienks, fan Warten. Yn 1794 wennen hja te Easterwierrum, en yn 1812 noch, doe't de man de skaainamme Koopman oannaam.

10/11. *Willem Oenes tr. Antje Hendriks*
Hja trouden 25 july 1790 te Tytsjerk, mei attestaasje fan Boarnburgum. Hja kamen doe beide fan Goaijingahuzen. Hy is yn 1755 berne as soan fan Oene Douwes en Anskje Kerstes. Hja is yn 1757 berne te Oranjewâld en doopt 19 maaie 1757 te Aldskoat, as dochter fan Hendrik Jelles en fan Janke Jans. Fan ,,Hendrik Jans en Janke Sybrens'' stiet yn har stjerakte. De fout sil ûntstien wêze, trochdat fan de frou gjin broer Jelle bekend wie, mar wol twa broers: Jan en Sybren.
Syn berop wie húsman, mar hy waard net fûn op it floreenkohier fan 1798 ûnder Tytsjerk. Yn 1803 wie hy boekhâlder fan de minniste gemeente fan Feanwâlden. Hy ferstoar 2 desimber 1811 te Burgum, en liet in widdo mei fjouwer bern nei. De frou ferstoar 19 febrewaris 1832 te Burgum. De frou naam te Burgum ,,als moeder en voogdesse over hare kinderen bij Willem Oenes in egte verwekt'' de skaainamme Feenstra oan. Mar de bern neame harren Hooghiemstra. De fjouwer bern wiene Anskje, Hendrik, Oene en Durk.
Anskje is yn stamrige A neamd mei har man Klaas Sjoerds van der Wal, de nrs. 4/5.
Hendrik waard yn 1792/1793 te Tytsjerk berne. Hy troude Dantumadiel 16 desimber 1815 (as Hendrik Willems Hiemstra, arbeider te Burgum, soan fan Willem Oenes Hiemstra, ferstoarn, en fan Antje Hendriks Hiemstra, arbeidster te Burgum) mei Haukjen Hendriks van der Staal, doe âld 23 jier, arbeidster, berne te Ikkerwâld en dêr ek wenjend, dochter fan Hendrik Johannes, dêr yn 1804 ferstoarn, en fan Sjoukje Ringers de Jong, arbeidster te Ikkerwâld. De memmen koene net skriuwe.
Oene waard berne 5 maart 1795 te Tytsjerk. Hy troude Tytsjerksteradiel 22 april 1854 mei Anna Elisabeth Margaretha Foukma (ek Foubel en Voupel), berne 23 juny 1798 te Dokkum as dochter fan Fredrik Foukma en fan Grietje Staal. Oene ferstoar 31 maaie 1868 as arbeider te Burgum.
Durk, berne yn maart 1798 te Tytsjerk, troude 5 juny 1819 yn Tytsjerksteradiel mei Wipkje Gjalts Westra, berne te Burgum, doe 23 jier âld, dochter fan Gjalt Uilkes Westra, ferstoarn, en fan Jitske Sjoerds Nieuwenhuis, arbeidster te Burgum. Hy leit in akte fan bekendheid oer, dêr't syn âlden yn neamd wurde, de heit ferstoarn en de mem wenjend te Ikkerwâld.

NOATEN

1 RA IDA J5 148. **2** idem. **3** Reg. Geest. Opkomsten Oostergo. **4** RA IDA J5 208. **5** RA IDA J7. **6** idem. **7** idem. **8** Byl. Siv. Sent. HfF 104-9. **9** RA SMA Q1 52. **10** RA SMA P9 66. **11** RA DAN I13 287. **12** HfF WW25 49. **13** HfF WW44. **14** RA IDA J11 152, 216. **15** RA SMA X7. **16** RA IDA J16. **17** RA TIE S11 13. **18** RA SMA U17. **19** idem. **20** Speesjekohier. **21** RA UTI H5. **22** RA UTI H5 156.

Wumkes.nl

896/897. *Bartel Jans tr. Gees Popckes*
Op it stimkohier fan 1640 komt de widdo foar as eignerske fan Optwizel nr. 50.
Op 3 july 1595[1] proklamearje Bartelt Jans en Geese Popkedr, man en frou, de keap fan in hieminge ensafh. te Optwizel. Op 9 desimber 1596[2] proklamearje de echtelju de keap fan boulân ûnder dat doarp, op 9 maart 1598 jitris[3]. Op 25 april 1605[4] fine wy sawol in proklamaasje fan Gese Popckes foar har en foar har bern as fan Bartelt Jans en Gese Popckedr. De earste proklamaasje lit jin tinke oan it ferstoarn wêzen fan de man. Soks wurdt op 4 july 1605[5] befêstige, omdat de frou dan foar har en foar har bern by silger Bartelt Jans lân te Optwizel keapet fan Aeff Popckedr, frou fan Wierdt Wierdts Sickema (mooglik is Aeff in suster fan Gees, en binne hja bern fan Popke Rytskes en Geese, man en frou op 1 oktober 1573[6]).
Op 14 jannewaris 1625[7] ferkeapet Gees as widdo 2/7 part minus 1/14 part fan in 1/7 part fan heechfean ûnder Optwizel. Op 9 juny 1625[8] lizze de widdo en de erven it near op de ferkeap fan boulân yn ,,Gees Bartels waer'' ûnder Optwizel. Op 18 maaie 1643[9] wurde neamd de widdo en de erven fan (har skoansoan) Nanne Douwes, dy't yn libben kurator wie oer Popcke en Meinse Bartelssoannen. Op 26 jannewaris 1646[10] ferkeapet Popcke Bartels, rjochter en ûntfanger op de Koaten, mei foar syn mem, foar syn suster Geeske en foar de weesbern fan syn broer Jan en suster Jantien, lân dêr't 1/2 + 1/10 fan oan de broer Meintse Bartels heart. Op 21 juny 1647[11] keapje Popcke Bartels op de Koaten en Meintse Bartels te Twizel de gerjochte helte fan in ,,vall'' lân mei heide, greide en leien, strekkende oant it heechfean, lizzende yn Optwizel yn Gees Bartels erve, dêr't de oare helte fan oan Taecke Ypckama nomine filiae (3 bern) heart. Op 26 juny 1657[12] hâlde de erven fan Gees Popckes, widdo Bartel Jans, te Optwizel, boelguod fan mieden ûnder Optwizel, Stiensgea en de Harkema. Op 18 maaie 1659[13] is der skieding tusken de erven. In bedrach fan 1740 goudgûne, 5 stoeren en 8 penjes giet yn 5 parten nei de soan Meinse, en de erven fan Geeske, fan Jantien, fan Popcke en fan Jan.
Meinse wenne te Optwizel, en wie troud mei Antie Roelsma, dochter fan Harcke Jentes Roelsma en Griet Bruchts Hoytsma. *Geeske* wie troud mei Nanne Douwes, dy't koart foar 18 maaie 1643 ferstoarn is (sjoch boppe). Der wurdt op 23 maaie 1632[14] in Gees Popckes neamd as frou fan Lyuwe Boyes. Dat soe in earste man wêze kinne.
Jantien wie troud mei Benne Jans; by de skieding yn 1659 wurde fan har twa bern, Wyger en Jantien, neamd. *Popcke* folget hjirnei ûnder nr. 448. *Jan* trout om 1625 hinne mei Marij Symons, widdo fan Fedde Rinties[15]; bern binne: Bartel, Simen en Folcku, yn 1659 frou fan Wybe Sybes.

448/449. *Popke Bartels tr. Tial Auckedr*
Op 23 juny 1625[16] keapje Popke Bartels en Beerntie Tziaerdtsdr, e.l. op de Koaten, in hiele sate lân minus in sechstepart dêr. Hja wurdt op 2 oktober 1626[17] neamd as in dochter fan Tierdt Hayema en Alijt Beernsdr. Op 31 july 1627[18] wurde as erven fan Beerntien Tiaerdtsdr Haijma neamd har broer Biening foar de helte, en Romck Metskedr, frou fan Harke Sybes, en de trije weesbern fan Martien Tiaerdtsdr by Alle Wydts (Sickama), mei-inoar foar de oare helte. Sa'n foech jier letter[19] wurdt der boeldei hâlden. Ut dit houlik sille by it ferstjerren fan de frou gjin bern west hawwe.
Op 24 novimber 1628[20] komt de man te Koaten foar as keaper fan in hûs. Op 14 septimber

Wumkes.nl

1629[21] keapet hy wat Rompck Metskedr, frou fan Harke Sybes, takomt as mei-erfgenamt fan Beerntie Tiaertsdr. Op 5 jannewaris 1630[22] komt de man as tsjerkfâd foar. Op 9 maart 1630[23] binne Popke Bartels en Brucht Harckes Roelsma kurators oer de bern fan Aelthien Johannes en Benne Symens.
Op it stimkohier fan 1640 komt hy, rjochter en ûntfanger op de Koaten, foar as eigner fan de Koaten nr. 20. Op 18 april 1642[24] komt hy mei syn twadde frou Tial(cke) Auckedr as keaper foar. Op 20 juny 1642[25] ferkeapje hja. Op 22 novimber 1653[26] is hy mei syn broer Meinse te Optwizel kurator oer de weesbern fan harren suster Jantien, frou fan Benne Jans. Op 4 oktober 1658[27] keapet Tial Aukes, widdo fan Popke Bartels, fan Meinse Bartels en Antie Roelsma. Der wiene út it twadde houlik twa soannen, Bartel en Aucke.
Bartel folget hjirnei ûnder nr. 224. *Aucke Popckes* wie troud mei in Antie Jans. Hja wennen op de Kollumerleane ûnder Kollum. Hja is in suster fan Trintie, de frou fan syn broer Bartel. Op 17 juny 1669[28] is de man wei, en blykt hja de frou te wêzen fan Claes Siemmes te Kollum. Bartel Popckes is dan fâd oer de bern.

224/225. *Bartel Popkes tr. Trintie Jans*
Op 18 augustus 1665 wurdt it echtpear doopt yn en lidmaat fan de grifformearde gemeente fan Optwizel en de Koaten. Alteast de frou sil fan minniste komôf west ha, want har suster Antie, earst troud mei Bartel syn broer Aucke Popckes, wie twads troud mei Claes Siemmes te Kollum. Dy twadde man komt op 14 augustus 1689[29] foar as foarstanner fan de minniste gemeente fan Kollumersweach.
Mei de doop fan de bern gie it wat bysûnder om en ta. Earst waarden op 18 febrewaris 1666 de soan Popcke en de dochter Aaefke doopt. Dan op 20 april 1666 de dochter Beerntye en de soannen Tiaerd en Sije. En op 24 maaie 1668 de soan Aucke. Der soe ek noch in soan Jan west ha, dêr't ik sûnder boarne fan opskreaun ha: ,,20 mei 1709 extra provinciam na de judiem'', sûnder dat ik wit wat soks betsjutte mei.
Op 17 juny 1669[30] is Bartel Popkes op de Koaten as omke kurator oer de bern fan silger Aucke Popckes en Antie Jans. Op 21 juny 1680[31] lit it echtpear in keap proklamearje. Op 20 novimber 1681[32] bart soks wer, en wurdt hy ,,mede-assessor'' neamd. Op 22 april 1689[33] proklamearret hja as widdo. De soannen Sije en Auke proklamearje op 29 juny 1696[34] de keap fan 3/10 part fan in pleats op de Koaten mei stimnûmer 24. Dêr wurdt it near op lein. Op it stimkohier fan 1698 is Trintie Jans eignerske fan de Koaten nr. 20, dêr't yn 1640 syn heit Popke Bartels eigner fan wie. Op it floreenkohier fan 1708 stiet dat Trintie Jans, widdo fan de bysitter Bartel Popkes, eignerske is fan de Koaten nr. 44 en Aucke Bartels brûker. Oer de bern jit it folgjende.
Popke folget hjirnei ûnder nr. 112. Fan *Aaefke* en *Berentje* wit ik net mear as de doop. *Tiaerd* wie húsman en troud oan in Hinke Martens. *Sije* wie troud oan in Sytske Luppes[35]. *Aucke* wie troud oan in Impkien Meintes, dy't 16 novimber 1716[36] as widdo neamd wurdt; hja troude op 'e nij mei in Wobbe Liebbes. Yn 1708 buorken hja op de famyljepleats op de Koaten.

112/113. *Popke Bartels tr. Wytske Martens*
Hy waard doopt 18 febrewaris 1666 yn de gemeente fan Optwizel en de Koaten, tinklik as in wat âlder bern. Ik ha him net neamd fûn mei syn frou. Dit sil wêze Wytske Martens, doopt Twizel 17 febrewaris 1660, dochter fan Marten Jentes (Roelsma) en in ek net by namme fûne frou, en bernsbern fan Jente Jentes Roelsma en Jelsck Martens. Soks ha ik opmakke

Wumkes.nl

út de ûnder de bern foarkommende nammen Marten, Jente en Jelsck, en de ûnder de bernsbern foarkommende nammen Wytske en Jente.
Op 22 april 1689[37] keapje Popke Bartels en de frou, net by namme neamd, fan de erven Marten Jentes. Hjirby wurdt Wytske Martens neamd mei de man, mar syn namme wurdt net neamd.
Yn 1718 is hy brûker fan floreennûmer 44 fan de Koaten, dêr't syn mem Trintie Jans, widdo fan de bysitter Bartel Popkes, eignerske fan is. Yn 1718 is dit krekt sa. Yn 1728 docht bliken, dat de widdo fan syn broer Tiaerd Bartels foar 6/10 eignerske is, Popke foar 1/10 en oaren foar 3/10. Yn 1738 hat de widdo fan Tiaerd 9/10 en Popke noch syn 1/10. Op 23 juny 1728[38] wurdt Popke Bartels, húsman op de Koaten, neamd as heit fan Eeck, dy't troud is oan Jan Gerks te Feankleaster. As bern kinne de folgjende troch my neamd wurde.
Marten folget hjirnei ûnder nr. 56; *Eeck*, hjirboppe al neamd as frou fan Jan Gerks; fan Marten en Eeck ha ik gjin doop fûn. *Jente* waard doopt yn de gemeente fan Optwizel en de Koaten op 28 jannewaris 1683. *Jelsck* waard doopt yn dy gemeente op 22 novimber 1685. Fan Jente en Jelsck ha ik gjin oare oantekenings.
Dan ferkeapje de erven Adser Harckes op 22 april 1721[39] by in fiiftal akten dielen fan de neilittenskip; ien dêrfan is in dochter Sjoeckjen, troud mei in *Bartel Popkes*. Dy Bartel kin ek in soan wêze. Bartel is yn 1722[40] tritich jier en wennet te Twizel. In soan sil ek wêze *Auke Popkes*, dy't yn 1725 mei syn frou Eelkje Jans fan Twizel nei Eastermar giet. Yn 1749 is Auke ,,een welgestelde graankoper''. Ek hy hat in dochter Wytske.

56. *Marten Popkes*
Hy sil om 1696 hinne berne wêze as soan fan Popke Bartels en Wytske Martens. Syn frou ha ik net by namme fûn. Yn 1748 en 1758 is hy brûker fan de Koaten stimnûmer 20 (= floreennûmer 44), in hûs mei 30 pûnsmiet lân, dêr't yn 1738 syn heit brûker fan wie. Yn 1768 is de widdo brûkster. Yn 1778 is Tjeerd Martens, in pakesizzer fan Tjeerd Bartels, brûker. Marten Popkes brûkte yn 1748 ek noch 2 stikken mieden by Blankenburg (eastlik fan de Koaten oan it Caspar de Robles-djip). Op it kwotisaasjekohier fan 1749 is Marten Popkes ,,meyerboer'' mei in oanslach fan 53-16-0. Yn it doarp de Koaten wiene der 90 oanslaggen mei yn it gehiel in bedrach fan 2359-19-0, dat is goed 26 gûne trochinoar. De gritenij Achtkarspelen hie 1090 oanslaggen mei yn totaal 24.356-0-0, dat wie goed 22 gûne trochinoar. Marten Popkes wie dus mear as in sljochte boer, al wie er dan ek hierder.
Der binne my seis bern bekend: Wytske, Jente, Trijntje, Popke, Hendrik en Antje. Hja waarden allegearre yn de gemeente fan Twizel en de Koaten doopt.
Wytske waard doopt 21 oktober 1721. Har houlik en dat fan de oare bern is net fûn, trochdat it trouboek fan Twizel c.a. yn 1758 begjint. Mar op 3 maart 1754 wurdt doopt Marten, soan fan Sipke Jochums; en op 13 oktober 1771 fan deselde, no neamd as widner fan Wytske Martens, Nieske, 15 jier âld, Marten, 12 jier âld, en Wytske, 9 jier âld, en tagelyk in famke Antje, 10 wiken âld, by syn twadde frou Sijke Pieters, dy't earder troud wie mei in Lieuwe Jans. Yn 1758 wie Sipke Jochums brûker fan de Koaten, stim nr. 11, floreennûmer 9, in sate fan 40 pûnsmiet; tsien jier letter is hy dat net mear.
Jente waard doopt 23 septimber 1723. Hy komt yn 1749 as frijfeint foar op it kwotisaasjekohier mei in oanslach fan 4-17-0. Hy sil om 1754 hinne troud wêze. Yn 1755 lit hy in bern dope. Yn 1760, 1764 en 1768 wer, mar no stiet der as frou by in Jenke Waatses. Yn 1774 komt hy as nij oanslein foar op it personiel kohier mei 2-12-0; yn 1790 is dat syn widdo. Yn 1768 en 1778 is hy brûker fan Twizel stim 21, in hûs mei 20 pûnsmiet lân.

Wumkes.nl

Trijntje waard doopt op 26 jannewaris 1726. Fjirder is hja net foun. *Popke* folget hjirnei ûnder nr. 28. *Hendrik* waard doopt 10 maart 1731. Hy sil op 18 jannewaris 1767 troud wêze te Twizel mei in Geertje Teekes. Op 31 desimber 1724 waard yn de neamde gemeente doopt in Geertie, dochter fan Taeke Sybes en Jetske Popes; as dat syn frou is, dan wie hy in sweager fan Jacob Engberts, ,,de grutste dief fan Fryslân'', troud mei Baukjen Taekes. Oer dizze Jacob hat R.S. Roarda yn de Burgumer krante skreaun. *Antje* waard doopt 21 maart 1733. Yn Droegeham is yn july 1757 ôfkundige en attestaasje jûn nei Twizel it houlik fan in Antje Martens mei Ruurd Hessels fan Twizel. Hy wie in soan fan Hessel Feddes en Aukje Ruurds fan Optwizel. Op 13 july 1751[41] wie hy 20 jier âld. Syn doop ha ik net fûn. Yn 1758, 1768 en 1778 is hy brûker fan Twizel stimnrs. 18, 19 en 33, mei-inoar in hoarnleger mei hûs en 120 pûnsmiet lân. Yn 1760 komt hy op it personiel kohier foar mei 2-12-0; yn 1775 wurdt hy as ,,geheel onvermogend'' ôffierd. Dat liket op in soad lân mei in bytsje opbringst.

28/29. *Popke Martens tr. Froukje Binnes*
Hja sille om 1751 hinne te Twizel c.a. troud wêze, hy wie dêre doopt 3 april 1728, hja op 5 july 1728 as dochter fan Binne Annes (memmen waarden doe yn it doopboek net neamd; it trouboek begjint yn 1758). Yn 1758 komme hja net foar op de ledelist fan de grifformearde gemeente fan Twizel c.a.
Yn 1766 en 1767 is hy brûker fan it hoarnleger Twizel, reëelnr. 33, hier 14 stoeren. Oant en mei 1793 komt hy net foar op it personiel kohier. Wy witte seis bern: Antje, Binne, Roel, Hendrik, Wytske en Popke; allegearre doopt yn de gemeente fan Twizel en de Koaten.
Antje waard doopt 13 febrewaris 1752. Hja ferstoar 25 augustus 1835 te Twizel, âld goed 83 jier, widdo fan Douwe Wytzes (dy't fierder net te finen wie). *Binne* folget hjirnei ûnder nr. 14. *Roel* waard doopt 6 april 1760. Mear is fan him net fûn.
Hendrik waard doopt 25 septimber 1763. Hy troude 20 maaie 1804 te Burgum, wenjend te Grou, mei Liskje Douwes Lautenbach, doopt 8 maart 1767 te Burgum as dochter fan Douwe Pieters Lautenbach en Tjitske Floris. Hy naam yn desimber 1811 te Grou de skaainamme Friesema oan; hy hie wat te krijen mei Friesmastate te Idaard.
Wytske waard 30 novimber 1766 doopt, 4 wike âld. Hja ferstoar 13 augustus 1827 te Drachten, âld 60 jier, boerinne, frou fan Auke Oedses van der Meer te Drachten. Hja trouden 14 maaie 1797 te Eastermar. De man ferstoar 1 maaie 1830 te Drachten, âld 65 jier, húsman, berne 20 novimber 1766 te Droegeham as soan fan Oeds Aukes en fan Sjoukjen Sjoerds.
Popke waard 2 april 1769 doopt, âld 2 wike. Hy waard mei syn frou Zaakje Errits lidmaat te Burgum 23 novimber 1808. Hja trouden 16 novimber 1793 te Burgum, beide fan Burgum. Hja wie berne 6 jannewaris 1770 te Burgum; op 22 july 1770 waard hja fan har mem Jeltje Beerns, frou fan Errit Jans, ta doop hâlden. Popke naam ek de skaainamme Friesema oan. Hy ferstoar 30 novimber 1840 as boer te Burgum.

14/15. *Binne Popkes Vriesema tr. Geeltje Hendriks (Brouwer)*
Hja trouden 3 juny 1781 te Burgum, beide fan Burgum. Hy wie doopt 6 oktober 1754 te Optwizel, hja wie op 13 novimber 1754 doopt te Ljouwert as dochter fan Hendrik Sytzes (Brouwer) en Joukje Rinzes (Brouwer). Hy wie fan berop húsman. Hy ferstoar op 2 juny 1817 te Burgum. De frou, yn 1822 neamd as boerinne te Burgum, oerlibbe him tritich jier en rekke op 29 oktober 1847 te Burgum wei. Binne Popkes waard 23 novimber 1808 lidmaat te Burgum, tagelyk mei syn broer Popke en dy syn frou Zaakje Errits. Geeltje Hendriks Brouwer waard dêr lidmaat op 22 novimber 1812.

Wumkes.nl

Yn 1798 – floreennûmer 99 – is de man brûker fan twa kampen lân, mei-inoar grut acht pûnsmiet. Yn 1818 wie er eigner en brûker fan it hoarnleger Burgum nr. 4, mei ien pûnsmiet lân. Fan Burgum nr. 6, in sate grut sântich pûnsmiet, wie er brûker. Ek fan Burgum, nrs. 7 en 9, grut seis en fjouwer pûnsmiet. Fan in stik boulân, nr. 11, wie er eigner en brûker. Yn 1828 wiene de widdo en de soan Popke eigners en brûkers fan de nrs. 4 en 11, en de widdo brûkster fan de nrs. 6, 7 en 9. Der wiene fjouwer bern: Popke, Hendrik, Rinse en Froukje.
Popke waard berne 22 maart 1782 te Burgum. Hy troude 28 maaie 1809 dêre mei Jakobje Jakobs; hja ferstoar wintermoanne (desimber) 1809, âld 24½ jier, wenjend te Burgum yn it West, neilittend ien bern; hja wie berne 9 april 1785 as dochter fan Jacob Eits en Antje Atzes Nicolai, nei har heite ferstjerren. Hy troude twads op 9 novimber 1822 yn Tytsjerksteradiel mei Houkjen Gerrits Bouma, doe 34 jier âld, berne te Ikkerwâld, boerinne te Burgum, earst widdo fan Teunis Ybeles Veenstra, dêrnei fan Johannes Cornelis van der Schans, dochter fan Gerrit Mients Bouma en fan Geeske Rengers, beide ferstoarn.
Hendrik waard 9 desimber 1783 te Burgum berne; hy troude 24 maaie 1817 yn Tytsjerksteradiel mei Martzen Remmelts de Bosch, berne te Beetstersweach, doe âld 19 jier, tsjinstfaam te Burgum, dochter fan Remmelt Hendriks de Bosch, ferstoarn, en fan Rinske Jans Harma, wenjend te Beetstersweach.
Rinse waard berne 3 desimber 1785 te Burgum. Hy wurdt net neamd by it oannimmen fan in skaainamme troch de heit op 28 desimber 1811, dat hy sil doe al wol wei west ha.
Froukje wurdt yn stamrige B ûnder nr. 7 neamd as frou fan Tjeerd Feyes van Dijk.

NOATEN

(útsein de nrs. 29, 38, 39 en 40 alle rjochterlik argyf Achtkarspelen): **1** R1a 72. **2** idem 150. **3** idem 212. **4** R1 258/9. **5** idem 272. **6** C1 49. **7** R3 14. **8** idem 32. **9** O2 318. **10** R4 200. **11** idem 270. **12** M10 25. **13** O3. **14** M6 192. **15** C6 19.5.1625. **16** R3. **17** R3 119. **18** M4 451. **19** M5 34. **20** R3. **21** idem. **22** M4 86. **23** M6 71, 108. **24** R4 94. **25** R4 105. **26** O3 192. **27** R6 15. **28** M12. **29** RA KOL V10. **30** M12, L2. **31** R8 65. **32** idem 106. **33** idem 401. **34** R9 131. **35** L2 28.10.1715. **36** L2. **37** R8 403. **38** RA KOL V14 81d. **39** RA DAN K8 41. **40** Byl. Krim. Sent. HfF. **41** L2.

STAMRIGE E

36/37. *Jacob Aukes tr. Klaaske Jans*
Jacob Aukes, fan Feanwâlden, fan wa't ik gjin âlden fine koe, gie 21 juny 1720 te Burgum yn ûndertrou mei Klaaske Jans, fan Burgum.
Op 16 jannewaris 1739[1] is der sprake fan Klaaske Jans, widdo fan Jense Cornelis, dy't op 'e nij troud is mei Jacob Aukes te Feanwâlden ûnder Burgum. Hja hat in dochter Maaike Jenses te Blessum, ferloofd mei Wytse Jochums te Feanwâlden. Dy har beppe is Maaike Douwes.
Op 1 febrewaris 1745[2] keapet Jacob Aukes mei Minne en Tjeerd Feijes en Auke Jacobs 4 pûnsmiet miedlân ûnder Rinsumageast. Op 14 july 1757[3] ferkeapje dy fjouwer wer. De neamde Auke Jacobs sil de sweager fan Minne en Tjeerd wêze, troud oan Grietje Feijes, dy't folgje ûnder de nrs. 18/19. De earste keaper Jacob Aukes sil, nim ik oan, syn heit west ha.

Wumkes.nl

Yn de jierren 1733 oant en mei 1766 komt in Jacob Aukes, soms mei frou, mar sûnder dat dy by namme neamd wurdt, meast wenjend ûnder Burgum, en yn de lêste jierren mei feanbaas oantsjut, as keaper en ferkeaper foar. Op it kwotisaasjekohier fan 1749 komt Jacob Aukes te Burgum foar as in feanbaas, dy't nei syn dwaan ridlik wol bestiet. Lykas al skreaun is, sil de no folgjende *Auke Jacobs* (Bosma) syn soan wêze. Dy hat alteast in dochter Klaaske.

18/19. *Auke Jacobs tr. Grietje Feijes*
Hja trouden 7 oktober 1744 te Burgum, beide wenjend ûnder it behear fan Burgum. Hja sil om 1720 hinne berne wêze op de Feanwâldsterwâl ûnder it behear fan Burgum as dochter fan Feije Minnes en Jancke Tjeerds. Dizze âlden hawwe wy al yn stamrige B, nrs. 48/49, moete.
Hjirboppe waard Auke Jacobs yn 1745 al as keaper neamd. Mei de frou keapet hy op 21 jannewaris 1747[4] de helte fan in kampe greidlân, grut sa'n 3 pûnsmiet, oan de Heydestreek ûnder Burgum; de oare helte heart oan de bern fan in Klaas Feijes. Op it kwotisaasjekohier fan 1749 komt Auke Jacobs te Burgum foar as in ,,gemeen'' boer, dy't de kost wint en mear net. Nei de reëelkohieren fan 1752 en 1758 wie hy brûker fan in sate lân mei in hier fan 120 gûne. Op it personiel kohier fan Tytsjerksteradiel fan 1768 komt ûnder Burgum foar Auke Jacobs, út namme fan syn frou, mei in kaptaal fan 47-10-00; yn 1785 is hy ferfearn nei Gytsjerk, en hat dan in kaptaal fan 250 gûne. Mei wissichheid ha ik Feije, Klaaske en Minke as bern fûn. Omdat de earste yn 1755/1756 berne wêze sil, en de âlden trouden yn 1744, kinne der bêst mear bern west ha. Mar fûn ha ik se net.
Feije naam de skaainamme Boskma(n) oan, en hie doe gjin bern. Hy ferstoar op 1 april 1814 te Oentsjerk, âld 58 jier, berne op it Burgumerfean, man fan Aaltje Feddes, en soan fan Auke Jacobs en Grietje. In doop fan him ha ik net fûn. Hja trouden 19 maaie 1785 te Walterswâld, hy fan Kûkherne, hja fan Walterswâld. Fan har ha ik te Walterswâld gjin doop fûn. *Klaaske* fûn ik op 11 septimber 1787[5] as dochter fan Auke Jacobs, húsman ûnder Gytsjerk, en as widdo fan Sije Tjerks (soan fan Tjerk Geerts de Beer). Hja wiene 31 oktober 1779 te Burgum troud, hy fan Feanwâlden, hja fan Burgum. In dochter Hiltje waard doopt te Feanwâlden 29 oktober 1780. Der wie ek noch in soan Sije Sijes. De dochter *Minke Aukes* (Bosma) fine wy ûnder stamrige A as nr. 9, frou fan Sjoerd Klazes van der Wal.

NOATEN

1 RA TIE M16 31. **2** RA DAN K10 464. **3** RA DAN K12. **4** RA TIE P12. **5** RA DAN G3 10 en I20 20.

STAMRIGE F

44. *Jelle Hendriks*
De iene kear dat der in mooglike heit fan de ûnder nr. 22 folgjende Hendrik Jelles fûn is, is op 22 july 1707[1], as der in Jelle Hendriks, stalfeint by ,,Hare Hoogheid in 't Orangiewolt'', breuken betelje moat fanwegen ,,plockhairen'' op 10 july tefoaren, foarfallen op it Oranjewâld. Tolve dagen dêrnei al feroardiele, dat gie nei hjoeddeiske mjitstêven wol tige hurd.

Wumkes.nl

22/23. *Hendrik Jelles tr. Janke Jans*
As de dochter Antje op 19 febrewaris 1832 te Burgum ferstjert, is hja 75 jier, berne te Oranjewâld as dochter fan Hendrik Jans en Janke Sybrens. Wy miene har yn it grifformeard doopboek fan Aldskoat c.a. weromfûn te hawwen as dochter fan Hendrik Jelles en Janke Jans, doopt 19 maaie 1757. Mar har man wie minnist, en twifel bliuwt.
Dizze Hendrik Jelles en Janke Jans trouden 19 maaie 1754 te Aldskoat, hy fan de Knipe en hja fan it Wâld. Hja wie yn april 1722 berne, nei alle gedachten op it (Oranje)wâld, as dochter fan Jan Jacobs en Trijntje Jennes (Jeens). It echtpear wenne op it Wâld. Hja komme net foar op de ledelist fan de grifformearde tsjerke, al litte hja de bern dope. Op it personiel kohier fan 1768 fan Aldskoat en it Hearrenfean-Súd ha ik him ek net fûn. Der binne fjouwer bern bekend, allegearre doopt te Aldskoat c.s.: Jan, Antje, Sybren en Trijntje.
Jan waard doopt 16 maart 1755. Hy troude foarst op 27 april 1783 te Aldskoat mei in Geertje Douwes en twads op 7 juny 1795 te Aldskoat mei Elske Martens (de Vries) dy't 5 maart 1800 dêr èn doopt èn lidmaat waard. Yn it doopboek stiet, dat hja berne waard 31 desimber 1761 as dochter fan Marten Oebeles en Eelkjen Jans te Aldskoat. Hy naam te Aldskoat de skaainamme Woudstra oan. Hy ferstoar op 11 juny 1847 dêre yn de âldens fan 91 jier. Yn 1811 wiene der fjouwer bern út it twadde houlik: Hendrik, Marten, Andries en Eelkjen.
Antje, doopt 19 maaie 1757, is neamd yn stamrige C as frou fan Willem Oenes (nrs. 10 en 11). *Sybren*, neamd nei in broer fan de mem, waard doopt 20 april 1760 te Aldskoat. Hy krige dêre yn desimber 1780 attestaasje om te Alkmaar te trouwen; de namme fan de frou koe ik net lêze. *Trijntje* waard doopt 27 novimber 1763 te Aldskoat. Fan har ha ik te Aldskoat gjin houlik fûn.

NOAT

1 RA SCO B26.

STAMRIGE G

832. *Draevis Meints*
Hy wie boer op 'e Pein, en kocht yn 1615[1] lân yn de Wolwarren ûnder Aldegea Sm. Yn 1616[2] wurde syn erfgenamten as neistlizzers fan lân te Aldegea neamd. Yn 1632[3] binne Wybe en Jan Drieuwessoannen yn proses mei Edse Gielts. Bern: Wybe en Jan, en mooglik ek in Meint.
Wybe wenne te Nijegea Sm. en waard dêr op 29 april 1663 mei syn frou Jiltsen Jans as jildjouwer neamd[4]. *Jan* folget hjirnei ûnder nr. 416. Omdat Jan neist de soannen Driewes en Gercke, nei alle gedachten nei de pakes neamd, fierders in soan *Meint* hat, kom ik ta de ûnderstelling dat dy nei in broer fan de heit neamd is, alhoewol't ik dy net mei namme tsjinkaam bin.

416. *Jan Drieuwes*
Hy wie yn 1640 brûker fan de Pein, stim nr. 10. Hy sil earst troud west ha, as ik de ferneamings neigean, mei in Sieuke Gerckedr, al ha ik dy net mei namme fûn. Op 4 maart 1641 en 12 septimber 1649 komme Jan Drieuwes en Rints Lefferts, echtelju, as jildjouwers foar[5]. Rints sil in twadde frou wêze. Op 18 augustus 1646[6] komt de man te de Pein as keaper foar.

Wumkes.nl

Op 12 jannewaris 1657[7] wurde Gercke Jans, koart dêrfoar te Boarnburgum ferstoarn, en Driewes Jans te Beets neamd as omkes fan de bern fan har ferstoarne broer Meint Jans by lebbel Gosses, wenjend te Boarnburgum. Op 10 augustus 1658[8] wurdt Wybe Drieuwes te Nijegea Sm. neamd as âld-omke fan de bedoelde bern. Sa't boppe al skreaun is, waard dizze Wybe yn 1632 neamd as broer fan Jan Drieuwes, sadat de namme fan de heit fan dizze trije bruorren wol fêst leit. Ik ha trije bern fûn: Meint, Gercke en Drieuwes.
Meint folget hjirnei ûnder nr. 208. *Gercke* ferstoar, lykas boppe al skreaun is, koart foar 12 jannewaris 1657 te Boarnburgum; hy sil frijfeint bleaun wêze. *Drieuwes* ferkeapet 11 maart 1679[9] foar himsels en foar syn bern by syn ferstoarne frou Wyts Heeres lân yn de Woldwarren ûnder Aldegea Sm.; it wie mandélich mei de keapers-famyljeleden, sadat it nei alle gedachten fan pake Drieuwes Meints ôfkommen is. Hy hat krekt as Meint in dochter Sieuke.

208/209. *Meint Jans tr. lebbel Gosses*
Op 3 maaie 1655[10] binne Meint Jans en Eebel Gosses, echtelju, 300 goudgûne skuldich. Op 12 jannewaris 1657[11], by de skieding fan de neilittenskip fan syn broer Gercke Jans, ferstoarn te Boarnburgum, wurde ta kurators oer de trije bern fan Meint Jans èn lebbel Gosses – de mem noch yn libben en op 'e nij troud oan in Berent Remmerts – beneamd: Wybe Drieuwes te Nijegea Sm. en Heere Wates te Sumar. It die bliken dat de earste in âld-omke fan de bern wie; de relaasje mei de twadde ha ik net fine kind. De bern wurde net by namme neamd. Der wurde ,,beloften van getrouwigheid'' ôflein. Op 10 augustus 1658[12] is der boelguod; dan wurdt ek neamd de broer fan de frou, Brugt Gosses. De frou is in dochter fan Gosse Jouckes en Bin Alledr, dy't te Boarnburgum wennen. Hja is foar 1669 te Smelle le ferstoarn.
Op 15 febrewaris 1659[13] wurdt Eebel Gossedr, frou fan Beernt Remmerts, mei har broer Brugt en har suster Auck, troud oan Rienck Riencksn te Goaijingahuzen, neamd mei dat hja in bedrach fan 84 karoligûne skuldich binne. Op 12 febrewaris 1661[14] jouwe Beernt Remmerts en Eebel Gossedr, echtelju te Smelle le, foar in skuld yn ûnderpân de troch harren oankochte mûne en it mûnehûs dêre. Der soene trije bern wêze, mar ik ha mar twa fûn: Gosse en Sieuw(ke). *Gosse* folget hjirnei as nr. 104. *Sieuw* troude op 10 novimber 1671 te Boarnburgum mei in broer fan de frou fan Gosse, te witten Haije Jelckes, feanbaas en doarpsrjochter te Boarnburgum. Hy ferstoar dêr yn 1707, hja op 30 desimber 1688.

104/105. *Gosse Meints tr. Wyts Jelckes*
Hy wie boer en ferfener te Boarnburgum. Hja trouden dêr 18 augustus 1671. Yn 1674 waarden de echtelju lidmaat. Op de lidmatelist fan 1685 stiet oantekene, dat hy ferstoar 23 novimber 1708 en hja 17 april 1696. Hy troude 24 april 1698 op 'e nij mei Bontje Sydses, widdo fan Abel Meints, fan Beetstersweach; hja kaam mei attestaasje oer fan har wenplak op 28 augustus 1698, en hja ferstoar yn septimber 1725 (as ik de 5 goed lêzen ha). De earste frou wie in dochter fan Jelcke Haijes en Auck Wilts fan Boarnburgum; wa't de âlden wiene fan de twadde frou ha ik net fûn.
Op 30 april 1672[15] keapet de man mei (syn sweager) Haije Jelckes, beide te Boarnburgum, 1½ mad klynlân, lizzende bûten harren wenplak yn 6 mad. Gosse Meints is neistlizzer oan de westkant. Op 22 jannewaris 1678[16] keapje beide, no cum uxore, 1/6 part fan 7 mad klynlân bûten Boarnburgum, mandélich mei keapers, fan Alcke Jelckes te Boarnburgum, sterke mei har man Haije Jelles. Op 11 maart 1679[17] keapje beide, wer cum uxore, mei Wolter Linses cum uxore (= Meyntie Gosses, mei wa't hy 29 novimber 1674 te Boarnburgum troude)

Wumkes.nl

te Duerswâld, 6 mad maden en in ,,vaerdel'' haailân, lizzende op de Woldwarren bûten Aldegea, foar in part mandélich en net skieden mei keapers. Ferkeaper wie Drieuwes Jansen foar himsels en foar syn bern by silger Wyts Heeres. Op 23 maaie 1682[18] keapet Gosse Meints, cum uxore, 2 kampen boulân te Boarnburgum yn Gauwe Aelles ,,gewesene sate''. Ut dizze keapen falt op te meitsjen dat de frou Wyts Jelckes in suster is fan Haije Jelckes en Alcke Jelckes. Drieuwes Jansen binne wy al tsjinkommen as omke fan Gosse Meints.
Op 24 july 1682[19] is it echtpear 100 goudgûne skuldich. Op 27 novimber 1683[20] ferkeapje Gosse Meints en Haye Jelckes mei syn frou Siouck Meynts it gerjochte 2/3 part fan meinoar 15 mad maden yn de Woldwarren ûnder Aldegea, elts mad foar 27 karoligûne, mei 2 sulver ducatons ta in jefte. Op it stimkohier fan 1698 fan Boarnburgum ha ik Gosse Meynts net fûn. It ferfeane lân sil der net op foarkomme.
Op 26 juny 1709[21] ferkeapje de bern en erven fan Gosse Meints 2 mad ûnlân te Boarnburgum, 4 mad ûnlân ,,de Pollen'' dêre, in kamp lân lizzend yn Jasper Feddes zate, en 3/4 mad maden haailân te Boarnburgum. Bern dy't ik út it doopboek fan Boarnburgum helle ha binne: Meynt, Gerk, Jitze, Jauk, Ibel, Jelke en noch in Jitze.
Meynt waard doopt 1 septimber 1672; hy troude op 29 febrewaris 1697 te Boarnburgum mei Andrieske Lykles fan Beetstersweach; de frou sil wol in dochter west ha fan Lykle Andries, mr. weinmakker te Beetstersweach, dêr ferstoarn op 6 maart 1682. Der kaam gjin oare Lykle foar op de ledelist fan Beetstersweach.
Gerk waard doopt 13 desimber 1678; hy troude op 19 febrewaris 1702 te Boarnburgum mei Jeltje Feddes, dêr doopt op 1 april 1681. Nei de earste proklamaasje op 15 jannewaris blykt op de 22ste, dat it houlik spierd waard, mar in wike letter is dizze spiering opheven, en wurdt der op 'e nij proklamearre. Har âlden wiene Fedde Jochums en Siouck Jans, dy't 18 april 1680 te Boarnburgum trouden.
De earste *Jitze* waard doopt 27 maart 1681; hy sil jong ferstoarn wêze. De dochter *Jauk* waard doopt 19 desimber 1683; fan har ha ik fierders neat fûn.
Ibel wie doopt 2 april 1686; hja troude 7 febrewaris 1706 te Boarnburgum mei Syger Feytses, doopt te Boarnburgum 12 maaie 1681 as soan fan Feytse Sygers, dy't 27 oktober 1667 dêr troud wie mei Vrouk Bates. Op 4 juny 1722 wurdt har attestaasje ferliend om te trouwen mei Harmen Binnes fan Olterterp. Ibel waard op 9 maaie 1728 as ,,een verrot lid'' fan de gemeente Boarnburgum ôfsnien fanwegen huorkerij; yn febrewaris 1731 wurdt hja nei boetfeardich berou fan dizze tsjerkeban ûntslein. Hja is dan ûndertusken op 11 juny 1730 oan de tredde man rekke, en wol Aebele Jurjens fan Smelle le. Aebele ferstoar neffens de lidmatelist 1 augustus 1750, Ybeltje Gosses op 27 april 1753.
Jelke, doopt 29 april 1688, komt hjirnei as nr. 52. De twadde *Jitze*, doopt 4 maart 1691, ha ik net weromfûn.

52/53. *Jelke Gosses tr. Antje Jentjes*
Hja trouden 11 jannewaris 1710 te Boarnburgum. Hja wie dêr doopt op 1 april 1688 as dochter fan Jentje Pyters en Wyts Gooitzes. It echtpear waard op 5 maart 1713 lidmaat fan de grifformearde tsjerke fan Boarnburgum. Op 3 maaie 1731 wurdt hy as ,,diacon'' neamd. Op de lidmatelist fan 1745 komt hy foar mei as frou in Antje Pytters. De namme fan de frou sil wol in ferskriuwing wêze, want ik ha gjin twadde houlik fûn. Neffens dizze lidmatelist is hy ferstoarn op 7 novimber 1766.
Op 26 jannewaris 1717[22] keapet Jelke Gosses c.u. in ,,plaatse landts'' ûnder Boarnburgum, troch harren sels brûkt. Tusken 1723 en 1727[23] keapje hja noch fjouwer kear ûnreplik guod.

Wumkes.nl

Op it stimkohier fan 1728 komt Jelke Gosses net foar. Op it reëelkohier fan 1729 komt hy foar as eigner/brûker fan in „plaetse lands en huizinge c.a.".
Op 8 april 1734[24] liene Jelke Gosses mei Teake Jelles te Garyp en Pieter Jentjes (nei alle gedachten de broer fan syn frou), húsman te Boarnburgum, 236 karoligûne út. Yn 1747 en 1748[25] keapet Jelke in hûs resp. in stik lân. Op it kwotisaasjekohier fan 1749 komt hy foar as in wolsteld man; der binne trije persoanen boppe de tolve jier; de oanslach is 32-7-8. Op it floreenkohier fan 1758 komme Jelke Gosses c.s. foar as brûkers fan nr. 27; yn 1748 en 1768 binne hjir oare brûkers. Te Boarnburgum ha ik fjouwer bern doopt fûn: Gosse, Gooytse, Gosse en Jentje.
De earste *Gosse*, doopt op 20 desimber 1711, sil jong ferstoarn wêze. *Gooytse* waard doopt 3 oktober 1714. Hy troude 3 febrewaris 1743 te Boarnburgum mei Trijntje Ariens, fan Smelle Ie. Hja sil doopt wêze 25 desimber 1716 as dochter fan Aarjen Ruyrds, dy't 13 desimber 1706 troude mei Jantjen Egberts. Gooytse komt op it personiel kohier fan Boarnburgum fan 1769 foar mei in kaptaal fan 428-7-0. De twadde *Gosse* waard doopt 10 desimber 1719. Op him kom ik hjirnei werom ûnder nr. 26. *Jentje* waard doopt 5 novimber 1724. Fierders ha ik him net fûn.

26/27. *Gosse Jelkes tr. Wytske Ales*
Hja trouden 4 febrewaris 1748 te Boarnburgum, hy fan Boarnburgum, hja fan Smelle Ie. Hja sil in dochter west ha fan Aale Jans en Froukjen Jans, dy't 3 april 1729 te Boarnburgum trouden, hy fan Smelle Ie, hja fan Aldegea. It echtpear komt net foar op de ledelisten fan de grifformearde tsjerke fan Boarnburgum fan 1745 en 1772, en ek net op dy fan Aldegea Sm., dêr't hja yn 1774 wenje.
Op it kwotisaasjekohier fan 1749 komt hy ûnder Boarnburgum foar as ridlik wolsteld, twa persoanen boppe de 12 jier, ien derûnder; de oanslach wie 21-1-8. Op de floreenkohieren fan 1748, 1758 en 1768 komme ûnder Boarnburgum Gosse en syn broer Goytse foar as eigners fan in kamp lân. Goytse is brûker fan dit nûmer 12. Op it (earste) personiel kohier fan Aldegea fan 1768 komme foar Jan en Wytske Alles, mei-inoar foar 770 gûne. Yn 1774 is dat splist: Jan is ferhuze nei de Koaten, en foar Wytske komt yn it plak har man Gosse Jelkes. Yn 1786 wurdt Gosse Jelkes op it kohier trochhelle; hy is âld en ferearme, hat gjin besit en wurdt dêrom „afgesloten". Fan Gosse en Wytske ha ik fiif bern fûn: Antje, Jelke, Alle en Froukjen, allegearre doopt te Boarnburgum, en in soan Jan, berne te Aldegea.
Antje waard doopt op 1 jannewaris 1749. Hja troude 21 maaie 1769 te Aldegea mei Roelof Rinders, beide te Aldegea; hy waard doopt 2 maaie 1745 te Aldegea as soan fan Rinnert Tjeerds en Hincke Hendriks, dy't yn de simmer fan 1741 te Aldegea troud wiene.
Jelke waard doopt 27 augustus 1752. Hy troude 21 juny 1778 te Aldegea mei Janke Atses, doopt 28 maaie 1758 te Garyp as dochter fan Atse Egberts Gaikema, troud 11 septimber 1757 te Garyp mei Ytje Wierds. Jelke naam yn 1812 te Boarnburgum de skaainamme Van der Gaast oan. Op de Schotanuskaart fan 1718 komt noardlik fan de kom fan Boarnburgum de namme Middelgaast foar. Dy namme is der no noch. Op de Middelgeast wenne yn 1617 Jouke Jochums, grytman fan Smellingerlân.
Alle waard doopt 16 maart 1755. Hy ferklearret yn 1812 de skaainamme De Boer te behâlden. Hy hat dan gjin bern. Hy ferstoar as frijfeint op 29 jannewaris 1813 (stjerakte yn Opsterlân) as âld-skipper te Boarnburgum. *Froukjen*, doopt 8 jannewaris 1758, binne wy al tsjinkaam yn stamrige B as frou fan Feije Tjeerds (van Dijk).
Jan ferstoar 20 juny 1851 te Boarnburgum, âld 71 jier, winkelman, berne te Aldegea Sm.,

Wumkes.nl

en wurdt dêrby neamd as soan fan Gosse Jelkes en Wietske Alles. Hy wie dus yn 1779/1780 berne, doe't syn mem al nei de fyftich jier rûn. In doop ha ik fan him net fûn. Hy wie op 4 oktober 1807 te Aldegea troud mei Frietsen Wietzes (Welling), dêr berne 28 desimber 1783 as dochter fan Wijtze Jans en Aafke Hattums. Myn âldste dochter Marja Fritia hat har twadde namme mien mei dizze Frietsen; de namme komt fan Frietsen Jans, yn 1678 troud mei Wymer Egberts, dy't te Sumar wennen. Jan naam yn 1812 de skaainamme De Boer oan. Oer syn neiteam kin wat fûn wurde yn: *Geschiedenis van Smallingerland*, siden 145 en 146.

NOATEN

(útsein noat 3 alle rjochterlik argyf Smellingerlân): **1** boarne ûnbekend. **2** Xa1 95. **3** HfF WW22 584 en 10/7 interlocutair. **4** X3. **5** X2 363, 101. **6** U1 52. **7** P2. **8** P2. **9** U3 249. **10** X2 508. **11** P2. **12** P2. **13** X3 87. **14** X3 138. **15** U3 456. **16** U4 207. **17** U4 249. **18** U4 394. **19** X5. **20** X6. **21** U8 89 oant 92. **22** U9 212. **23** U10 253, 606, 608, U11 124. **24** X11 294. **25** U14 286, 405.

STAMRIGE H

960/961. *Egbert Egberts tr. Willemke Mients*
Hy wie ferfener en brouwer op it Surhústerfean. Hja sille om 1585 hinne troud wêze. De frou wie in suster fan Halbe Mients, dy't om 1599 hinne troude mei Doed Jelledr, widdo fan Jan Pieters en earder fan Jan Heres Hollander. Op 6 oktober 1606[1] is der ynventarisaasje yn it stjerhûs fan de man te Surhústerfean; de man wie al wei foar 15 febrewaris 1604, wat bliken docht út in keapbrief fan dy datum fan feanlân, troch de widdo; mar in hierkontrakt d.d. 11 april 1601 fan in polder fean troch de echtelju jout oan dat de man doe noch yn libben wie. De widdo hat op 'e nij trouwen yn it sin. Kurators wiene de omke fan memmekant Halbe Mients en Siurdt Toenissn. De lju wiene minnist. Der wurde ynskulden neamd op lju te Wergea, Seisbierrum, Dronryp, Lutkegast, Fiskfliet, Warfstermûne, it Cruyslandt, Ystersyl, die Raecken en Tsjummearum. De foarderings rinne fan 16 oant 50 goudgûne. It binne tinkt my foarderings fanwegen levere turf. Want der is ek melding fan taksaasje fan foarriedige turf, en wol yn trije posten. Der binne 24 skûten swarte turf, wearde 130 goudgûne; in skuorre mei turf, mei-inoar 31 skûten, wearde 65 goudgûne; en 5 skûten blauwe turf, wearde 35 goudgûne. Fierders binne der noch 16 dagmad turf mei in wearde fan 56 goudgûne. De frou trout dan nei in tredde proklamaasje foar it gerjocht fan Achtkarspelen op 23 oktober 1606[2] wer mei Oeds Eertssn (Eerckesn). Op 10 augustus 1607[3] wurdt de frou as widdo fan har earste man neamd, as der in skieding mei de bern makke wurdt. Oeds en Willemke keapje yn 1608[4] in hûs „opp Suyrhusteraffeen".
Op 8 septimber 1612[5] is de frou ek ferstoarn en binne Siurdt Teunis en Gabbe Paulus kurators. Hja berêde dan in skieding fan de beide jongste bern Mient en Lisbett mei harren âldere suster Tiedt, dan troud mei Jan Gerrits. Dy man wurdt dan ek fâd oer Mient en Lisbett. Tagelyk wurdt der in skieding makke fan besit mei de healsuster Jyck (Eeck), bern fan Oeds en Willemke. Op de kant fan de akte stiet oantekene, dat Eeck yn 1627 útboedele is, neidat hja troud is mei Syerck Wessels. Inkelde stikken feanlân bliuwe bûten de skieding, omdat heit Oeds dy noch fergrave sil.

Wumkes.nl

Yn 1621[6] is de twadde man mei Sioerdt Thonis kurator oer Willemke, de dochter fan Jan Gerryts en de ferstoarne Tietke Egberts. Nei alle gedachten wie de heit op 'e nij troud. Omke Mient Egberts wie „mede present".
De trije bern hawwe wy boppe al neamd. *Tietcke* sil om 1612 hinne troud wêze mei Jan Gerrits. *Mient* komt hjirnei ûnder nr. 480. *Lisbett* sil om 1618 hinne troud wêze mei Pieter Jacobs.

480/481. *Mient Egberts tr. Aeltje Gabedr*
Hja sille om 1622 hinne troud wêze. Hja wie in dochter fan Gabbe Pauwels (Paulus) en Maertye Jans. Hja wennen op it Surhústerfean en wiene minnist.
Op 27 april 1629[7] keapje Mient Egberts en de frou en Johannes Oedts en de frou (= Sytske Jans) fean op de Achttjin roeden op it Surhústerfean. Oant 1645[8] komme Mient en Aeltje gauris as keapers foar. Yn 1646[9] wurdt Aeltie Gabedr, frou fan Mient Egberts, neamd as erfgenamt fan har âlden. Op 24 jannewaris 1653 is sprake fan de frou as widdo[10]. Dan wurde Jan en Goytien Gabes as omkes beneamd ta fâden oer harren trije minderjierrige bern.
Yn 1658 docht bliken dat hja op 'e nij troud is, ditkear mei Johannes Oedtses, hjirfoar al neamd, soan fan Oeds Eertsz, en widner fan Sytske Jans. Dizze twadde man stoar al yn it jier dêrnei; hja libbe noch yn 1675 te Midwolde (Westerkertier), dêr't de soan Sybren wenne. Fiif bern ha ik notearre.
Egbert sil hjirnei folgje ûnder nr. 240. *Gabe*, dy't him ek mei de fan Meinardi skriuwt, troude 7 febrewaris 1664 te Bûtenpost mei Aeltie Romckedr. *Sybren (Sibrandus) Meinardi* troude earst om 1658 hinne mei Rienskien Wiarda, en twad om 1660 hinne mei Foeck Hindriks, mooglik dochter fan Hindrick Lieuwes en Tial Rienicxdr. Hy wie rintmaster fan de hear fan Nienoort te Midwolde. Hy kocht yn 1662/1663 de Jan Moms-pleats op it Surhústerfean. *Pals (Paulus)* troude om 1658 hinne mei Aeltie Hindricks, in dochter fan Hindrick Claessen en Martien Baltserts[11]. De dochter *Martien* wie troud mei Sjoerd Doedes (sjoch by broer Egbert); hja wennen yn 1664 te Sappemeer (Saepmeer)[12].

240/241. *Egbert Mients tr. Bau(ckje) Johannes*
Hja trouden foar 1658; hja wie in dochter fan syn styfheit Johannes Oedzen en syn earste frou Sytske Jans. Hja wennen op it Surhústerfean en wiene minnist.
Op 17 juny 1651[13] komt hy yn it taksaasjeboek fan Kollumerlân foar. Egbert en Bauk proklamearren yn 1658[14] de keap fan in hûs neist dat fan syn styfheit Johannes Oedzes en de frou. Yn 1659 en 1661 wurdt hy brouwer neamd. Yn 1663[15] keapje de echtelju in huzinge fan sweager en suster Sjoerd Doedes en Martien Mients, wenjend te Sappemeer. Mem Aeltie Gabes krijt as taheak in dûbelde dukaat. Yn 1682[16] keapet de man 3½ mad mieden en in hûs cum annexis fan de erven fan syn muoike Beitscke Gabes. Fan harren is mar ien bern bekend, ntl. *Mient*, dy't folget ûnder nr. 120.

120/121. *Mient Egberts tr. Hylck(ien) Hendriks*
Hja trouden om 1680 hinne op it Surhústerfean; hja wie in dochter fan Hindrik Sytsesn en Tytie Eerds. Hja wiene minnist. Ek hy sil brouwer west ha. Op it floreenkohier fan 1700 komt er ûnder Surhuzum nr. 19 foar as eigner en brûker fan inkelde mieden. Yn 1708[17] keapje de echtelju fjouwer kampen lân ûnder har wenplak. Der wiene 8 bern: Egbert, Sytze, Syts, Tyt, Ael(tie), Sybren, Bauck en Willemke; hja trouden allegearre op it Surhústerfean.
Egbert troude op 28 novimber 1723 mei Appelonia (Ploontje) Tymens, grifformeard doopt

Wumkes.nl

op it Surhústerfean op 22 jannewaris 1701 as dochter fan Tymen Jans en Trijntje Jans. *Sytze* folget hjirnei ûnder nr. 60. *Syts(ke)* troude 27 septimber 1722 mei Sioert Nolles, ferstoarn 1742. Hy sil in soan west ha fan Nolle Sioerdts, ferstoarn 1744, en Antie, ferstoarn 1742. De âlden wennen om 1690 hinne al op it Surhústerfean. *Tyt(je)* troude 18 april 1706 mei Ype Tiercks (Poppinga). Hja ferstoar 10 septimber 1747. Hy wie keapman en wolkammer te Surhústerfean, berne jannewaris 1676 te Pitersbierrum, soan fan ds. Tarquinius Poppinga en Reinicke Epei Fenhuizen.
Aeltie troude 3 febrewaris 1709 mei Jan Tieerds, diaken minniste gemeente yn 1730, fan berop „meelker" en ferstoarn yn 1740. *Sybren* troude 22 septimber 1709 mei Leentje Lourens. Hja sil in dochter west ha fan Louwerens Sytzens en Antie Beerns, dy't om 1675 hinne al op it Surhústerfean wennen. *Bauck (Bouckjen)* troude oktober 1702 mei Heert Piers. *Willemke* troude 16 maaie 1712 mei Goitzen Egberts, fan de Pein, nei alle gedachten in soan fan Egbert Liebes en Engel Goitsens; hja troude twads 11 jannewaris 1728 mei Sytse Alderts. Hja wie lidmate fan de minniste gemeente en ferstoar yn 1773.

60/61. *Sytze Mients tr. Aaltie Meines*
Hy wie brouwer op it Surhústerfean. Hja trouden dêre 5 desimber 1717. Hja kaam fan de Harkema en wie dêr berne as dochter fan Meine Aelzes en Sibbeltje Halbes. Hy wie earder op 17 april 1712 troud mei Jeltje Jans. De jongelju waarden folwoeksen doopt yn de grifformearde tsjerke fan it Surhústerfean op 11 juny 1719. De twadde frou ferstoar 10 augustus 1743 op it Surhústerfean. Op it floreenkohier fan 1728 fan it Surhústerfean komme ûnder nr. 112 foar Sytse Mients, Jan Tiaerdts en Jacob Johannes-erven as eigners fan in hoarnleger fan de sate, ferkocht troch Syger Sybes. Op 2 novimber 1743[18] wurde oer Hendrik, 19 jier, Sibbel, 17 jier, en Hylkje, 16 jier, fâden oansteld. Mei ynstimming fan beppe Sibbel Halbes krije de fâdij de neven Hendrik Heerts (soan fan Heert Piers en Bauck Mients) en Louwerens Sybrens (soan fan Sybren Mients en Leentje Lourens). Der binne seis bern bekend, allegearre doopt op it Surhústerfean.
In earste *Jeltje* waard doopt op 8 oktober 1719; hja sil nei de earste frou fan de man neamd wêze. Hja sil jong ferstoarn wêze, want op 6 septimber 1722 wurdt der op 'e nij in *Jeltje* doopt. Ek dat famke sil jong ferstoarn wêze. *Hendrik* waard doopt 26 novimber 1724; hy folget ûnder nr. 30. *Sibbeltje*, neamd nei de frou har mem, waard doopt 26 jannewaris 1727. In Sibbel Sytzes komt yn 1761 foar te Twizel as frou fan Johannes Harmens, mr. weinmakker. *Hyke* waard doopt 26 septimber 1728. Op it Surhústerfean ha ik gjin houlik fan har fûn. *Meine* waard doopt 23 septimber 1731. Ek hy sil jong ferstoarn wêze.

30/31. *Hendrik Sytzes (Brouwer) tr. Joukjen Rinzes (Brouwer)*
Hja gyngen op 24 april 1751 te Burgum yn ûndertrou; hja wie doopt te Burgum op 2 febrewaris 1727 as dochter fan Rinze Lammerts en fan Giel Dirks.
De man wie mr. brouwer te Burgum. Dat docht bliken as de echtelju te Ljouwert op 6 oktober 1755[19] de keap proklamearje fan in brouwerij te Burgum op de Daam, foar 2031 karoligûne, en foar de ynventaris nochris 800 karoligûne. Op 4 febrewaris 1779[20] waarden der kurators oer de bern beneamd, en wol Jelke Meines, húsman op de Harkema, folle omke fan de man (broer fan syn mem), en Wybe Rinses te Burgum, broer fan de frou. De soan Sytse wurdt hjirby net neamd, omdat hy al foljierrich wêze sil. As lidmaten komme de echtelju net foar, net yn Ljouwert en net te Burgum, al wurdt de dochter Geeltje te Ljouwert doopt, en de trije jongere bern te Burgum. Der binne my fiif bern bekend: Sytse, Geeltje, Aaltje, Rinske en Rinse.

Wumkes.nl

Fan *Sytse* ha ik gjin doop fûn. Hy troude 19 april 1778 te Burgum mei Hinke Klases, fan Burgum. En twads op 10 july 1796 mei Janke Reins, ek fan Burgum. De doop fan Hinke Klazes koe ik net te Burgum fine, mar yn it lidmateboek fûn ik in Klaas Arends, dy't mei attestaasje fan Hurdegaryp en Ryptsjerk kommen wie, en dy hie in dochter Hinke, berne 5 augustus 1749 en doopt 29 novimber 1749 yn dy gemeente. De mem wie in Saakje Cornelis. Janke Reins wie doopt te Burgum 13 april 1766 as dochter fan Rein Sierks (nei 1811: Roosma) en Grytje Jarigs. Sytse nimt yn desimber 1811 de skaainamme Brouwer oan te Burgum. Dy skaainamme wurdt yn 1866 Reeling Brouwer.
Geeltje waard doopt 13 novimber 1754 te Ljouwert. Hja is al neamd yn stamrige D as frou fan Binne Popkes Vriesema (nrs. 14/15). *Aaltje* waard berne 28 febrewaris 1757 en doopt 3 april 1757 te Burgum. Hja troude as Aaltje Hendriks Brouwer op 22 novimber 1789 mei attestaasje fan Burgum te Frjentsjer mei Antony Sakes, mr. bakker dêre, doopt 9 july 1741 te Jirnsum as soan fan Saacke Floris en Sara Petrusdr Antonides (Gen. Jierb. 1953, s. 69).
Rinske waard berne 5 jannewaris en doopt 24 febrewaris 1760 te Burgum; hja troude dêr 15 maaie 1784 mei Tomes Teunis; de man wie doopt 30 april 1758 te Burgum as soan fan Teunis Tomas en Antje Feddes. De heit nimt, ek foar de soan, op 27 desimber 1811 te Burgum de skaainamme Hoekstra oan. *Rinse* waard berne 1 desimber 1762 en doopt 9 jannewaris 1763 te Burgum; hy troude as Rinse Hendriks Brouwer op 20 novimber 1791 te Burgum mei Doetje Douwes Lautenbach, berne 6 maaie 1764 te Burgum, dochter fan Douwe Pieters en Tjitske Floris (ek de âlden fan Liskje, neamd yn stamrige D ûnder de nrs. 28/29). Ek hy nimt yn desimber 1811 te Burgum de skaainamme Brouwer oan.

NOATEN

(útsein de lêste twa alle rjochterlik argyf Achtkarspelen): **1** M1. **2** R1. **3** Q1. **4** R1, tredde prokl. 12.5.1608. **5** O1. **6** M3 129. **7** R3. **8** R3 9.4.1632, 13.4.1635, R4 35, 46, 70, 190. **9** O2 355v. **10** L1 9. **11** M12 1. **12** R6 456. **13** J5. **14** R6 13. **15** R6 427. **16** R8 155, 145. **17** R10 283. **18** L1. **19** RA TIE P13 176. **20** RA TIE L.

STAMRIGE I

272. *Gerrit*
Op 9 novimber 1656[1] binne Harmen Gerrits en Pyter Jans kurators oer Gerrit, foarsoan fan Wintie Jans by Roeloff Gerryts. Mooglik wienen Harmen en Roeloff bruorren. In Roeleff Gerryts, man fan Anna Seerpsdr, wurdt al op 9 april 1634[2] neamd. Fan *Roeloff* en Wintje binne fierder gjin gegevens foarhannen. De boppeneamde *Harmen Gerrits* folget ûnder nr. 136.

136/137. *Harmen Gerrits tr. Aeltie Jouwerts*
Hja trouden op 25 novimber 1633 foar it gerjocht fan Dantumadiel, hja mei konsint fan har âlden Jouwert Lyuwes en Jel Roeloffsdr[3]. Yn 1640 is hy mei Meinert Pytters – man fan Barber Jouwerts – eigner en brûker fan stim nr. 24 fan Feanwâlden. Op 9 july 1645[4] blykt Harmen Gerryts 3 gûne en 16 stoeren skuldich te wêzen oan de erven fan Meynert Pyters, ferstoarn, en Barber Joorts.
Op 5 maart 1646[5] wurdt der ynventarisearre yn it stjerhûs fan Aeltie Joorts, frou fan Harmen

Wumkes.nl

Gerrits te Feanwâlden, omdat de man op 'e nij troud is mei Aeltie Jacobs, dochter fan Jacob Pytters. Riekele Alles, twadde man fan Barber Joorts, oantroude omke, is kurator oer Gerrit en Jouwert. Der is in ynskuld fan 1/6 part fan it boelguod fan de ,,bestemoeder'' fan de bern. Dat sil beppe Jel Roeloffs, mem fan Aeltie, west hawwe. Der is ek in skuld fan 300 gûne oan pake Liuwe Jouwerts. Harmen Gerrits nimt ,,Gode tot een getuige''.
Op 10 novimber 1651[6] is Harmen Gerryts mei in Gauke Jans kurator oer de foarbern fan Folck Jouwerts, no troud mei Bartel Ulkes yn de Falom. De bern en harren heit binne my net bekend. Op 4 july 1655[7] is Harmen Gerrits kurator oer de bern fan Willem Pyters. Op 16 desimber 1656[8] wurdt der ynventarisearre yn it stjerhûs fan Harmen Gerrits te Feanwâlden. It hûs is troch de earste frou oanurven. Der binne twa kij. Ut it stjerhûs fan Lyeuwe Joorts is noch 200 gûne tegoede. Aeltie Jacobs, de twadde frou en widdo fan Harmen Gerrits, no op 'e nij troud mei Gerrit Jacobs, hat ynbrocht 200 gûne, fan har broer oanurven 112 gûne en út heite guod 15 gûne en 20 stoeren. Pyter Meinerts is op 4 desimber 1657[9] kurator oer Joort (Jouwert), de soan út it earste houlik. Dy Jouwert wurdt de healbroer neamd fan de styfbern fan Gerrit Jacobs. Syn broer Gerrit sil ferstoarn wêze. Op 18 jannewaris 1667[10] is Jouwert kurator oer syn healbruorren Gerrit en Harmen Harmens. Op 8 febrewaris 1658[11] ferkeapje Siuck Tiesses en Pyter Meinerts as kurators oer de foarsoan Joord en Jacob Pyters as kurator oer de bern fan Aeltie Jacobs, lân. Op 9 maart 1658[12] ferkeapje Pyter Meinderts cum sociis en Aeltie Jacobs, widdo Harmen Gerryts. Op deselde dei ferkeapet de widdo noch trije kear. Der wiene sa't út it foargeande bliken docht fjouwer soannen: Jouwert en Gerryt út it earste houlik, en Gerrit en Harmen út it twadde houlik.
Jouwert komme wy hjirnei op werom ûnder nr. 68. De earste *Gerrit* sil jong ferstoarn wêze. Oer de beide oare bern *Gerrit* en *Harmen* kin ik neat mear fertelle.

68/69. *Jouwert Harmens tr. Sibrig Bienses*
Hja sille om 1670 hinne troud wêze, hy fan Feanwâlden en hja fan Driezum, dochter fan Biense Tjeerds en Luts Deddes, en widdo fan de mûnder Jan Jacobs. Hja wie earst troud yn 1668, want op 16 juny 1668[13] waard der by de widner Jan Jacobs ynventarisearre, omdat hy op 'e nij mei Sibrig troude. Hy wie doe widner fan Siouck Jelledr, by wa't hy twa dochters hie: Trijntje en Jitie. Op 19 febrewaris 1670[14] waard der wer ynventarisearre, no omdat Jan Jacobs wei wie. Op 17 jannewaris 1678[15] komme Jouwert en Sibrig, man en frou, as keapers foar. Tusken 1688 en 1711 fine wy de man noch sân kear as keaper[16]. Op 16 oktober 1693[17] en 18 desimber 1693[18] fertsjintwurdiget Jouwert Harmens as kurator de bern Johannes en Jacob Rinses, wannear't de erfgenamten fan Martsen en Sytske Douwes te Feanwâlden ferkeapje. Hoe't de ferhâldings hjir leine, is my net dúdlik wurden. Op it floreenkohier fan Feanwâlden fan 1698 fine wy him as brûker fan de nrs. 31, 36 en 38, en as eigner en brûker fan nr. 32. Yn 1708 is hy brûker fan nr. 34. Op it stimkohier fan itselde jier fine wy him mei in Jetse Claesen (elk foar de helte) eigner fan Feanwâlden nr. 24; yn 1640 wiene eigners syn heit Harmen Gerryts en dy syn omke Meinert Pytters, elk foar de helte.
Op 5 febrewaris 1710[19] komme wy de beide soannen as keapers tsjin. Dat binne: *Harmen*, troud mei Trijntje Ruurdsdr, dochter fan Ruurd Ruurds en Hiltje Willems te Feanwâlden en *Gerryt* dy't folget ûnder nr. 34.

34/35. *Gerryt Jouwerts tr. Antie Tjallings*
Hja trouden 4 july 1716 te Feanwâlden, hja in dochter fan Tiallingh Joekes en fan Antie Tjipkes, te Burgum.

Wumkes.nl

Op 15 maart 1717[20] keapje Gerryt en syn broer Harmen Jouwerts te Feanwâlden. Op 7 novimber 1718[21] is der proklamaasje fan in huzinge mei twa saten lân, brûkt troch Gerryt Jouwerts. Op de floreenkohieren fan 1718 en 1728 binne eigners fan Feanwâlden nr. 32 Harmen en Gerryt Jouwerts, elk foar de helte fan de 7 pûnsmiet; fan nr. 33, 40 pûnsmiet, is Gerryt Jouwerts allinne eigner. Yn 1738 en 1748 is it yn safier feroare, dat der sprake is fan de erven fan Gerryt Jouwerts. Yn 1708 wie de heit Jouwert Harmens eigner.
Op 8 septimber 1721[22] komme Gerryt Jouwerts foar de iene helte, en Trijntie Ruyrds, de widdo fan syn broer Harmen, mei de bern foar de oare helte foar as keapers fan it hûs, troch Gerryt bewenne, mei lân derby. Op 24 oktober 1721[23] binne deselde keapers der wer. Op 8 maaie 1724[24] nearet Antie Tiallings, frou fan Gerryt Jouwerts, in heale finne ûnder Feanwâlden, dêr't de erven fan har âlden yn 'e mande mei de ferkeaper eigners fan binne. Op 4 maaie 1725[25] proklamearret Gerryt Jouwerts mei de frou de keap fan in hûs te Feanwâlden. Op 27 maart 1730[26] proklamearret Antie Tjallings, widdo Gerryt Jouwerts, de keap fan greidlân op de Wâl ûnder Feanwâlden. Op 11 april 1731[27] docht bliken dat de widdo op 'e nij (en wol op 2 febrewaris dêrfoar te Feanwâlden) troud is mei Rinse Johannes, húsman te Feanwâlden. Op deselde dei[28] wurde oer de trije, dan neamde bern, ta fâden autorisearre Biense Deddes op de Falom en Willem Ruurds, húsman te Feanwâlden. De earste sil in soan wêze fan Dedde Bientses, broer fan de mem fan de man. De twadde is itselde jiers kurator oer in soantsje fan in suster fan de frou, mar hy is ek in broer fan de frou fan Harmen Jouwerts, de al neamde broer fan de man. Rinse Johannes, de twadde man fan Antie, stoar yn jannewaris 1767 te Feanwâlden.
Op it personiel kohier fan 1768 fan Feanwâlden wurde de 1500 gûne fan de erven Gerryt Jouwerts yn trijen dield, Marten Johannes út namme fan syn frou 1/3, Claes Sjoerds út namme fan syn frou 1/3, en Jouwert Gerryts ûnder Burgum ek 1/3. Dit lêste koe werom fûn wurde op it kohier fan Tytsjerksteradiel. De trije bern wiene Sibrig, Antie en Jouwert. *Sibrig* waard berne yn de jierren 1717/1718, en troude 17 febrewaris 1737 te Feanwâlden mei Marten Johannes, húsman dêre, soan fan Johannes Rinses en broer fan Rinse Johannes. *Antje* is neamd yn stamrige A mei har man Klaas Sjoerds, nrs. 16/17. *Jouwert* waard berne yn de jierren 1727/1728, en troude 27 maart 1751 te Burgum mei Wytske Wybes, dochter fan Wybe Aukes en Aeltie Tjallings (neef en nicht dus, sa as mear yn minniste rûnten barde).

NOATEN

(alle boarnen: rjochterlik argyf Dantumadiel): **1** I8. **2** I5 86. **3** K3 82d. **4** I6 196. **5** I6 197. **6** I6 392. **7** I8 77. **8** I8 202. **9** I8 208. **10** I8 209. **11** K4 137. **12** K4 154. **13** I12 182. **14** I12 271. **15** K5 233d. **16** K6 18, 45d, 15.3.1697, 25.3.1699, K7 20.12.1703, 30.4.1710, K8 25.5.1711. **17** K6. **18** J5. **19** K7 5.2.1710. **20** K8 129. **21** K8 182. **22** K9. **23** K9. **24** K9. **25** K9. **26** K9. **27** I19. **28** G1.

Wurdt fuortset

Wumkes.nl

FOAR- EN NEITEAM FAN HEYN BOTES

YNLIEDING

Oer in tiidrek fan goed twahûndert jier sille wy in famylje út Eastdongeradiel folgje. Ien fan myn foarfaars is Heyn Botes[1] út Ingwierrum. Dizze genealogy giet oer him, syn foar- en neiteam. Wy binne sûnt 1978 mear oan 'e weet kaam fan syn foarfaars. Syn neikommelingen nimme yn 1811/1812 ferskillende skaainammen oan. Dat docht bliken út dizze koarte genealogy, dy't oant likernôch 1820 ta rint. Yn it lêste part fan de 18de ieu binne inkelde stagen net weromfûn; nei alle gedachten sille der dus noch wol mear famyljes fan Heyn Botes ôfstamme as dy't no bekend binne: Brouwer, Dijkstra, Van der Velde, Brandsma, Tuinstra, Kingma, Kloostra, Westra en Zijlstra. Mocht dat sa wêze, dan soe ik dat wol graach witte wolle.
De famylje komt fan oarsprong út Eastdongeradiel, mar yn 1811 binne de tûken ferspraat rekke oer in tal oare gritenijen. Hoe't it fierder giet mei de famylje nei 1820 behannelje ik hjir net mear, dat lit ik dan mar oan oaren oer. Fan pearen dy't foar 1811 boaske binne, binne safolle mooglik ek de bern fan nei dat jier der noch by socht. De hear Jasper Smit[2] (syn mem is neikommeling fan stamheit Eynte Pietters) hat my inkelde gegevens jûn. Op dit plak hertlik tank foar syn meiwurking. Ek tank oan Jacob Heeringa, dy't noch inkelde wichtige oanfollings fûn hat.

GENEALOGY

I. EYNTE PIETTERS, boer op De Skâns ûnder Eanjum, is bekend fan 1613 oant 1627. Miskien is hy in soan fan Pieter Eyntes, dy't yn 1582[3] neamd wurdt. Eynte wie troud mei Lisck Hayes[4].

Bern:

1. Pytter Eyntes, boer te Eanjum, bekend fan 1629 oant 1638, troud mei Pytje Jacobs.
2. Sybe Eyntes, boer te Ie, letter te Eanjum, bekend fan 1617 oant 1657, troud mei Hester Heerckes. Yn 1640 is Sybe brûker fan stim 51 en 52 fan Eanjum.
3. Heyn, folget II.
4. Tyerck Eyntes, boer op De Skâns, bekend fan 1636 oant 1643, troud mei Trijntje Jans.
5. Sippe Eyntes, boer te Eanjum, bekend fan 1636 oant 1647, troud mei Haentjen Thonis.
6. Taecke Eyntes, wennet yn 1636 te Eanjum.
7. Jucke Eyntes, yn 1636[5] ek te Eanjum.

II. HEYN(E) EYNTES wie boer op Sybadastate te Ebwier ûnder Eanjum. Wy komme him foar it earst yn 1621[6] tsjin, mei syn heit. Yn 1640 is hy al wei, want dan is syn widdo, Auckjen Wopckes, brûkster fan Sybadastate (stim 10). Yn 1638[7] wurdt dêr de ynboel beskreaun.

Bern:

1. Eynte, folget IIIa.
2. Bote, folget IIIb.

Wumkes.nl

IIIa. EYNTE HEYNS, grôtmakker en boer te Eanjum, troude trije kear. Syn earste frou wie Eelck Gerckes, stoarn yn 1658 of 1659. De twadde frou wie Ulck Jeppes en de tredde Gats Ebes. Eynte is yn 1677[8] al ferstoarn; syn widdo Gats boasket foar de twadde kear mei Pybe Willems[9]. Ut it twadde boask binne twa bern: Dieuwke (berne 1659, troude Dirck Dircks) en Heyn (berne 1661). Ut it tredde boask skaaie Auckjen en Claes Eyntes. Yn 1680[10] libje dizze bern noch, mar wy sille se fierder net mear folgje.

IIIb. BOTE HEYNS, boer te Eanjum, letter op it nijlân ûnder Ingwierrum, boasket om 1650 hinne Aecht Oenes, widdo fan Pieter Sjoerdts. Dy syn bern wurde ek neamd, wannear't yn 1679[11] it stjerhûs fan Aecht beskreaun wurdt. Bote wie yn 1677 en 1680 kurator oer de bern fan syn broer Eynte Heyns.

Ut it houlik fan Bote en Aecht ien bern:

1. Heyn, folget IV.

IV. HEYN BOTES, boer te Ingwierrum (op stim 2 yn 1698 en 1700), boasket foar 1679 Saakjen Taeckes, stoarn om 1686 hinne. Syn twadde frou wie Sytske Metskes, stoarn om 1691 hinne. Treds boasket hy Trijntje Jaspers, faaks in dochter fan Jasper Claases en Impck Pyters[12], dy't him oerlibbe. Yn 1706[13] wurdt it stjerhûs fan Heyn beskreaun. Nei him is dizze genealogy neamd, út syn soannen skaait in grut tal famyljes.

Ut it earste houlik:

1. Taecke, folget Va. (Syn neiteam nimt de nammen Brouwer, Dijkstra, Van der Velde en Brandsma oan.)
2. Bote, folget Vb. (Syn neikommelingen neame harren yn 1811 Tuinstra.)

Ut it twadde houlik:

3. Saakjen Heyns, berne Ingwierrum 1688, libbet yn 1706 noch.

Ut it tredde houlik:

4. Jasper Heyns, berne Ingwierrum 1695, stoarn nei 1706.
5. Pyter, folget Vc. (Syn neiteam hjit nei 1811 Kingma, Zijlstra, Kloostra en Westra.)
6. Aeghtje Heins, berne Ingwierrum 1700, stoarn nei 1706.
7. Aafke Heins, dêr doopt 28 oktober 1703, stoarn foar 1706.
8. Heyn Heyns, dêr doopt 3 oktober 1706, jong stoarn.

Va. TAECKE HEYNS, berne te Ingwierrum 1678, stoarn Eastrum (by Dokkum) om 1721 hinne, boasket Antje Jacobs[14]. Taecke is yn 1718 brûker fan stim 17 fan Ingwierrum, letter buorket hy te Eastrum. Yn 1714[15] wurdt hy neamd mei in protte oare Ingwierrumers.

Bern:

1. Jacob, folget VIa.
2. Bote, folget VIb.
3. Hein Taekes, doopt Ingwierrum 3 maaie 1711.
4. Beytske Taekes, twaling mei foargeande, stjert jong.
5. Beytske Taekes, doopt Ingwierrum 12 maart 1719.

Vb. BOTE HEYNS, berne Ingwierrum 1682, boasket Yttje Willems, stoarn Ingwierrum yn it lêst fan 1727. Bote wie boer te Ingwierrum, mar hat ek inkelde jierren te le wenne.

Bern:

1. Heyn Botes, doopt Ingwierrum 15 novimber 1711, jong ferstoarn.

Wumkes.nl



2. Acke Botes, dêr doopt 7 july 1715, trout Ingwierrum 25 febr. 1748 Sybe Jans, fan dat doarp. Harren neiteam hjit sûnt 1811 Sybesma.

3. Sytske Botes, doopt le 11 july 1717.

4. Antje Botes, doopt Ingwierrum 17 septimber 1719, jong ferstoarn.

5. Heyn Botes, doopt Ingwierrum 18 maaie 1721.

6. Antje Botes, dêr doopt 26 septimber 1723, tr. Ingwierrum 12 novimber 1747 Tjeerd Barteles, boer.

7. Willem, folget VIc.

8. Yttje Botes, doopt Ingwierrum 25 jannewaris 1728, nei it ferstjerren fan heit en mem.

Vc. PYTER HEYNS, berne Ingwierrum 1698, stoarn Mitselwier yn 1780[16], boasket 1. Ingwierrum 14 augustus 1728 Sjieuwkjen Jacobs, berne Ljussens yn 1709, stoarn Ingwierrum 1736, dochter fan Jacob Douwes en Antje Gerrits. Pyter trout 2. Ingwierrum 11 maaie 1738 Trijntje Klazes, fan Ingwierrum. Hy wie boer yn dat doarp, letter op Lyts Ropta te Mitselwier (stim 3)[17].

Ut it earste boask:

1. Heyn, folget VId.

2. Jacob Pyters, doopt Ingwierrum 27 jannewaris 1732, jong stoarn.

Wumkes.nl

3. Trijntje Pyters, dêr doopt 31 maaie 1733, jong stoarn.
4. Jasper Pyters, dêr doopt 6 maart 1735, jong stoarn.
5. Jasper, folget VIe.

Ut it twadde boask:

6. Trijntje Pyters, doopt Ingwierrum 1 maart 1739, trout Mitselwier 8 jannewaris 1764 Bartel Willems, fan De Lytse Jouwer. Hja wenje te Jouswier; neiteam hjit De Boer.
7. Klaas, folget VIf.
8. Jacob Pyters, doopt Ingwierrum 7 juny 1744.
9. Bote, folget VIg.
10. Akke Pyters, doopt Ingwierrum 6 july 1749, jong stoarn.
11. Haye, folget VIh.
12. Akke Pyters, doopt Ingwierrum 24 febrewaris 1754, boasket Mitselwier 14 april 1776 Minne Gerkes, dêr doopt 20 novimber 1746, soan fan Gerke Minnes en Korneliske Ruurds.

VIa. JACOB TAEKES, boer te Ingwierrum (yn 1728 op stim 1) en le, doopt Ingwierrum 23 july 1702, boasket om 1725 hinne Aaltje Ubeles, berne te Moarre 1694, widdo fan Syger Scheltes, dochter fan Uble Sydses, kastlein, en Antje Everts.

Bern:

1. Teeke, folget VIIa.
2. Hein, folget VIIb.
3. Geertje Jacobs, doopt le 28 oktober 1731, boasket Ingwierrum 26 jannewaris 1765 Jan Johannes, fan Westergeast.
4. Oeble, folget VIIc.

VIb. BOTE TAEKES, boer te Ingwierrum, dêr doopt 20 april 1704. Yn 1749 libbet syn widdo dêr as boerin. Bote lit te Ingwierrum trije bern dope: Antje (2 april 1730), Maaike (3 febrewaris 1737) en Corneliske (4 augustus 1738).

VIc. WILLEM BOTES, boer te Ingwierrum en Eanjum, doopt Ingwierrum 30 septimber 1725, boasket dêr 20 maaie 1753 Antje Christiaans, fan dat doarp.

Bern:

1. Ytje Willems, doopt Ingwierrum 7 april 1754, jong stoarn.
2. Ytje Willems, dêr doopt 7 novimber 1756.
3. Rinskje Willems, dêr berne 1758, stoarn Ingwierrum 8 juny 1814, boasket dêr 14 maaie 1786 Tjeerd Appeloons.
4. Bote, folget VIId.

VId. HEYN PYTERS, boer te Ingwierrum, dêr doopt 18 desimber 1729, stoarn yn 1759[18], boasket Ingwierrum 11 desimber 1757 Gerritje Gerryts, dochter fan Gerryt Arjens (Kingma) en Aaltje Aelses[19].

Bern:

1. Gerryt, folget VIIe.

VIe. JASPER PYTERS ZIJLSTRA, boer, doopt Ingwierrum 30 septimber 1736, stoarn Brantgum 21 july 1825, boasket 1. Mitselwier 1 maaie 1758 Aafke Douwes, dochter fan

Wumkes.nl

Douwe Wiegers en Aaltje Jelles te Easternijtsjerk. Jasper boasket 2. Brantgum 6 augustus 1781 Riemkjen Pieters, stoarn yn 1785, dochter fan Pieter Jacobs en Jeltje Pieters. Jasper nimt yn 1811 te Brantgum de namme ZIJLSTRA oan.

Ut it earste boask:

1. Sjieuwkjen Jaspers Zijlstra, doopt Brantgum 10 maaie 1761, stoarn Ferwert 12 oktober 1819, trout Holwert 13 maaie 1781 Pieter Jacobs Bonga, boer, berne Holwert 14 novimber 1762, stoarn Ferwert 15 maart 1805, soan fan Jacob Pieters en Sjieuwkjen Pieters.

2. Douwe, folget VIIf.

3. Pyter Jaspers Zijlstra, boer, doopt Brantgum 23 juny 1765, dêr stoarn 1 july 1833, boasket Westdongeradiel 19 july 1828 Eelkjen Doedes van der Veen, berne Surhústerfean yn 'e hjerst fan 1782, dochter fan Doede Sytses en Rinskje Johannes. Ut dit boask gjin bern.

4. Aaltje Jaspers Zijlstra, doopt Brantgum 15 septimber 1770, stoarn Holwert 8 jannewaris 1850, boasket dêr 1 juny 1798 Teunis Gerlofs (Jensma), berne Holwert ca. 1769, dêr stoarn 19 juny 1809[20].

5. Trijntje Jaspers, doopt Brantgum 15 febrewaris 1774, stoarn foar 1811.

Ut it twadde boask:

6. Pieter, folget VIIg.

7. Hein, folget VIIh.

VIf. KLAAS PYTERS KLOOSTRA, boer te Mitselwier en Nijewier, doopt Ingwierrum 29 july 1742, stoarn Nijewier 2 augustus 1812, boasket Mitselwier 24 maart 1765 Trijntje Symens, doopt Hantum 29 augustus 1745, dochter fan Symen Klazes en Tytje Eeltjes. Klaas nimt yn 1811 te Nijewier de namme KLOOSTRA oan.

Bern:

1. Trijntje Klazes, doopt Mitselwier 22 july 1767, jong stoarn.

2. Symen, folget VIIi.

3. Trijntje Klazes, doopt Mitselwier 24 febrewaris 1771, jong stoarn.

4. Trijntje Klazes, berne Nijewier 11 septimber 1774, jong stoarn.

5. Tytje Klazes, berne Nijewier 2 jannewaris 1778, stoarn foar 1811, trout Mitselwier 28 febrewaris 1796 Harke Jans Douma, boer, berne Mitselwier 29 jannewaris 1775, stoarn Ljussens 1 novimber 1819, soan fan Jan Alberts en Gepke Harkes.

6. Pyter Klazes Kloostra, boer, berne Nijewier 23 novimber 1781, dêr stoarn 26 desimber 1826, boasket Eastdongeradiel 7 maaie 1812 Geeske Pieters Jaarla, berne Ljussens 1 jannewaris 1791, dochter fan Pieter Gerrits Jaarla en Antje Durks. Ut dit boask neiteam.

7. Japke Klazes Kloostra, berne Nijewier 23 jannewaris 1785, trout dêr 2 maart 1805 Pyter Willems Westra.

VIg. BOTE PYTERS, boer te Wetsens, Muntsjesyl en Eastrum, doopt Ingwierrum 26 juny 1746, stoarn Eastrum foar 1798, boasket Wetsens 26 maart 1775 Sjieuwkjen Lolles, doopt Wetsens 23 augustus 1750, stoarn Ealsum 13 july 1821, dochter fan Lolle Broers en Houkjen Tjerks. Sjieuwkjen trout 2. Eastrum 8 april 1798 Pieter Fokkes.

Bern fan Bote en Sjieuwkjen:

1. Pyter Botes, berne Wetsens 8 novimber 1776, jong stoarn.

2. Pyter Botes, dêr berne 29 novimber 1777.

3. Houkjen Botes, dêr berne 9 jannewaris 1779, jong stoarn.

Wumkes.nl

4. Lolke, folget VIIj.

5. Trijntje Botes, berne Muntsjesyl 11 febrewaris 1782.

6. Jacob Botes, dêr berne 21 juny 1785.

7. Houkjen Botes Westra, dêr berne 29 desimber 1786, trout Eastdongeradiel 20 maaie 1813 Sake Jacobs Posthumus, timmerfeint, berne Mitselwier 16 maart 1790, dêr stoarn 12 juny 1849, soan fan Jacob Jacobs Posthumus en Gertje Jacobs.

8. Dettje Botes, berne Muntsjesyl 1 maaie 1788.

9. Akke Botes, dêr berne 23 juny 1793.

VIh. HAYE PYTERS, boer te Mitselwier en Boerum, doopt Ingwierrum 31 oktober 1751, boasket Mitselwier 21 maaie 1775 Baukjen Lolles, doopt Wetsens 14 july 1754, suster fan Sjieuwkjen Lolles (VIg.). Bern út dit boask binne (it earste trijetal berne te Mitselwier, it twadde trijetal te Boerum): Trijntje (20 febrewaris 1776), Houkjen (5 jannewaris 1777), Houkjen (4 febrewaris 1779), Lolle (11 july 1780), Houkjen (30 desimber 1782) en Akke (2 maaie 1784). Dit neiteam koe ik net weromfine.

VIIa. TEEKE JACOBS, boer te Ingwierrum, sûnt 1775 op it Nij Krúslân ûnder Muntsjesyl, doopt Ingwierrum 9 maart 1727, stoarn Muntsjesyl yn 1797, boasket Ingwierrum 15 desimber 1748 Baukjen Thomas, doopt Eanjum 29 augustus 1728, stoarn Muntsjesyl 28 augustus 1811, dochter fan Thomas Franses, boer en koaiker, en Antje Jans[21].

Bern:

1. Antje Teekes, doopt Ingwierrum 27 july 1749, jong stoarn.

2. Jacob, folget VIIIa.

3. Thomas, folget VIIIb.

4. Aaltje Teekes Holwerda, doopt Ingwierrum 20 desimber 1755, dêr stoarn 21 jannewaris 1819, trout Muntsjesyl 14 july 1776 Jelle Wytzes Holwerda, gernier, doopt Ingwierrum 15 desimber 1748, dêr stoarn 24 novimber 1813, soan fan Wytze Jacobs en Sjieuwkjen Mintjes[21].

5. Antje Teekes, doopt Ingwierrum 21 maaie 1758, stoarn Harkema 14 desimber 1837, trout Boerum 29 july 1781 Eelze Eelzes Postma, kastlein, doopt Ingwierrum 14 juny 1766, stoarn Boerum 30 jannewaris 1792, soan fan Eelze Jans en Sytske Tjommes.

6. Fokjen Teekes, doopt Ingwierrum 28 desimber 1760, stoarn Harkema 30 maart 1810, trout Surhústerfean 7 july 1783 Waatse Symens Nicolai, boer en kastlein te Droegeham, dêr berne 4 april 1758, stoarn Harkema 10 novimber 1826, soan fan Symen Waatses en Houkjen Pyters Nicolai[21].

7. Bote, folget VIIIc.

8. Wytske Teekes, doopt Ingwierrum 12 july 1767, stoarn Kollum 10 novimber 1834, trout dêr 12 maaie 1793 Sietze Jans Kloosterman, arbeider, berne Gerkeskleaster 17 maart 1766, stoarn Kollum 19 maaie 1843, soan fan Jan Johannes Kloosterman en Grietje Hendriks.

9. Frans, folget VIIId.

VIIb. HEIN JACOBS, boer te Ingwierrum en Ie, doopt Ingwierrum 3 april 1729, boasket dêr 10 jannewaris 1751 Lolkjen Lieuwes, fan Ingwierrum.

Bern:

1. Aaltje Heins, doopt Ingwierrum 19 septimber 1751, trout Ie 15 desimber 1776 Oetse Sweitses, fan Ie.

Wumkes.nl

2. Jacob, folget VIIIe.
3. Grietje Heins, doopt le 27 febrewaris 1756.

VIIc. OEBLE JACOBS, boer te Ingwierrum, Hantumhuzen en Kollum, doopt le 7 maart 1734, boasket Ingwierrum 28 jannewaris 1759 Jantje Pieters, doopt Kollum 13 febrewaris 1735, dochter fan Pieter Temmes en Hylkjen Aukes[22]. Te Ingwierrum litte hja dope: Aaltje (14 septimber 1760), te Hantumhuzen: Jacob (12 septimber 1762), Aaltje (1 april 1764), Jacob (27 oktober 1765), Pyter (1 novimber 1767) en as lêste:

6. Ysbrand, folget VIIIf.

VIId. BOTE WILLEMS TUINSTRA, gernier, doopt Eanjum 24 april 1763, stoarn Kollum 30 maaie 1821, trout 1. Surhuzum 9 oktober 1784 Geeske Uilkes, fan Koartwâld, trout 2. Kollum 19 septimber 1801 Jetske Jans, dêr doopt 20 maaie 1770, dochter fan Jan Geerts en Anke Johannes. Te Kollum wurde út it foarste boask fjouwer bern berne: Yttje (29 augustus 1785), Antje (13 maart 1788), Willem (9 desimber 1789) en Uilkje (9 jannewaris 1792). Ut it twadde boask, berne te Kollum: Ank (3 maaie 1803). Yn 1811 nimt Bote de namme TUINSTRA oan te Kollum.

VIIe. GERRYT HEINS KINGMA, bouboer, doopt Ingwierrum 5 novimber 1758, dêr stoarn 23 maaie 1814, boasket Easternijtsjerk 3 febrewaris 1783 Trijntje Jans Kingma, dêr doopt 20 augustus 1759, stoarn Ingwierrum 31 oktober 1825, dochter fan Jan Jacobs en Sijke Klazes. Yn 1811 nimt Gerryt te Ingwierrum de namme KINGMA oan. Bern út dit boask, berne te Nijewier: Gerritje (27 febrewaris 1785), Sijke (2 novimber 1786), berne te Ingwierrum: Jan (14 juny 1788), Gerrytje (15 maaie 1790), Jacob (10 july 1792), Sijke (14 febrewaris 1794), Sijke (15 maart 1795), Jacob (13 augustus 1798), Sjieuwke (15 jannewaris 1801). De âldste soan wie:

1. Hein, folget VIIIg.

VIIf. DOUWE JASPERS ZIJLSTRA, boer te Hantumhuzen en Ternaard, doopt Brantgum 26 augustus 1763, stoarn Hantumhuzen 13 augustus 1826, boasket 1. Nes (Wd) 18 april 1790 Martje Idses, dêr doopt 14 oktober 1770, dochter fan Ids Theunis en Lamke Doedes. Douwe boasket 2. Ternaard 28 maaie 1797 Grietje Sjoerds Bouma, doopt Nijewier 10 oktober 1773, dochter fan Sjoerd Freerks en Antje Douwes. Ut it earste boask, berne te Hantum: Aafke (12 jannewaris 1791) en Theunis (8 april 1792); út it twadde boask, berne te Ternaard: Jasper (5 maaie 1799) en Jasper (22 desimber 1800); berne te Hantumhuzen: Sjoerd (17 jannewaris 1803), Pyter (6 jannewaris 1807) en Antje (13 jannewaris 1815).

VIIg. PIETER JASPERS ZIJLSTRA, boer, berne Brantgum 7 febrewaris 1782, stoarn Marrum 9 maaie 1870, trout Holwert 2 maaie 1802 Minke Gerlofs, berne Ternaard 23 oktober 1783, stoarn Ferwert 7 jannewaris 1829, dochter fan Gerlof Lieuwes en Doetje Martens[23]. Ut dit boask, allegear berne te Ferwert: Gerlof (24 april 1803), Jasper (19 jannewaris 1806), Marten (13 oktober 1808), Doetje (12 july 1811), Doetje (30 jannewaris 1813), Riemkje (twaling mei foarôfgeande), Klaaske (11 maart 1817), Marten (17 febrewaris 1821), Klaaske (18 desimber 1823) en Sjieuwkjen (21 jannewaris 1827).

Wumkes.nl

VIIh. HEIN JASPERS ZIJLSTRA, boer, berne Brantgum 21 jannewaris 1784, stoarn Hantumhuzen 4 maaie 1869, trout Brantgum 10 maaie 1807 Dettje Broers Terpstra, dêr berne 1 desimber 1773, stoarn Holwert 16 febrewaris 1827, dochter fan Broer Wytzes en Antje Jacobs. Bern, berne te Ferwert: Broer (12 febrewaris 1808), Jasper (9 novimber 1811) en Riemke (8 desimber 1814).

VIIi. SYMEN KLAZES KLOOSTRA, boer, doopt Mitselwier 8 maaie 1768, stoarn Nijewier 1 novimber 1832, trout dêr 28 febrewaris 1790 Sibbeltje Eeltjes Siegersma, doopt Nijewier 2 april 1769, dêr stoarn 9 febrewaris 1841, dochter fan Eeltje Siegers Siegersma en Sjieuwke Freerks. Ut dit boask, berne te Nijewier: Klaas (7 maaie 1791), Sieuwke (19 jannewaris 1793), Trijntje (23 juny 1796), Eeltje (23 jannewaris 1799); berne te Easternijtsjerk: Freerkje (12 april 1801), Pyter (24 maaie 1803), Sieger (22 augustus 1806), Tytje (10 april 1810) en Mayke (29 novimber 1813). Hjir komt noch in protte neiteam fan.

VIIj. LOLKE BOTES WESTRA, gernier, berne Muntsjesyl 29 jannewaris 1781, stoarn le 9 maaie 1828, trout dêr 14 maaie 1809 Antje Jacobs Boersma, berne Grut Midshuzen ûnder le 17 maart 1790, stoarn le 5 jannewaris 1847, dochter fan Jacob Rengers Boersma en Minke Louws. Yn 1811 nimt Lolke te le de namme WESTMA oan, mar al gau wurdt dat WESTRA. Ut dit boask, alle berne te le: Bote (24 oktober 1810), Minke (21 jannewaris 1815), Jacob (3 april 1820), Sieuwke (24 novimber 1822) en Geert (4 augustus 1826).

VIIIa. JACOB TEEKES, boer, doopt Ingwierrum 31 jannewaris 1751, trout 1. dêre 14 maaie 1775 Rinskje Kornelis en trout 2. Muntsjesyl 14 novimber 1790 Geeltje Pyters, fan dat plak. Jacob syn famyljenamme koe ik net fine; de âlden fan de froulju binne ek net bekend. Bern, allegear berne te Ingwierrum, út it earste boask: Lolkjen (1 maart 1776), Trijntje (4 septimber 1778), Taeke (28 novimber 1786), Trijntje (1 maart 1789); út it twadde boask: Taeke (9 desimber 1792), Taeke (3 maart 1794), Baukjen (15 maart 1796), Jetske (20 maaie 1800) en Taeke (14 febrewaris 1805).

VIIIb. THOMAS TEEKES BROUWER, brouwer te Boerum, letter op it Surhústerfean, doopt Ingwierrum 30 septimber 1753, stoarn Surhústerfean 27 maart 1818, trout Muntsjesyl 19 maaie 1777 Taltje Jans, berne op it Nij Krúslân, doopt Boerum 10 juny 1759, dochter fan Jan Valkes en Lysbert Lubberts. Thomas nimt yn 1811 op it Surhústerfean de namme BROUWER oan. Bern, berne op it Nij Krúslân ûnder Boerum: Jan (9 maart 1780); berne op it Surhústerfean: Baukjen (29 maart 1782), Jan (2 maart 1785) en Lysbert (3 desimber 1787). De âldste soan wie:

1. Taeke, folget IX.

VIIIc. BOOTE TEEKES, boer te Muntsjesyl, doopt Ingwierrum 19 febrewaris 1764, trout Muntsjesyl 5 july 1787 Louke Rutgers, dêr doopt 12 juny 1763, dochter fan Rutger Hendriks en Trijntje Johannes. Der binne my gjin bern bekend út dit houlik.

VIIId. FRANS TEEKES, doopt Ingwierrum 17 desimber 1769, boer op it Nij Krúslân ûnder Boerum, dêr stoarn 3 febrewaris 1809, boasket Boerum 2 april 1797 Barber Martens, berne Aldwâldmersyl 2 maart 1775, stoarn Boerum 13 jannewaris 1799, dochter fan Marten Sytses Dijkstra en Stijntje Pieters van der Lune. Yn 1811 nimt fâd Klaas Egberts Groenman in

Wumkes.nl

namme oan foar de weesbern út dit houlik, mar hokker namme dat wie wurdt dêr net neamd. Troch sykjen yn de boargerlike stân kaam ik derefter, dat dy namme DIJKSTRA wie. De bern binne: Baukjen, berne op it Nij Krúslân ûnder Boerum 9 maaie 1797, en Marten, berne Boerum 30 desimber 1798. Sjoch foar de neiteam: P. Luinstra, *Ter Luyne* (Grins 1960).

VIIIe. JACOB HEINS VAN DER VELDE, keapman en fjildwachter te Eanjum, berne le 1754, stoarn Eanjum 29 maart 1825, trout dêr 19 novimber 1786 Baatje Minzes, dêr doopt 18 desimber 1763, dêr stoarn 22 maaie 1846, dochter fan Minze Dirks en Klaaske Minderts. Jacob nimt yn 1811 te Eanjum de namme VAN DER VELDE oan. Bern, alle berne te Eanjum: Lolkjen (26 novimber 1788), Lolkjen (12 febrewaris 1791), Minze (1 july 1793), Minze (1 april 1795), Klaaske (17 april 1798), Hein (24 desimber 1802) en Klaas (26 febrewaris 1807). Allegear binne jong stoarn, útsein Lolkjen fan 1791 en Minze fan 1795.



VIIIf. YSBRAND OEBLES BRANDSMA, boerefeint, doopt Kollum 20 novimber 1771, stoarn Marrum 2 juny 1825, trout 1. Marrum 25 augustus 1799 Trijntje Tjerks (Hoekstra), berne Marrum om 1775 hinne, stoarn ca. 1804, dochter fan Tjerk Arjens en Ytje Hendriks. Ysbrand trout 2. Ferwerteradiel 5 maaie 1817 Baukje Jelles Braaksma, berne Ferwert 2 maart 1790, dochter fan Jelle Jippes Braaksma en Sipkje Klazes. Bern, alle berne te Mar-

Wumkes.nl

rum; út it earste boask: Oeble (23 july 1802); út it twadde boask: Jelle (7 maart 1818), Sipke (20 july 1822) en Ysbrand (14 septimber 1825). Heit Ysbrand nimt yn 1811 te Marrum de namme BRANTSMA oan.

VIIIg. HEIN GERRITS KINGMA, gernier, berne Nijewier 6 desimber 1783, stoarn Ingwierrum 21 oktober 1819, trout dêr 4 maaie 1806 Tettje Hanzes Blom, berne Ljussens 18 april 1783, stoarn Ingwierrum 12 april 1849, dochter fan Hans Hanzes Blom, skoalmaster, en Stijntje Freerks. Ut dit boask, berne te Ingwierrum: Trijntje (18 april 1811), Stijntje (18 juny 1813) en Dieuke (2 febrewaris 1817).

IX. TAEKE THOMAS BROUWER, arbeider, berne Boerum 7 july 1778, trout Kollum 18 juny 1797 Geeske Klazes, dêr berne 5 april 1778, dochter fan Klaas Kornelis en Martje Jans. Yn 1811 wenne Taeke by syn heit op it Surhústerfean. Bern út dit boask, berne te Kollum: Klaas (13 novimber 1799), Taltje (16 febrewaris 1801), Martje (14 april 1802), Thomas (18 july 1803), Jan (16 july 1806) en Kornelis (20 july 1808).

TA BESLUT

Yn de ynlieding is al skreaun dat ik net safolle gegevens út de boargerlike stân brûkt haw. Dat soe te folle wurde. Wa't mei sa'n famylje dwaande is om al dat neiteam op in rychje te krijen wurdt wol in protte gewaar. Sa ek by ûndersyk nei de âldste generaasjes. As noaten binne ferwizings nei argyfstikken opnommen en op- en oanmerkings oangeande de genealogy. Ik hoopje dat ik wer wat klearrichheid jûn haw mei it gearstallen fan dizze genealogy. In fan oarsprong Eastdongeradielster famylje rekket yn 'e midden fan 'e 18de ieu fersille oer oare gemeenten. Ek falt op dat de nammen Heyn, Bote, Taeke en Jasper om 1800 hinne noch altyd yn de famylje foarkomme. Faaks kinne wy noch wol fierder komme mei de foarfaars fan Eynte Pytters, mar dat sil net maklik wêze. De mooglikheden om fierder argyfûndersyk te dwaan binne wol beheind.

(een sate in de Warregaester meer, bewoond door Lykle Harmens, de Meerdyk, de Middelwegh; erfgenamen v. mr. Arent Ypes, timmerman, advocaat dr. Caspar Wieringa).

Welsrijp : 110v (een sate bewoond door Gerlof Pyters; Jan Dircks Roorda), 172 (een sate).

Winsum : 143v (Symen Gerrits en Pier Jans als voogden over Cornelis Claessens' weeskinderen), 194v (een huis en smidte v. Joannes Alberts, smid; Vincent Plecker), 235v (een sate bewoond door Willem Jans).

Wirdum : 4 (een sate bewoond door Tiaerd Sannes: de schulden van Bocco van Burmania, heer v. Appingadam, en Jetta Lucia van Meckama, griffier Suffridus Boelens), 81 (los land op de Merwijtster meenschar en ook aan de Unia wegh bij Unia stins; Petrus v. Buigers, dr. Joannes Bell), 237v (een sate bewoond door Sibrant Jans; raadsheer Quirijn de Blau, Johannes Guilelmus, baron v. Scharenbergh, en Barbera v. Buigers e.l.).

Witmarsum : 169 (een sate bewoond door Jucke Annes; Lambert Dircks).

Wolsum : 216 (een sate bewoond door Otto Tiebbes' weduwe; dr. Arnoldus Bolten Senior, Johan Hendrick de Wolff en Gerlandt v. Aylva e.l., Ulbe Auckes Homminga).

Workum : 39v (een huis bewoond door Piecke Douwes Potma; Hendrick Vlasbloem, Theodorus Potma, notaris, en Sipck Tiaerds e.l.), 68 (Grietie Ottama), 79 (een huis op het Sijlpadt, de groote Ooster Dolte, het recht van wal; olde burgemeester Intie Piers).

Wijnaldum : 153 (de sate Ropta en de hornleger waarop ,,de staten Groot en Klein Westa of Kronenburgh gestaan hebben'', gebruikt door Willem Lamberts; Johan Hendrick de Wolff), 156 (land aen de Olde dijck en op Trynmieden).

IJlst : 248v (een huis bewoond door de kaarsmaker Hendrick Eedes; Inne Sipckes, de erfgenamen van w. Albert Simons t.w. Wentie Alberts, gehuwd met Merck Symons smalschipper te Makkum, en Grietie Alberts, gehuwd met Ids Hayes, estrikbakker te Makkum).

Ypecolsga : 31 (de kerkvoogden verkopen 18 pm. land om de schulden van de nieuwe kerk af te lossen; Baucke Minnes en Uylcke Uylckes).

Zweins : 102 (Heerma State met ,,huysinge, poort'' en 100 pm. land, de bergh, het wagenhuys, de karnmolen en de pomp ,,staen op een affbreuck''; de kinderen v. Aurelia Verrucij, weduwe v. Lambertus Staeckmans, Joannes van der Waijen), 256 (Ignatius van Kingma).

D.J. van der Meer

Wumkes.nl

Fryske rie foar heraldyk

YNSTELD TROCH DE FRYSKE AKADEMY

Wumkes.nl

JIERFERSLACH 1985/1986

It ferslachjier 1985/1986 hat foar de Fryske Rie foar Heraldyk tige drok west. Yn 't foarste plak koene wy as nij lid begroetsje boargemaster P. Visser fan Kollumerlân; fierders is it skriuwerskip fan drs. J. Visser oergien op ûnderskreaune. Gearkomsten ha der west op 14 juny, 8 oktober, 10 desimber 1985 en 18 maart en 6 maaie 1986. Op it mêd fan 'e oerheidsheraldyk is fan 't jier de feroaring fan in tal gemeentewapens (yn ferbân mei de weryndieling) ôfsletten mei in artikel fan ús leden Dull en Bultsma yn De Vrije Fries fan 1986. Fierders binne fêststeld en oannommen de doarpswapens en -flaggen fan Boarnsterhim en Tytsjerksteradiel. Oer de lêstneamden is in brosjuere makke, dy't oanbean is by de iepening fan in útstalling oer de Fryske Rie foar Heraldyk yn it gemeentehûs te Burgum; de Rie sels hat dêrby Bartlehiem in wapen oanbean. Fierders hat de Rie him presintearre op 'e Genealogyske Dei en is der in pear kear skriftlike ynformaasje oer it wurk fan 'e Rie jûn; boppedat ha ús leden Dull en Bultsma op 'e NCRV-radio en Radio Fryslân te hearren west. De grutste put dy't de Rie op dit stuit ûnder hannen hat, is it útstel foar wimpels fan alle gemeenten en fan 'e wetterskippen yn Fryslân; it útstel is oan 'e belanghawwenden tastjoerd en dêr sil noch wol wat wurk achter weikomme. Dêrneist wie der ek it wenstige wurk: der is rie jûn en meiwurke by it restaurearjen fan wapenbuorden en -stiennen (Harns, Snits, Ritske Boelemagasthús, oargel Tsjom) en advisearre oer de pavoisearring fan it skûtsje De Twee Gebroeders, oer findels by de betinking fan 'e Slach by Boksum en de útfiering fan it wapen op it nije gemeentehûs fan Wymbritseradiel. Beändere binne û.o. fragen oer hân- en húsmerken op Fryske wapens, oer de wapens fan Doanjewerstal, Slikenboarch, de famyljes Poiesz, Kalsbeek, Haga en Boonstra. Yn it Genealogysk Jierboekje binne âlderwenst wer in tal wapens registrearre; twa dêrfan (Monning en Oosterbaan) binne it resultaat fan in priisfraach, útskreaun troch it Genealogysk Wurkferbân, foar it ûntwerpen fan in eigen famyljewapen. Wapens en/of flaggen binne û.o. ûntwurpen foar: Drachten, Wâldsein, Haulerwyk, it wetterskip Tusken Waed en Ie en de SC Frjentsjer.
As lêste moat noch neamd wurde dat ús âld-skriuwer en lid drs. J. Visser in literatuerlist Fryske Heraldyk makke hat, dy't wy tenei oan elk dy't niget hat oan Fryske Heraldyk, as paadwizer jaan kinne.

Harke Bremer, n.t. skriuwer

Wumkes.nl

WAPENREGISTRAASJE



ALSEM. Mei kantielen trochsnijd: I. yn blau in liuw dy't mei in nei binnen sleine sturt út de dielline komt, yn de rjochterfoarpoat in alsemtûke, alles fan goud; II. yn sulver in reade boarch mei in swarte dellitten faldoar, de kantielen rinne troch mei de dielline.
Helmteken: in gouden liuw dy't út 'e helm komt, mei yn 'e rjochter foarpoat in griene alsemtûke mei gouden blommen. Helmkleed: read, wite fuorring.

It is wenst dat de fâden fan it Ritske Boelema-gasthús mei har wapens ôfbylde wurde op de wapenbuorden fan it gasthús. Nei oanlieding hjirfan binne twa wapens yn de registraasje opnommen.
Ofkomstich út Voorburg hat de famylje in nij bestean opboud yn de Fryske haadstêd. Dat is útbylde troch de boarch fan Voorburg mei in ticht stek deromhinne en dêr komt de liuw fan Ljouwert út wei. Yn de rjochterklau hat de liuw in alsemtûke. Alsem is ien fan de bitterste krûden, mar waard tagelyk brûkt as oerwinningstrofee foar de hurddravers foar weinen.
De liuw mei de alsemtûke is ek te finen yn it helmteken.
Untwerp: P. Bultsma.

Wumkes.nl

Canrinus

CANRINUS. Rjochts-skeandield fan goud en read, it goud belein mei in swarte leelje, it read belein mei in gouden bûterfet.
Helmteken: in útkommende swarte earnskop mei reade snaffel en tonge. Helmkleed en wrong: read fuorre fan giel.

It wapen wurdt oannommen foar de neiteam fan Lolke Canrinus, berne 1925. De kleuren binne fan 'e streek en de stêden dêr't de famylje weikomt: goud en read fan Sudergoa en Koudum, swart en goud fan Snits, Boalsert en Warkum. De earnskop komt út 'e trije niisneamde stedswapens, de leelje yn 'e omkearde kleuren út it wapen fan Warkum en it bûterfet stiet foar ien fan 'e beroppen yn 'e famylje: wurknimmer yn 't bûterfabryk, wylst de histoaryske wapenfigueren earnskop en leelje teffens tsjutte op in oar berop út itselde laach: histoarikus. De skeandieling (de „Sint-Martensdieling" fan Utert) ferwiist jitris nei de Martini-stêden Boalsert en Snits.
Ynstjoerder: R. Canrinus te Ljouwert.
Untwerp: Fryske Rie foar Heraldyk yn 'e mande mei de ynstjoerder.

Wumkes.nl

DE HAAN. Omkeard neffens in keper trochsnijd: I. yn blau in toerhoanne op in krús, dêrûnder in bol, dêrboppe rjochts in gouden stjer; II. yn goud twa inoar krusende swarte guozzefearren.
Helmteken: trije swarte hoannefearren. Helmkleed: blau, fuorring giel.

As fâd fan it Ritske Boelemagasthús waard foar de hear De Haan ek in wapen makke. As der gjin wapen is, wurdt de persoan op it wapenboerd oanjûn troch in wyt skyld. Sûnt it bestean fan de Fryske Rie foar Heraldyk is dat net mear nedich. De namme wurdt útbylde troch in hoanne op 'e toer. Fanwegen it feit dat de hear De Haan as fâd ien fan de roomsk-katolike leden is, is dy hoanne op in krús set. Fan de oprjochting ôf bestiet it kolleezje fan fâden út protestantske en roomsk-katolike leden.
De stjer jout in djippere diminsje oan de toerhoanne as lied-stjer, ljochtjouwer en Marijesymboal en ferwiist nei in liedingjaande funksje. De guozzefearren jouwe it berop fan rektor oan in skoallemienskip oan. Tagelyk komt de namme ta útdrukking yn it helmteken troch de trije hoannefearren.
Untwerp: P. Bultsma.

Wumkes.nl

Monning

MONNING. Yn goud in hân fan natuerlike kleur mei wjukken fan swart; yn 'e hân in koperslaggershammer fan swart, mei griene stôk; de hammer leit op in lyts ambyld; dêrnêst rjochts boppe-oan twa griene ekkels oan in stâltsje en lofts boppe-oan in grien klaverblêd. Helmteken: in sulveren útkommend hoars. Helmkleed: grien mei in giele fuorring.

Fan âlds wienen de famyljeleden koperslaggers. De aparte hammer mei it lytse ambyld wiist dêrop. De wjukte hân jout oan, dat se tige mei dat ark omgean koenen. De ekkels en it klaverblêd tsjutte de agraryske beroppen oan. En dat der gauris twillingen yn de famylje foarkamen is oanjûn troch de twa ekkels oan ien stâltsje. De famylje komt oarspronklik út Westfalen; sadwaande is in Saksysk hoars as helmteken keazen.
Untwerp: J. Monning, Velsen; yn 'e mande mei de Fryske Rie foar Heraldyk.

Wumkes.nl



Muizelaar

MUIZELAAR. (Gaasterlân). Yn sulver trije beammen yn in greide, alles grien; oer alles hinne in ynsleine reade punt, belein mei in gouden rinnende mûs.
Helmteken: in sulveren ierappelblom, mei gouden knop yn in griene flecht. Helmkleed en wrong: read, giele fuorring.

De namme tsjinne as útgongspunt foar it nije wapen. De mûs as kjifdier is te finen ûnderoan yn it skyld; mar it is ek de namme foar in soarte fan langwerpige Fryske ierappel. De blom is brûkt as helmteken. It twadde part fan de namme betsjut in iepen plak yn de bosk; werjûn troch de trije beammen. De kleuren read-giel en grien-wyt stean resp. foar Sudergoa en Sânwâlden. It wapen wurdt oannommen foar de neiteam fan Geart K. Muizelaar, berne te Warns yn 1790.
Untwerp: P. Koster, Makkum.
Ynstjoerder: O. Muizelaar, Makkum.

Wumkes.nl



Oosterbaan

OOSTERBAAN. Dield: I. trochsnijd: a. yn sulver in grien klaverblêd; b. yn grien in wite ierappelblom mei gouden knop. II. yn swart in tou fan goud yn in achtknoop, mei yn it skyldhaad in gouden antike kroan.
Helmteken: in grien klaverblêd. Helmkleed: swart mei giele fuorring.

Nammejouwer fan de famylje is Wybren Fongers Oosterbaan, berne yn Snits 1635 en dêr ferstoarn 1696. Lykas syn heit en pake wie er lyndraaier. Tagelyk wie hy skepen en boargemaster fan Snits. Dat de famylje in lynbaan hie op it easterbolwurk is wierskynlik de reden dat de namme „Oosterbaan" oannommen is. Noch trije generaasjes hawwe touslagger yn Snits west; doe (± 1770) binne se greidboer en bouboer wurden.
De namme is werjûn troch it tou mei de kroan fan Snits yn it „eastlik" part fan it skyld. It seit himsels dat der in klaver en in ierappelblom yn sitte.
Untwerp: D. Oosterbaan, Menaam; yn 'e mande mei de Fryske Rie foar Heraldyk.

Wumkes.nl



de Rapper

DE RAPPER. Yn blau twa gouden kepers, elkmis belein mei trije swarte fûgels en beselskippe fan trije sulveren Sint-Jabiksnúnders, twa boppe en ien ûnder 'e kepers.
Helmteken: in sulveren Sint-Jabiksnúnder. Helmteken en wrong: blau fuorre fan giel.

Stamheit: Joris Draper, berne te Londen 1579, dy't begjin 17de ieu him nei wenjen sette te Middelboarch. Syn pakesizzer Joannes Drapper, yn 1715 deken fan it skoalhâldersgild te Middelboarch, fiert as earste it hjir registrearre wapen. De skaainamme wurdt letter oer d' Rapper feroare yn De Rapper.
Ynstjoerder: M. de Rapper te Snits.

Wumkes.nl



Tijmstra

TIJMSTRA. Dield: I. de Fryske earn; II. trochsnijd: a. yn sulver trije griene klaverblêden, 2 en 1; b. yn blau twa gouden skeankrúste nôtieren. In sulveren helm mei beslach en traaljes fan goud, fuorre fan read, mei om de hals oan in gouden snoer in medaljon fan itselde. Helmteken: in flecht, dield fan sulver en blau. Helmkleed: blau, fuorre fan wyt.

It wapen wurdt oannommen foar de neiteam fan Baucke Ulbes Thijmstra, dy't fan 1726-1796 te Wytmarsum wenne. Syn foarfaar yn 'e fiifde generaasje wie Rommert Freercks, dy't yn 'e twadde helte fan de 16de ieu te Hilaard wenne. De namme is ûntliend oan de buorskip de Tym tusken Wytmarsum en Skettens, dêr't de famylje yn 'e 18de ieu in pleats besiet. De wapenfigueren binne ûntliend oan greide en bou.
Literatuer: S. Tijmstra, *Genealogische ledenlijst van de stam Tijmstra* (1940); L.F. Tijmstra, *Het drie-bomen-bos, genealogie der geslachten Tijmstra, Tymstra & Tiemstra*, Oostende 1985.
Untwerp: Y. Tijmstra te Leiden, yn oparbeidzjen mei it ,,Bureau voor Wapenregistratie'' yn Den Haach, 1943.
Ynstjoerder: Drs. L.F. Tijmstra te Oostende, België.

Wumkes.nl

DE OERHEIDSWIMPELS YN FRYSLAN

Nei de weryndieling fan de Fryske gemeenten (1 jannewaris 1984) is der in nij fenomeen ûntstien yn it flagjen fan de oerheid yn ús provinsje: de **wimpel.**
Trije gemeenten hawwe, behalve in nije flagge en wapen, ek in gemeentewimpel oannommen. Dat binne de gemeenten Dongeradiel, Boarnsterhim en Gaasterlân-Sleat.
Mei it each op de ferwachte ûntjouwings op dit gebiet hat de Fryske Rie foar Heraldyk in fêst systeem útfûn foar de wimpels. As men sjocht nei it model fan in wimpel is der noch minder romte foar fariaasje – en dus ek om him wer te kennen – as by in flagge.
Der is doe de neikommende oanpak folge: in wimpel mei de flecht yn twa langtebanen yn de kleuren fan it goa dêr't de gemeente yn leit: foar Westergoa blau-wyt; Eastergoa read-wyt en Sânwâlden grien-wyt. Foar de stêden waard besletten de Fryske wapenkleuren te nimmen: blau-giel, lykas yndertiid al mei rjocht en reden de linten ensafuorthinne fan de feriening „De Fryske Alve Stêden" yn blau en giel fêststeld waarden. Foar de eilannen in flecht fan blau en read; it blau fan Fryslân út it wapen en de flagge, en it read fan de Hollânske liuw, omdat in pear eilannen oant it midden fan de tweintichste ieu noch offisjeel ta de provinsje Noard-Hollân hearden. Alle wimpels hawwe in fjouwerkante hys mei in embleem út it gemeentewapen of in fariaasje dêrop.
Op fersyk fan in wetterskip is ek foar de wetterskippen in wimpel makke: in wite flecht mei trije griene pompeblêden, iderkear op in distânsje sa grut as it blêd. Dizze wimpel hat ek in fjouwerkante hys, mei in kearnbegryp út it wapen deryn. Troch dizze seis kategoryen wimpelkleuren wurdt banistysk in ienheid berikt en kin men se rêstich te plak bringe; alles rêst op histoaryske grûnen.
In wimpel kin oars net as oan in steande flaggemêst omheech hyst wurde.
Oars as in flagge falt de wimpel bûten it protokol. It hat wol eigenskip dat it ien fan de redens is, dat men langer in wimpel foar kar nimt. In wimpel mei dus nachts en deis hingjen bliuwe. Tagelyk is oan 'e wimpel te sjen wat de bedoeling dêrfan is. Neffens tradysje wurdt de oranje-wimpel brûkt, as der flagge wurdt foar it Keninklik Hûs. Sa kin der ek flagge wurde mei de Nederlânske flagge yn kombinaasje mei in gemeentewimpel; of de doarpsflagge mei in gemeentewimpel. Alle fariaasjes binne dus mooglik.
It gemeentebestjoer fan Boalsert hat de sympatike gewoante om ynstellings of oare saken yn de stêd te earjen mei de stedsflagge. Dat kinne oare Fryske gemeenten ek wol dwaan mei byg. har wimpels. De wimpels meie likemin fergetten wurde by plezierfarren en op 'e skûtsjes.
In gemeentewimpel mei ek te sjen wêze oan de flaggemêst fan de boargemaster, de wethâlder, siktaris e.o. en by alle oerheidsgebouwen.

BANEARRING FAN DE OERHEIDSWIMPELS

Blazoenearring = wapenbeskriuwing
Banearring = flaggebeskriuwing
Alle wimpels binne driuwende wimpels!

Fryslân: sjoch Genealogysk Jierboekje 1982, siden 113, 114.

Wumkes.nl

Achtkarspelen: in fjouwerkante wite hys; dêryn in blauwe achtpuntige stjer; twa langtebanen fan read en wyt.

It Amelân: in fjouwerkante blauwe hys mei in draaide wite wassenaar; twa banen yn 'e langte fan read en blau.

It Bilt: in fjouwerkante blauwe hys mei dêryn in wite steande kinkhoarnskulp; twa banen yn 'e langte fan blau en wyt.

Stêd Boalsert: in fjouwerkante swarte hys mei dêryn in giele Rudolfyske keizerskroan mei reade mûtse en read fuorre; twa langtebanen fan blau en giel.

Boarnsterhim: in fjouwerkante griene hys mei dêryn in giel klaverblêd; twa langtebanen fan read en wyt.

Dantumadiel: in fjouwerkante giele hys mei in reade springende foks dêryn; twa langtebanen fan read en wyt.

Stêd Dokkum: in fjouwerkante blauwe hys mei dêryn in omkearde wite wassenaar; twa banen yn 'e langte fan blau en giel.

Dongeradiel: in fjouwerkante blauwe hys mei in giele stjer dêryn; twa banen fan read en wyt.

Stêd Drylts: in fjouwerkante blauwe hys mei dêryn in giele kogge dy't sylt; twa langtebanen fan blau en giel.

Eaststellingwerf: in fjouwerkante reade hys mei dêryn in wite rinnende griffioen; twa langtebanen fan grien en wyt.

Ferwerderadiel: in fjouwerkante blauwe hys mei fjouwer giele stjerren dêryn, pleatst twa by twa; twa langtebanen fan read en wyt.

Flylân: in fjouwerkante wite hys mei in grien anker dêryn; twa langtebanen fan blau en read.

Stêd Frjentsjer: in fjouwerkante blauwe hys mei in giele liedklok dêryn; twa langtebanen fan blau en giel.

Frjentsjerteradiel: in fjouwerkante giele hys mei in reade roas dêryn; twa banen fan blau en wyt.

Gaasterlân-Sleat: in fjouwerkante giele hys mei dêryn in reade springende hazze; twa langtebanen fan grien en wyt.

Stêd Harns: in fjouwerkante wite hys mei dêryn in read krús mei brede earmen; twa banen yn 't lang fan blau en giel.

Wumkes.nl


BOARNSTERHIM
ACHTKARSPELEN
DONGERADEEL
BOLSWARD
AMELAND
FERWERDERADEEL
DANTUMADEEL
HET BILDT
STAD FRANEKER
STAD DOKKUM

Wimken.nl


FRANEKERADEEL
KOLLUMERLAND C.A.
LEMSTERLAND
GAASTERLÂN-SLEAT
LEEUWARDEN
LITTENSERADEEL
HARLINGEN
LEEUWARDERADEEL
MENALDUMADEEL
HEERENVEEN

Wunken.nl


SNEEK
SKARSTERLÂN
NIJEFURD
STAD STAVOREN
OOSTSTELLINGWERF
STAD SLOTEN
TERSCHELLING
OPSTERLAND
SMALLINGERLAND
SCHIERMONNIKOOG

Wunken.nl


WONSERADEEL
TIETJERKSTERADEEL
HINDELOOPEN
WYMBRITSERADEEL
VLIELAND
(hijs)
WATERSCHAPPEN
WORKUM
WESTSTELLINGWERF

Wunken.nl

It Hearrenfean: in fjouwerkante blauwe hys mei dêryn in giele hearekroan, read fuorre; twa langtebanen fan grien en wyt.

Stêd Hylpen: (by de tekeningen de lêste) in fjouwerkante wite hys mei dêryn in reade springende hine; twa langtebanen fan blau en giel.

Kollumerlân: in fjouwerkante giele hys mei in reade stjer dêryn; twa langtebanen fan read en wyt.

Lemsterlân: in fjouwerkante reade hys mei in giele ryksappel dêryn; twa langtebanen fan grien en wyt.

Littenseradiel: in fjouwerkante blauwe hys mei in giele stjer dêryn; twa langtebanen fan blau en wyt.

Stêd Ljouwert: in fjouwerkante blauwe hys mei dêryn in giele liuw mei in tebeksleine sturt; twa langtebanen fan blau en giel.

Ljouwerteradiel: in fjouwerkante blauwe hys mei dêryn in giele liuw mei in tebeksleine sturt; twa langtebanen fan read en wyt.

Menameradiel: in fjouwerkante blauwe hys mei dêryn in wite ôfsnijde ienhoarnkop; twa langtebanen fan blau en wyt.

Nijefurd: in fjouwerkante hys mei twa likehege dwersbanen fan giel en read; twa langtebanen fan blau en wyt.

Opsterlân: in fjouwerkante wite hys mei in reade dravende hazze dêryn; twa langtebanen fan grien en wyt.

Skarsterlân: in fjouwerkante blauwe hys mei in giele springende hazze dêryn; twa langtebanen fan grien en wyt.

Skiermûntseach: in fjouwerkante griene hys mei dêryn in wyt ynkoarte krús; twa langtebanen fan blau en read.

Skylge: in fjouwerkante giele hys mei dêryn in griene beam (út 'e grûn skuord) mei fiif blêden en fiif woartels; twa langtebanen fan read en blau.

Stêd Sleat: in fjouwerkante giele hys mei dêryn in reade stins mei in blau dak en blauwe tuorren; twa langtebanen fan blau en giel.

Smellingerlân: in fjouwerkante wite hys mei dêryn in reade hartekop dy't jin oansjocht; twa langtebanen fan read en wyt.

Stêd Snits: in fjouwerkante swarte hys mei dêryn in read fuorre giele antike kroan; twa langtebanen fan blau en giel.

Wumkes.nl

Stêd Starum: in fjouwerkante reade hys, mei dêryn twa giele skeankrúste abtsstêven; twa langtebanen fan blau en giel.

Tytsjerksteradiel: in fjouwerkante blauwe hys mei in giele snuorre hoarn dêryn; twa langtebanen fan read en wyt.

Stêd Warkum: in fjouwerkante swarte hys mei in giele leelje dêryn; twa langtebanen fan blau en giel.

Weststellingwerf: in fjouwerkante wite hys mei dêryn in reade griffioen dy't omsjocht; twa langtebanen fan grien en wyt.

Wymbritseradiel: in fjouwerkante blauwe hys mei in giele leelje dêryn; twa langtebanen fan blau en wyt.

Wûnseradiel: in fjouwerkante blauwe hys mei in giel dravend hart dêryn; twa langtebanen fan blau en wyt.

Wetterskippen: in fjouwerkante hys mei in spesifyk skaaimerk; in wite flecht mei trije griene pompeblêden dêryn, iderkear in blêdbreedte fan mekoar ôf.

P. Bultsma

Wumkes.nl





BOARNSTERHIM
Dield fan read en grien en oer alles hinne twa kaaien krúslings, de burden nei boppen en nei elkoar ta, mei boppe in klaverblêd en ûnder in wassenaar, alles fan goud. It skyld dutsen mei in gouden kroan fan trije blêden en twa kear trije pearels.

DONGERADIEL
Yn blau in weagjende sulveren keper; boppe-oan twa stjerren fan goud; ûnder-oan in omkearde wassenaar fan sulver om in stjer fan goud hinne. It skyld dutsen mei in gouden kroan fan trije blêden en twa kear trije pearels.

Wumkes.nl





FRJENTSJERTERADIEL

Fjouwerendield: I. yn blau in gouden klok; II en III. yn goud in roas fan read; IV. trochsnijd: a. yn blau in gouden nôtskeaf; b. weagjend trochsnijd fan goud en blau. It skyld dutsen mei in gouden kroan fan trije blêden en twaris trije pearels en oan wjerskanten hâlden fan in froulike figuer, rjochts de goadinne Minerva, de nei lofts kearde holle dutsen mei in helm, in skyld en in lâns yn 'e rjochterhân, en lofts de goadinne Ceres, in bondel nôtieren yn 'e lofterhân, alles fan goud.

GAASTERLAN-SLEAT

Yn blau in hazze fan read, springende foar fiif nôtieren fan goud lâns, dy't as in waaier stekke út 'e bûgde skyldfoet, trochsnijd fan grien en goud, it goud belein mei in lizzende kaai fan blau mei de bek rjochts en nei boppe ta. It skyld dutsen troch in gouden kroan fan trije blêden en twa kear trije pearels.

Wumkes.nl





LITTENSERADIEL

Yn blau in skeane balke fan sulver, laden mei in klaverblêd fan grien, in roas fan read en in stjer fan grien, en dêrnêst twa stjerren fan goud. Boppe-op it skyld in gouden kroan fan trije blêden en twa kear trije pearels.

NIJEFURD

Trochsnijd fan goud en read; in hertskyld, yn trijen snijd fan grien, blau en swart mei op alle dielen in muorrekroan fan trije bastions fan goud, fuorre fan read.
Boppe-op it skyld in gouden kroan fan trije blêden en twa kear trije pearels.

Wumkes.nl





SKARSTERLAN

Trochsnijd: I. yn blau in springende hazze fan goud; II. yn goud in rjochterearm fan natuerlike kleur, klaaid fan read, kommende út de rjochter skyldrâne en hâldend in omkearde ryksappel fan blau mei in breedearmich krús fan swart, dat tusken de fingers trochstekt. Dêrboppe-op in gouden kroan fan trije blêden en twa kear trije pearels.

WYMBRITSERADIEL

Dield: I. yn goud in heale earn yn swart, dy't út de dielline komt; II. yn blau sân leeljes fan goud, pleatst ien, twa, ien, twa en ien; yn in hertskyld fan goud in kogge fan swart. It skyld dutsen mei in gouden kroan fan trije blêden en twa kear trije pearels.

Dizze acht nije gemeentewapens binne ek registrearre yn De Nederlandsche Leeuw fan 1984 (kolom 501) en fierder. In wiidweidige taljochting is te finen yn De Vrije Fries fan 1986.

Wumkes.nl

DOARPSWAPENS EN -FLAGGEN FAN DE GEMEENTE BOARNSTERHIM

By gemeenteriedsbeslút fan 6 desimber 1985 waarden foar de achttjin doarpen in wapen en in flagge fêststeld. In inisjatyf, fuortkommen út it kolleezje fan B. en W. Nei oanlieding fan it meitsjen fan in nij amtskeatling waard it idee nei foaren brocht om yn it amtskeatling de doarpswapens gravearje te litten.
Fan Akkrum, Dearsum, Aldeboarn, Terherne, Tersoal, Grou en Warten wiene de wapens al bekend. De Fryske Rie foar Heraldyk waard frege foar de oare doarpen in wapen te ûntwerpen. De Fryske Rie foar Heraldyk hat tagelyk foar alle doarpen in flagge makke. Allinne fan Warten wie in flagge bekend (sjoch Genealogysk Jierboekje 1974, side 36). Sa krige de rike Fryske heraldyske tradysje wer in moaie fuortsetting.

Akkrum
Yn read trije gouden klaverblêden, pleatst twa, ien; mei boppe-oan yn it skyld in kroan fan fiif blêden fan itselde.
Dit wapen komt foar yn it *Ackrumer Friesche Boere Almanack*, 1671.

Flagge: twa langtebanen fan read en giel, mei in ferhâlding yn it lang fan 2:1; yn 'e reade baan in giele kroan mei trije blêden.

It flek Aldeboarn
Yn read in omdraaide ôfsnijde bargekop, lofts en rjochts boppe yn it skyld in klaverblêd; ûnderoan yn it skyld twa ekkels mei in klaverblêd dertuskenyn, alles fan goud. Boppe it skyld in gouden kroan fan trije blêden en twa pearels, yn de holbân trije rútfoarmige reade en twa ovale griene edelstiennen (flekke-kroan). It wapen stiet yn 'e toer fan Aldeboarn en op de sulveren nachtmielsbeker fan de Grutte Tsjerke.

Flagge: twa langtebanen fan read en giel, ferhâlding yn 'e langten 2:1, yn de reade baan in giele ôfsnijde bargekop.

Dearsum
Yn read trije sulveren klaverblêden, pleatst twa-ien. It wapen stiet op 'e wynwizer fan de tsjerke. De kleuren binne nommen fan it wapen fan de eardere gemeente Raerderhim.

Flagge: twa langtebanen fan read en wyt, langte-ferhâlding 2:1; yn de reade baan in wyt klaverblêd.

Eagum
Yn sulver in read pompeblêd mei in grien skyldhaad, dêryn trije gouden hoannepoaten mei fearren.
Neffens de tradysje leit it middelpunt fan Fryslân en dus fan 'e wrâld trije hoannestappen fan de toer fan Eagum ôf. De Fryske studinte-feriening „Bernlef" út Grins hat dit fêstlein troch it pleatsen fan in stien mei in hoanne derop, op trije hoannestappen fan 'e toer ôf.

Flagge: twa langtebanen fan grien en read, ferhâlding yn 'e langten 2:1; yn 'e griene baan in giel trijeskonk fan hoannepoaten mei fearren.

Wumkes.nl

Friens
Yn sulver twa griene kneppels, skean oer elkoar hinne, dêrboppe en dêrûnder in reade roas. It wapen is gearstald út eleminten út de wapens fan de famylje Sytzama (twa roazen) en de famylje Beslinga (krúste kneppels).

Flagge: twa langtebanen fan wyt en read, mei de langte-ferhâlding fan 2:1; yn de wite baan twa griene kneppels, skean oer elkoar hinne.

It flek Grou
Yn blau twa gouden fisken (de boppeste oarsom), op it skyld in kroan fan trije blêden en 2 pearels en yn de holbân trije rútfoarmige reade en twa ovale griene edelstiennen (flekke-kroan).
Foar in taljochting sjoch Genealogysk Jierboekje 1983, siden 124 en 125.
Dizze registraasje is in korreksje op de foarige. As oanfolling kinne wy sizze dat op in leppel út in partikulier besit út 1741 in wapen stiet wêrop de fisken deselde kant út swimme; gelyk oan it wapen op de boadebus fan ,,it nije gild''.

Flagge: twa langtebanen fan blau en giel, ferhâlding fan langten 2:1; yn 'e blauwe baan boppe elkoar twa giele fisken; de boppeste sjocht de kant út nei de flechtside.

Idaard
Trochsnijd: I. yn sulver twa reade roazen; II. yn blau in sulveren swan dy't swimt, in reade snaffel en swarte knobbel. De reade roazen binne nommen út it wapen fan de famylje Scheltinga, en de swan út it wapen fan de famylje Friesma.

Flagge: twa langtebanen fan blau en read, ferhâlding fan langten 2:1; yn de blauwe baan in wite swimmende swan.

Jirnsum
Yn read in sulveren dwarsbalke mei slaggen deryn, belein mei in blau klaver- of Mauritius-krús. As basis hat it wapen fan de opdoekte gemeente Raerderhim tsjinne, mei op de dwarsbalke it teken fan de hillige oan hwa't de Jirnsumer tsjerke tawijd wie.

Flagge: twa langtebanen fan wyt en read, ferhâlding langten 2:1; yn de wite baan in blau klaverkrús.

Nes
Yn sulver in swart krús, de fjouwer kertieren belein mei in read pompeblêd.
It wapen docht jin tinken oan de kommanderije fan de Dútske Oarder. It wapen fan dizze Oarder is in swart krús op sulver. De Fryske pompeblêden jouwe oan dat it hjir gong om in Fryske delsetting fan de Oarder.

Flagge: twa langtebanen fan wyt en read, ferhâlding fan de langten 2:1; yn de wite baan in swart krús mei in breed fuotstuk, fan ¾ flaggehichte.

Wumkes.nl



Akkrum



Aldeboarn



Dearsum



Eagum

Wumkes.nl





Friens





Grou





Idaard





Jirnsum

Wumkes.nl





Nes





Poppenwier





Raard





Roardhuzum

Wumkes.nl





Sibrandabuorren





Terherne





Tersoal





Warstiens

Wumkes.nl







Warten



Wergea

Poppenwier
Yn read twa roazen en yn 'e foet fan it skyld in leelje, alles fan goud. Yn it foarige wie Poppenwier bekend troch it slachte Albada; no is der noch it Albada-lien. It reade fjild fan de Albada's slút aardich goed oan by it reade fjild yn it wapen fan de eardere gemeente Raerderhim. Fierder binne de roazen en de leelje dêrút oernommen.

Flagge: twa langtebanen fan read en giel, ferhâlding fan de langten 2:1; yn 'e reade baan in giele roas.

Raard
Yn read in sulveren dwarsbalke mei trije reade roazen derop. As nammejouwer oan de eardere gemeente Raerderhim is it read-wite skyld as basis nommen. De trije roazen út it wapen fan it Jongema-slachte litte har goed kombinearje.

Flagge: twa langtebanen fan wyt en read, ferhâlding langten 2:1; yn 'e wite baan in reade roas.

Roardhuzum
Yn blau in gouden nôtskeaf; dêrboppe yn it skyldhaad twa gouden stjerren mei dêrtusken in omkearde sulveren wassenaar.
It wapen is in kombinaasje fan twa wapens fan belangrike slachten út Roardhuzum, te witten Bootsma mei de stjerren + de wassenaar en Aytta mei de skeaf.

Wumkes.nl

Flagge: twa langtebanen fan blau en giel, ferhâlding langten 2:1; yn 'e blauwe baan in giele nôtskeaf.

Sibrandabuorren
Yn read in sulveren dwarsbalke, belein mei trije griene klaverblêden.
Omdat der gjin inkelde oanwizing wie foar in wapen is de klaver útkeazen as Frysk symboal foar it agrarysk bedriuw.

Flagge: twa langtebanen fan wyt en read, ferhâlding langten 2:1; yn 'e wite baan in grien klaverblêd.

Terherne
Yn read trije gouden klaverblêden, pleatst ien-twa; yn de foet fan it skyld in sulveren leelje.
It wapen is foar 't ljocht kommen op in âlde kast yn 'e herberch ,,De Zevenwouden'' te Terherne. It wapen stie nêst it wapen fan Sânwâlden. It is bêst mooglik dat it in ferkearde útfiering is fan it wapen fan de eardere gemeente Utingeradiel.

Flagge: twa langtebanen fan read en giel, ferhâlding langten 2:1; yn 'e reade baan in wite leelje.

Tersoal
Yn read trije gouden rapen, pleatst ien-twa; yn de foet fan it skyld in sulveren koal.
It wapen is troch de tiid kommen yn it rymke: ,,Trije rapen en in koal, steane yn it wapen fan Tersoal''. De Fryske Rie foar Heraldyk hat earst neifraach dien oft soks de minsken fan Tersoal net pynlik wie. It die bliken dat it yn it doarp serieus nommen waard as har wapen.

Flagge: twa langtebanen fan read en giel, ferhâlding langten 2:1; yn 'e reade baan in wite koal.

Warstiens
Yn blau in sulveren dwersbalke, fan boppen en fan ûnderen beselskippe fan in gouden klaverblêd. Omdat de lokale skiednis gjin hâldfêst joech is útgien fan de kleuren fan de eardere gemeente Idaerderadiel; in balke dielt it skyld yn twaen en stelt foar it wetter it Langdiel. De klavers wize op it agrarysk karakter.

Flagge: twa langtebanen fan blau en wyt, ferhâlding langten 2:1; yn 'e blauwe baan in giel klaverblêd.

Warten
Yn sulver sân reade ballen, pleatst fjouwer-trije; in read skyldhaad mei trije sulveren swannen mei steande wjukken.
Foar de taljochting sjoch Genealogysk Jierboekje 1974, side 36.

Flagge: yn fjouweren ferdield oer it krús fan read en wyt. Boppe yn 'e hys in wite swan mei steande wjukken, ûnderoan yn 'e hys in reade bal.

Wumkes.nl

Wergea
Yn sulver in blauwe dwarsbalke mei slaggen deryn, belein mei in gouden reed; boppe-oan beselskippe fan twa reade kamrêden en ûnderoan trije reade fisken, pleatst twa-ien.
Yn oerlis mei de lokale histoaryske en argeologyske feriening is it boppesteande wapen ûntwurpen.
De rêden stean foar it Frico-bûterfabryk (yndustry). De reed fan de bekende ,,Wergeaster redens'' stiet yn it blau as oantinken oan it Alddjip: de rivierefftige ferbining mei de Middelsee. De trije fisken stean foar de eardere Wergeaster Mar.

Flagge: twa langtebanen fan blau en wyt, ferhâlding langten 2:1; yn 'e blauwe baan in giele reed.

P. Bultsma

Wumkes.nl

DE WAPENS EN FLAGGEN FAN WALDSEIN, DRACHTEN EN HAULERWYK





Wapen fan de flekke Wâldsein
Yn swart in gouden leelje, ynbûgde kappe fan sulver, beladen rjochts fan in grien klaverblêd en lofts fan in read ynkoart breed-earmich krús. It skyld dutsen fan in gouden flekke-kroan fan trije blêden en twa pearels op in holbân beset mei trije reade rútfoarmige en twa ovale griene ealstiennen.

Flagge fan de flekke Wâldsein
Wyt mei twa broektrijehoeken tsjin elkoar oan, oan de flechtside ta, yn 'e boppeste in giele leelje.
It ûntwerp fan it wapen foar Wâldsein is fan de hear J.R. van der Wal, pastoar te Balk. Hy jout by dit ûntwerp dizze útlis.
De skyldferdieling is oernommen fan 'e oarder fan 'e Karmeliten. Trochdat der yn Wâldsein in Karmeliter kleaster stien hat, hat dit doarp syn oansjen krigen. De klaver jout it agrarysk karakter oan en it reade breedearmige krús is it St. Michaelskrús, lykas dat foarkomt yn it wapen fan Harns. De tsjerken fan Harns, Eanjum, Berltsum en Wâldsein binne tawijd oan de hillige Michael. De leelje komt út it wapen fan de gemeente Wymbritseradiel. Wat de klaver oangiet, dy komt ek foar op it nochal wat yngewikkelde wapen fan de waach.
Op it skyld stiet in flekke-kroan, omdat Wâldsein tradisjoneel rekkene wurdt ta de flekken fan Fryslân.

Wumkes.nl

De flagge is in ûntwerp fan de Fryske Rie foar Heraldyk. It model fan it wapen joech de mooglikheid in flagge te meitsjen dêr't de W fan Wâldsein yn ferwurke is.
Oare foarbylden fan flaggen dy't al registrearre binne, binne dy fan Ysbrechtum mei de gaffel Y en dy fan Terwispel mei it krukkenkrús T.
Oan dizze searje kin Wâldsein dus tafoege wurde. Lykas yn it wapen is de leelje yn de swarte trijehoek set.
Al mei al in deftige flagge foar ien fan 'e flekken fan Fryslân.





Wapen en flagge fan de flekke Drachten
Lykas bekend is fiert Drachten in wapen fan sulver mei trije swarte turven deryn, pleatst twa-ien. In ienfâldich wapen dat dúdlik wiist op it feantsjen.
Yn goede tiden waard de nederlânsk-herfoarme tsjerke boud mei op 'e toer in moaie wynwizer: trije turven mei in kroane derop en by elkoar holden troch in bânmotyf yn „régence"-styl. De praktyk hat útwiisd dat Drachten graach pronket mei de wynwizer fan 'e tsjerke; op ferskate ôfbyldings is dy werom te finen.
Op fersyk fan de stifting „It Drachtster skûtsje: De Twee Gebroeders" is der in flagge makke foar de flekke Drachten, yn ferbân mei de iepening fan de Lawei. De stifting hie al in rûge skets makke mei de wynwizer deryn. De Fryske Rie foar Heraldyk hat it idee mei beide hannen oanpakt en dat ferwurke yn de flagge. Dy kin no sa omskreaun wurde: twa likelange banen: de boppeste read mei dêrop de giele wynwizer fan de herfoarme tsjerke, te witten trije turven mei in kroan fan trije fleurons en twa pearels, by elkoar bûn troch bannen yn „régence"-styl; de ûnderste besteande út sân likehege banen fan wyt en swart ensafh.
Sa is besocht op evenredige wize Drachten út te byldzjen: in fleurige flekke, ûntstien út de ferfeaning.

Wumkes.nl



Wumkes.nl

Wapen en flagge fan Haulerwyk

Yn read in haadbalke fan sulver, beladen mei in swarte snikke; fan ûnderen beselskippe fan in oplizzer en in stikker dy't steane as in skeankrús, beide fan goud.

De eksploitaasje fan de feanen boppe Haule is begûn út Drachten wei. As gefolch fan in kontrakt fan 1642 tusken Passchier Hendriks Bolleman c.s. en ynwenners fan Noarder- en Suderdrachten waard de Drachtsterfeart groeven. Dêrút wei waarden ferskate wiken groeven; ien dêrfan (de Lange Wyk) waard – op grûn fan in oktroai fan 1649 – nei it easten langer makke oant of yn Opsterlân ta.

Op de kaarten fan Schotanus fan 1718 is dizze wyk trochlutsen oant justjes besuden de grins tusken Opsterlân en Eaststellingwerf. Ut dizze feart wei is nei alle gedachten yn de foarste helte fan de 18de ieu in dwersfeart groeven, dy't de oarsprong wurden is fan it doarp Haulerwyk. Stadichoan is dizze feart trochlutsen, om dêrnei heaks súdlik nei Feanhuzen te gean as de Elleboogsfeart. It wapen jout dizze histoarje oan mei de wite balke yn it read: de kleur foar it heide- en feangebiet. De snikke hat in bekende ferskining west yn it doarpsgesicht fan Haulerwyk en tagelyk in belangrike skeakel yn de ûntsluting fan it doarp nei Drachten en Assen.

De twa typyske turfskeppen – de oplizzer en de stikker – jouwe oan dat Haulerwyk ûntstien is út de ferfeaning.

Flagge: trije likehege banen, giel, read en giel, mei in griene broektrijehoek oan it midden fan 'e flagge ta en dêryn in giele snikke. Foar de flagge binne de kleuren krekt oarsom as dy fan it wapen, omdat in reade flagge tsjin de yn haadsaak reade huzen net moai ôfstekke soe. De griene trijehoek jout oan dat de feart yn it hert fan it doarp dimpt is, en de snikke om samar te sizzen op it ,,droege'' leit.

P. Bultsma

Erratum: op side 90 moat de namme Monning feroare wurde yn Moning.

Wumkes.nl

YNHALD

		side
Kl. J. Bekkema:	Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy, ferslach oer it jier 1985/1986	3
Auke de Vries:	Beppe Vroukje har foarâlden	5
Klaas J. Bekkema:	Foar- en neiteam fan Heyn Botes	35
L.H.M. van der Hoff:	Kwartierstaat Van der Hoff	45
O. Muizelaar:	Kertiersteat fan Douwe S. Muizelaar	61
D.J. van der Meer:	De Fryske ôfstamming fan myn fiere efternicht Jane Fonda	64
D. Vermeulen:	Namen van eilanders voorkomende in de trouwregisters op de vaste wal (slot) (Baarderadeel, Ferwerderadeel, Opsterland, Schoterland, Tietjerksteradeel, Utingeradeel en Wymbritseradeel)	69
J. Visser:	Friezen yn it leger fan Napoleon (V)	73
D.J. van der Meer:	Lijst van dorpen en steden, voorkomende in de registers van decretale verkopingen III 22 van het Hof van Friesland	77

FRYSKE RIE FOAR HERALDYK

Harke Bremer:	Jierferslach 1985/1986	86
	Wapenregistraasje:	
	Alsem	87
	Canrinus	88
	De Haan	89
	Monning	90
	Muizelaar	91
	Oosterbaan	92
	De Rapper	93
	Tijmstra	94
P. Bultsma:	De oerheidswimpels yn Fryslân	95
	De wapens en flaggen fan de nije gemeenten yn Fryslân	103
P. Bultsma:	Doarpswapens en -flaggen fan de gemeente Boarnsterhim	107
P. Bultsma:	De wapens en flaggen fan Wâldsein, Drachten en Haulerwyk	116

Wumkes.nl